



Komme

dy

kepers?

R. R. van der Leest

Komme dy kepers?

DRAAIBOEK FOAR IN B-FILM

Komme

dy R.R. van der Leest

kepers?

ÚTJOUWERIJ
FRYSK EN FRIJ
Ljouwert
2016

*Dizze útjefte is mei mooglik makke troch:
Boersma-Adema Stichting, Feitsma Fûûns fwar it Frysk,
P.W. Janssen's Friesche Stichting, Douwe Kalma Stifting,
Nederlands Letterenfonds, Provinsje Fryslân,
Wendelaar Bonga Stichting*

Komme dy kepers?

© 2016 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen

Printwurk: CSL, Ljouwert

Oersetting achterflaptekst: Geart van der Meer, Midlaren

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn
in automatiseard gegevensbestân en/of iepenbier makke troch
printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder
foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Frysk en Frij,
Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any
other means, without written permission from the publisher.


nur 301

isbn 978-90-8566-043-9

www.frysk-en-frij.nl

KOMME DY KEPERS?

Elke oerienkomst mei net-besteande persoanen is tafallich.



Dynte Planteit wurdt wekker mei in pineholle fan ien kubike desimeter.

Se slacht de eagen heal op en sjocht tusken har krolle teisters troch. Boppe har swevet in rôzige bolle. Se rekt har lange misdiedich moaie lea, begraaft it gesicht yn it amper parfumearde kessen en falt wer yn 'e sliep.

In oere letter wurdt se opnij wekker. Se docht in taast neist har. Dêr is er net. Se fielt ûnder it lekken, mar har fingers knipe allinne yn 'e matras. Dynte skuort har griengiele katte-eagen iepen.

De tekkens binne weromslein, neist har is de ôfprint fan Nier syn romp noch wat te sjen. Grif is er even nei de badkeamer of nei it tredde toilet. Hy sil ek wol mislik wêze. It hat fan 'e moarn ek sa'n ferwoest nachtfeest west.

Lynjend op 'e earmtakken sjocht se it hear ris oer. De sliep keamer liket op in hastich ferlitten slachtfjild. Oer de flier lizze serpentines, lekke ballons en papieren blommen, har broekje hinget yn 'e lampe, op it nachtkastje leit in gebit en op tafel in houten skonk.

Moeilik komt Dynte oerein. Se swait de fuotten bûten it bêd en stekt se yn in pear slûpers fan sabelbont. Se wriuwt har stive nekke,

strampelt dwyl op 'e dûbele beglêzing ta. Se lûkt de luksafleks omheech en knipperbollet tsjin de sinne. Fiif einfûgels roeikje ferheftich op it midden fan 'e tûnfiver ta, ynienen hâlde se op, fernuvere oer har eigen foarnimmen. Dan dringt it ta har troch dat de telefoan ûnder al in skoft rinkelt. 'Ja, stil mar, ik kom deroan,' prottelt se.

Se lit har by de trepleuning delglide. It skrynt wol in bytsje, mar se hat gelokkich in fette hûd.

De telefoan stiet te dûnsjen op it taffeltsje. Krekt as se der is, seit it ferrekte ding neat mear.

Se giet oer de flier sitten en tस्पelt har ljochte slûke bosk hier. Se stekt in tûfe yn 'e mûle en byt derop om. It bûnzet yn har holle, út en troch ûntploft der wat. Dat is de neiwille.

Dynte wrakselt har by de muorre op en skeanbillet op 'e badkeamer ta. Dêr giet se mei de holle oer de waskbak stean en knypt in mofkefol kâld wetter oer har hinne. Se kriget op slach pikefel, mar troch de frissens libbet se op.

Se set op 'e keuken ta. Yn 't foarbygean pikt se de moarnskranke fan it doarsmatsje en lêst de koppen. Dan fielt se har wer de helte be-

roerder. Healgear komt se yn 'e keuken oan. Dêr sit Nier Hinnebruier ek. Hy sit creamcrackers te iten.

'Moarn.'

'Ik ha gjin sin oan praten,' seit Dynte.

Se kriget in kûpke Bulgaarse yoghurt mei rezinen út 'e koelkast. Se giet op 'e fêste kruk oan it formikataffeltsje sitten en begjint te rieren. De meallende rezinen meitsje har noch dwiler. Se skoot it kûpke fan har ôf en kriget in pear drûge bakken. It slagget har en hâld dy deryn.

De telefoan yn 'e hal rinkelt wer.

'Dyn beurt,' seit Nier hoflik.

'Oan dy de eare,' nûget Dynte.

Nier skodhollet.

Diskear komt se krekt op 'e tiid. Se grommet har namme. 'Einlings,' skrabet in tsiisraspstim. 'Nice, non-playing captain fan skaakmaster Jimmy Angler. Wolle jo fuortendaliks by my komme?'

'Jûns bin ik better op dree,' merkt Dynte op.

'Dit is tige wichtich. Ik moat ûnder fjouwer eagen mei jo prate.'

'Krekt dêrom.'

'Jo moatte my helpe!'

'Jûn, pop.'

'Harkje, ik bin Nice, non-playing captain fan skaakmas...'

'As jo it nochris sizze, begjin ik te gûlen.'

Even is it stil. Dan klinkt it, en de tsiisrasp is in izerfile wurden:

'Driuw my net ta it uterste! Komme jo, of komme jo net?'

'Mei ik my earst fatsoenlik oanklaaie?' 'Alve oere dan.

Hotel Atlantis, Ljouwert.'

'Healwei tolven.'

'Gjin minút letter!'

De man hinget op, it dreunt nei yn Dynte har holle.

Se strûpt boppe wat klean oan en roetst wer nei ûnderen ta. Nier wraggelt de gong yn.

'Wy moatte daliks fuort!' 'Hè'n?'

'Nei Ljouwert ta.' 'Witst net wat betters?'

'Hoe let is 't?'

Mismoedich skoddet Nier syn ferroaide kop. 'Sa betiid kin ik net kloksjen.'

Dynte rint nei de kapstok en roppet de earste de bêste nerts mantel fan in heak. Se skopt har slippers út en ritst in pear slangelearen learskes om har foarmfêste kûten.

Nier klaut him de plasse.

‘Wat stietst dêr, meitsje dy ree!’ ‘Even wachtsje.’

‘Op wat?’

‘Ik moat my earst sels bewust wurde.’

‘Fielst dy net goed genôch om yn in auto te riden?’

‘Wis wol.’

‘Wat dan?’

‘Der strúnt in keardel om it hûs hinne.’

Dynte fljocht nei de foardoar ta om dy te iepenjen. Nier is har foar en hâldt har tsjin.

‘Dat binne myn putsjes.’

Se speurt troch it rût fan ’e doar, mar dat is fan ribbelglês mei stjerkes, dat se sjocht neat.

‘Wêr is er?’

‘k Wit net.’ ‘Wêr wie er?’

‘By de garaazje.’

‘Hat er dy sjoen?’

‘Ik leau it net.’

‘Wat soe er wolle?’

‘Freegje it himsels.’

Dynte docht de knip fan ’e doar, Nier leit syn hân op har skouder.

‘Ho, ho!’

‘Mar wy kinne dy fint hjir net omstrune litte.’

‘Ik sil him wol even hoffenje.’

‘Do, yn dyn kondysje?’

‘Bliuw hjir en meitsje de doar iepen as ik it sis.’

Nier rint nei it garderobekeammerke en giet dêr op in stoel stean.

Sa kin er troch it hege rútsje yn ’e tún sjen.

Tusken it leechhout strúst in dik mantsje mei in ljochtgrize reinjas oan, in donkergrize hoed op en in swarte paraplu yn ’e hân. De

oare hân hâldt er in swart kofferke yn. Mei de paraplu skoot er de tûken fansiden, út en troch bliuwt er stean en sjocht speurend by it hearehûs op.

‘Sjochst him?’ freget Dynte.

‘Mmmmmm.’

‘Wêr?’

‘Hy komt dit út.’

‘Wat docht er?’

‘Neat.’

‘Wat moat ik dwaan?’

‘Ek neat. Tiidrekke, prate. Ik gean achterom en slaan him op syn harsens.’

‘Net te fûl, hear!’

‘Hy is by de oprydeane. No!’

Ynienen swaait Dynte de doar iepen. De man wurdt kjel. Hy makket in spronkje, mar hat him toch ridlik gau wer yn ’e stok ken. Wolberet stapt er op har ta.

‘Wa binne jo? Wêr komme jo wei? Wêr gean jo hinne?’ freget Dyntaxe yn it Heechfrysk.

De man lichtet de hoed en glimket. ‘Dat binne in soad fragen tagelyk.’

‘Klassike fragen,’ sjongt Dynte. ‘Ik bin, o, nim my net kwea-ôf...’

De man nimt syn grutte hoarnen bril ôf en makket de besleine glêzen skjûn. Hy hat in briedpantsegesicht en sûnder fok liket er sa ûnnoazel as in earkrûper. Hy himet in bytsje. Hy set de bril wer op en sjocht Dynte op en del oan.

‘Dat liket better,’ seit er.

‘Dankewol,’ knikt Dynte, ‘mar jo ha noch gjin antwurd op myn fragen jûn.’

‘Ik bin Platfoet. Ik bin demonstrateur en gean by de doarren lâns.’

‘Gjin heidebjinders, kamferballen of waskmiddels, hooplik.’
Platfoet glimket. ‘Eksklusyf, allinne foar froulju fan oansjen.’

‘Ik bin allinne thús,’ seit Dynte mei har leafste fanyljestim.

‘Dat treft,’ laket Platfoet.

‘Ik soe oars krekt de doar út.’

‘Jo witte net wat jo misse. Sjoch.’

Platfoet pripkt syn paraplu yn ‘e grûn, knipt syn kofferke iepen en swaait it lid nei Dynte ta, dat se kin net sjen wat deryn sit.

‘Sjoch.’

In revolver stekt boppe it lid út en sjocht har oan. ‘Wat moat ik dêrmei?’ freget Dynte fernuvere.

‘Neat. Graach jo kante hantsjes omheech.’

Dynte docht it. ‘Is dat alles?’

‘It begjint pas.’

Achter de man sjocht se Nier tichterby kommen. Platfoet triuwt de revolver tsjin har nâle.

‘Sille wy mar even yn ‘e hûs gean? Wy stean hjir sa yn ‘e kikert.’

‘Oe, dêr kin ik net oer,’ suchtet Dynte, ‘dat kidelt.’

‘Ik sil jo aanst noch wol oars kidelje,’ fersekert Platfoet grimmitich.

‘Docht jo grutte freon dat noait?’

‘Jawol,’ seit Nier.

Platfoet draait him om. Foardat er wit wa’t er achter him hat, kriget er in klets. Op itselde stuit trûzelet in slieperige katûle út in sparrebeam. As in top dêr’t gjin faasje mear yn sit, swaait it mantsje yn it rûn en falt dan starichoan op ‘e side. Syn reinjas sakket oer him hinne as in parasjute oer in springer dy’t in sachte lâning makket. Nier sleept him oan ‘e fuotten oer de drompel. Dynte sammelt Platfoet syn attributen. Se triuwe in stik poetskatoen yn syn mûle, bine him al sa stiif mei in gerdinekoarde en sette him rjocht op en del yn ‘e meterkast.

‘Hoe let is ’t no?’


‘Alve oere,’ antwurdet Nier. ‘Helje wy it noch?’

‘Wat?’ ‘Ljouwert.’

‘Hoe let moatst dêr wêze?’ ‘Healwei tolven.’

‘Altiten.’

Noch gjin minút letter skoot de garaazjedoar fan fiberglês troch in elektrys each automatys en lûdleas achter de Thunderbird Landau xx 33-33 ticht.



Dynte sûzet mei Nier en 170 yn har Thunderbird Landau oer de autodyk.

Se hat wer ien fan har mismoeidige riten... O, tinkt se, wat is it libben jachterich. Ofgryslík. Hjir ryd ik mei Nier en 170 yn myn Thunderbird Landau oer de autowei, it griist my oan en ik wol noch hurder. Wêrom binne wy altiten yn beweging, fysyk, psychys of beide?

Ik soe in stien wêze wolle, in deagewoane ordinêre stien. Gjin bakstien, dêr docht men wat konstruktyfs mei; nee, in ûnnutte stien oan 'e kant fan 'e dyk. Of yn in sompe, noch better. In stien foar it lizzen. Ik wie der allinne mar, mear net. Gjin fielen, gjin tinken. Dan soe it libben noflik wêze.

Se besjocht har ferroaide snút yn it spegeltsje en stekt de tonge tsjin harsels út. Dy keardel yn Ljouwert moat har mar foar moai nimme. De beweiwizing pylket foarby. Kâlde blauwe buorden mei mes-skerpe wite streken en letters. Klinys, skjín, strang, noait ris in leaflik pastelkleurke. De wrâld is hurd. En gemien. Sels sokke lju as Platfoet, dy't opfalt troch ûnopfallens, binne net te fertrouwen.

Lifters stean by de dyk lâns. It mei wol net, mar se dogge it al.
Miskien krekt dêrom. Se hâlde buorden yn 'e hichte mei de namme
fan it plak dêr't se hinne moatte. Dêr stiet wer sa'n boerdburdaap.
Menear moat nei A'DAM ta. In kilometer fierder ien dy't nei EVA
wol. En dêr docht ien te witten dat er nei

GASSELTERNIJEVEENSESDWARVAARTSLUIS ta moat.

Je kinne oan 'e gong bliuwe.

By Oerterpbegjint de motor te sputterjen, by De Folgeren hearre se
knallen en by De Pein stean se stil.

'Fergemy, dat ek noch.'

'Is 't slim?'

Nier suchtet. 'Ik leau it wol.'

Hy meneuvelt in setsje mei alle knopkes om, ûndersiket de motor,
mar Thunderbird Landau swijt yn alle talen.

'Platfoet,' seit Nier, 'of in practical joke. Soest dy net fergrieme?'

'Wa't dat lapt hat, nûgje ik net wer út!'

'Wy kinne better in lift nimme.'

'Hoe let is 't?'

'Kertier oer alven.'

'Wy helje it noait.'

Se fleane de doarren út en gean oan 'e kant fan 'e dyk stean. Se
swaaie wyld mei de earms, mar alle auto's sjitte by har lâns. 'Hiene
wy mar in boerd,' fersuchtet Dynte.

Nier kriget har by de pols.

'Au!'

'Dêr!'

Hy wiist op in begraffenisauto dy't op in reed by in boerespultsje
stiet.

Dynte sjocht him ferheard oan. 'Nee, soks dogge je net.'

'Tsjintwurdich docht men alles. Kom mei!'

Se stekke de dyk oer en rinne op 'e lykwein ta. De kabine is leech,
it kaaike sit yn it kontakt.

'Klear!' jubelt Nier.

'Ik doch it net,' akselt Dynte tsjin.

'Wêrom net?'

'Leit der gjin deade yn? It is sa stil.'

Nier docht de doar iepen en sjocht achtern. 'Sa leech as it grêf fan
in farao.'

Dynte hipt yn 'e auto. Nier start de motor en jout in straal gas fan
komsa. De lykwein springt willich foarút en nimt de gait, sa hurd
hat er noch noait riden.

Dynte huvert en sjocht oer it skouder. Gelokkich gjin kiste achter
har.

By Quatrebras swaait Nier sûnder te wachtsjen yn folle faasje de
Grinzerstrjitwei op. In frachtauto fan rjochts en in persoanewein
fan links hâlde mei gierende remmen stil en komme dwers oer de
dyk te stean. Nier sjit der sûnder kantroeren tusken troch.

'Mar Nier!'

'Dit is in útfeartauto, se moatte ús foarrang ferliene,' sust Nier, 'wy
hearre by de grutte fiif.'

Dynte docht even de eagen ticht. Dan sjocht se ûnder de kwastjes
fan it achterrútdyngsje troch. De beide auto's komme wer yn in
rjochte spoar. Om de frachtwein hinne stoot in motorplysje op har
ta.

'Plysje achter us.'

'Lit dy him mar út 'e liken ride.'

De begraffenisauto is in luie wein, wat Nier ek probeart, de wizer
wol net fierder as 110.

'Gean mar achtern lizzen en begjin te stinnen.'

'Wêrom?'

‘Doch mar krekt ast slim siik bist.’

‘Mar wêrom moat ik stinne?’

‘Oars bist net slim siik. En strûp dyn klean út.’

‘Ik bin al sa faak neaken.’

‘Dat liket echter.’

‘Neaken en siik binne twa ûngelikense grutheden.’

‘Goed, healneaken dan.’

Dynte klattert oer de rêchleuning en strûpt har boppeklean en learskes út. Dan hat se ek noch mar twa dingen oan. De jurk teart se op om as kessen te brûken, de mantel spriedt se oer har hinne.

Dan jout se har op ’e stander foar de kiste del.

‘Hast noch mear?’

‘Stinne.’

As se troch Hurdegaryp hinne binne, ferskynt de plysjeman foar it sydfinster. Hy makket it fanâlds bekende stopteken, snijt de lykwein en lit har op in parkearstreek stilstean. Hy skonket op syn krûme kûtlearen bargefangers nei Nier ta. Dy draait alfêst it rût iepen. De plysjeman stekt syn kop nei binnen. Hy hat in bonkich fjouwerkant gesicht en in kûle yn it fjouwerkante kin.

‘Wat sil dit?’

‘Nei Ljouwert ta.’

De plysje spytgnysket. ‘Seker om jo eigen slachtoffers nei it grêf te riden? Giet de saak sa min dat jo sels foar deaden soargje moatte?’

Dynte leit omraak te suchtsjen, mar de okse heart it net.

‘Ik moat nei it sikehûs.’

De plysje laket haatlik. Hy fielt him hjoed yn foarm.

‘O, binne se op ’t stjerren nei dea?’

Nier wiist mei de tomme achter him. ‘Myn frou leit yn it lêste stadium fan ’e kream.’

‘Watsei?’

De plysjeman stekt de holle fierder troch it rût en sjocht Dynte lizzen. It hier slierket om har gesicht, se hat de fûsten krôle, stint ferheftich en wringt har yn dramatise bochten. De mantel glydt fan har ôf, ien lange dreamskonk stekt ferlokkelik boppe it bont út. De plysjeman slokt. Hy wurdt no grien om 'e noas. 'Nim my net kwea-ôf,' seit er reewillich 'wêr komm' jo wei?'

'Iniaheide.'

'Ha se dêr gjin ambulânses?'

Achter út 'e begraffenisauto klinkt in gekreun dat troch ieren en sinen lûkt. Dynte leit rûngear fan 'e pine. Nier wurdt lilk.

'Man, stean net sa te eameljen, al wer in wee!'

'Mar...'

'As wy hjir noch langer stean bliuwe, sille jo sels by de befalling helpe moatte.'

De plysjeman lûkt de holle werom, betomket syn fjouwerkant kin.

'Yn 'e goedichheid man, trochrade!' driuwt Nier. 'Jo freegje om komplikaasjes!'

'Goed, dit is in spoedgefal. Ik sil jo wol even eskorteare. Ryd mar achter my oan. Watfoar sikehûs moat it wêze?'

'Diakonessehûs.'

'Sikefûns?'

'Nee, partikulier.'

De plysjeman springt yn sân hasten op syn motor. Nier trapet it gas op 'e planke en achterinoar oan stowe se op Ljouwert ta. 'Moat ik noch stinne?' freget Dynte benaud.

'Strûp dyn klean oan, mar bliuw lizzen.'

'Jemech!, ik bin bliid dat ik de pil nim.'

Ut en troch sjocht de plysjeman ris oer it skouder at se it tempo folgje kinne. Yn 'e stêd moat er lykwols alle omtinken oan it ferkear jaan. By it gebou fan 'e Ljouwerter Krante swaait de motor nei

rjochts, wylst Nier de begraffenisauto nei links stjoert. Fia Foarstreek en Iewâl jakkert er op hotel Atlantis ta. Sûnder berie nimt er ek it lêste reade stopljocht en hâldt lyk foar de kam menetsbealch fan 'e hotelparkearwachter.

'Sisa, te plak,' seit er mei in sucht fan ferromming.

'Wachtest hjir op my?'

'No nee! Ik ryd daliks werom.'

'Hoe dan?'

'Ik belje dy wol.'

'Wêr?'

'Yn It Seewiif.'

'Hoe let?'


'Seis oere.'

'Dan bist hjir al lang wer.'

'Rekkenje dêr mar net op. Dit akkefytsje mei in lykwein is gjin katteriich.'

'Seis oere dan.'

Dynte springt driftich de auto út. Se fljocht by de treppen fan it hotel op, tusken de twa stielglêzen doarren troch dy't krekt tichts-waaie. De portier syn kakebien sakket yn syn festjebûse, hy ferjit om te bûgen. Se komme tsjintwurdich ek yn alderhanne ferfiermiddels.



Achter de fraaie fasade fan 'e resepsjoniste is it in grutte tizeboel. Nei in soad fiven en seizen kriget it fanke einlings de ferbining mei Nice klear.

'O ja, menear, fansels, wis en wrachtich, seker,' seit se mei in stim dêr't men fondant fan makket.

Se leit de hoarn op 'e heak en sjocht Dynte strak oan. 'Keamer twahûndertnjoggenenfyftich. Tredde etaazje, earste gong rjochts.' De fondant is in bitterbal wurden.

Dynte nimt ien fan 'e tweintich selsbetsjinningssnelliften. Gjin tritich tellen letter stiet se foar nûmer twahûndert59. Amper hat se oankloppe, dêr swaait de doar al iepen. In langramige man mei it tanige foarkommen fan in winterwoartel nûget har deryn. Hy hat in kijdriuwersgesicht mei de snoade eagen fan in kuorkerinder. Hy praat itselde treflike Frysk as foar de telefoan sûnder in spier Amerikaans aksint.

'Nice, non-playing captain fan...'

'Skaakmaster Jimmy Angler.'

'Just, en jo binne Dynte Planteit.'

‘Ferdivedaasjefamke.’

‘Krektsa. De saak is dizze, mar gean toch sitten.’

Dynte ynstalleart har liiflike weelde yn in stoel dy’t it midden hâldt tusken in snieskûf en in koaleskep.

‘Wolle jo wat brûke?’

‘Graach.’

‘Kofje mei gebak?’

‘Leaver sûpe mei appel.’

Nice knikt ynstimmend.

‘Modern hèn?’

‘Nee, ferstannich.’

Hy bestelt telefoanys.

‘Ja, sjoch, it giet net om my,’ seit er mei in dikke tonge.

‘O?’ Dynte lûkt har wynbrauwen heech op.

Nice knypt yn syn noas en begjint te iisbearen.

‘De saak is dizze. Sa’t jo witte wurdt hjir op ’t heden om it wrâldkampioenskip skaken spile. Wêrom’t se Ljouwert foar kar naam ha, is my in riedsel. Dizze stêd sit rook noch smaak oan. Mar goed, se sille wol tocht ha, Ljouwert leit sawat like fier fan Sint-Louis yn ’e USA as fan Irkoetsk yn Sibearië. Bygefolgen kin men mei rjocht sizze, dizze twakamp wurdt op neutraal gebiet spile. Myn pupil stiet no twa punten foar mei noch fjouwer partijen te spyljen. Noch oardel punt en wy ha einlings de Russen ferslein op it iennichste mêd dêr’t se ús noch oermânsk binne. Noait hat ús kâns sa grut west. Wy binne yn in kritek stadium bedarre. Ljouwert moat Tobnivkin syn Waterloo wurde!’

De man swyppet himsels op, hy slacht mei de flakke hân geduerich op syn foarholle.

‘Gjin omballingen, asjeblyft,’ seit Dynte, wylst se har dekorative skonken oars krúst.

Nice komt op har ta, leit syn hannen op har skouders en skoddet har in bytsje.

‘Ik wol jo trochdringe fan ’e wichtigens fan jo opdracht. Ik skink jo it betrouwen fan ’e hiele Amerikaanse naasje. En as jo dat betrouwen net beskamje, krije jo in folslein fersoarge stúdzjebears foar de bêste universiteit fan ’e Feriene Steaten.’

‘Wat moat ik dwaan? Njoggen meter fier springe, de maraton winne, of hûndert meter swimme yn fyftich ien?’

‘Dit is gjin tiid foar gekjeien, juffrou Planteit.’

Nice knibbelt foar har del. Hy docht de hannen gear en sjocht smeekjend nei har op.

‘Jo moatte my helpe...’

‘Lis jo holle mar yn myn skoat.’

‘Jo moatte Jimmy helpe. Jo moatte soargje...’

Der wurdt kloppe. In jonge kelner bringt de bestelling en as er de doar wer út is, giet Nice fierder.

‘Jo moatte soargje dat Jimmy syn evenwicht wer fynt. It is in bêste fint, mar minsklik, tige minsklik. Hy hat syn behoeften, foar lichem en geast. It skaken jout him genôch geastlike befrediging, mar fysyk krijt er syn gerak net. Hy tennist in bytsje, no ja. Mar op syn âldens kin men mei skaken en tennisjen net ta. Jo witte wat ik bedoel. De seksuele problematyk.’

‘Och stakker,’ seit Dylte, ‘hat er in ôfwiking?’

‘Krekt oarsom! Hielendal net! It liket wol oft er mei huning ynsmard is. Hy kin him it froufolk amper fan it liif hâlde. Mar jo begripe wol, ik kin gjin risiko nimme.’

‘As jo even út myn mûle wei gean, kin ik ek wat sizze. Sa, bedankt. Wêrom ha jim net in betûft Amerikaans famke meinommen?’

Nice lit machtles syn earms falle. ‘As wy dat dien hiene, soe ik jo net fanneden wêze. De seksuele driften helje Jimmy út syn kon-

sintraasje. Just no't it neat lije kin. Please, help my, help him, help Amearika!

Dynte feroaret gjin sprút. Se knypt de eagen heal ticht en freget koel: 'Wêrom ha jo my foar kar naam? Der opereare noch ûntelbere ferdivedaasjefamkes yn Fryslân.'

Nice stekt de wiisfinger op en jout har in ûndogens knypeachje. Hy kriget in brune slúf út syn binnenbûse. Hy lûkt der in foto út en jout dy oan har.

Se sjocht it fynbefike profyl fan in meinimmende jongkeardel mei lang ljocht hier en in burd. In burd folslein harmoanyk om de kaak woeksen, it moaiste burd dat se oait sjoen hat. Se wurdt der even stil fan.

'Hmmm, tige by tige. Hy liket op my.'

Nice knipt mei de fingers. 'Dat is it! Jo koene syn suster wêze. Dêrom ha ik jo frege! Foar de bûtenweareld binne jo syn suster! Gjin sensaasjeferhalen yn 'e krante. Wat is der natuerliker as de ferhâlding broer-suster? Boppedat wurket it remjend op dy healwizelingen dy't him suver opfrette.'

'Myn kunden sille my werkenne.'

'Kom, kom, juffrou Planteit, moat ik jo leare hoe't opmeitsjen en klean in frou feroarje kinne?'

'Giet Angler der mei akkoart?'

'Hy fynt it hearlik!'

'Hoe kamen jo oan myn adres en hoe wisten jo yn 't foar dat ik op him like?'

'In eardere klant fan jo. Mei ik sa diskreet wêze syn namme te ferswijen?'

'Tasein. Ik doch it, mar net foar in stúdzjebeurs.'

It bliere gesicht fan Nice wurdt erchtinkend. 'Wat hiene jo dan tocht?'

‘Hûndert gûne deis plus kosten.’

Hy stoarret har ûnleauwich oan. ‘Hûndert gûne deis? Dêr wurdt men ek net ryk fan.’

‘Dat bin ik al,’ seit Dynte ienfâldich.

Nice glimket fan ear ta ear, skoddet krachtich har hân en ferklearret plechtich: ‘Ut namme fan hiel Amearika. Hjir is foarfêst in foarskot.’

Hy wol har in tûzendollarbriefke jaan. Dynte docht de hannen op ‘e rêch.

‘Earst myn wurk.’

Nice lûkt oan ‘e skouders, stekt it briefke wer by him en flústert har ta: ‘Médzje Jimmy net te bot ôf.’

‘Lit dat mar oan my oer.’

Kwyk stapt de man by har wei. ‘Sille wy dan mar? Jimmy moatte om twa oere spylje. Ik bring jo nei him ta. Momint.’

Hy ferdwynt yn in oare keamer.

Dynte wrakselt har út ‘e stoel, giet nei it finster ta. Fier ûnder har rint in kefhûntsje him út ‘e liken achter in tankwein oan. In pear bern klimme by in moderne abstrakte skulptuer op en bine de flagge fan Equador deroan fêst. It kefhûntsje kin de auto net byhâlde, giselt nei rjochts en stoot tusken de tsjalskonken fan in âld man troch.

Se draait har om. Op in bysettafel stiet in kostber ivoaren skaakspul dêr’t de swarte stikken read fan binne. It boerd is mei perlemoer ynlein. Dynte sjocht wol, it is in probleemstelling, mat yn trije setten of sokssawat.

Se stiet der noch oer te brieden, as Nice weromkomt. Hy hat in reade camelcoat oer de earm, in mislearre kombinaasje fan pet en baret op ‘e plasse.

‘Ja,’ seit er, ‘dêr kin ik mar net út komme. Mat yn twa.’ ‘Wat tinke


jo hjir fan?’

Dynte set de loper op e3.

Nice stiet perpleks. ‘Ferrek, dat is him! Jo dogge seker ek in soad oan skaken?’

Dynte slikket de boppelippe ôf en mitert it klokhûs yn ’e papier-koer.

‘Nee,’ antwurdet se, ‘t is my te dreech.’



Nier rydt werom nei De Pein. Hy giet foar de aardichheid by Dokkum om.

Hy swaait wei fan 'e grutte wei en dûnset oer in B-dyk. By Kollum rydt er mis en hobbelt er oer in iensume reed. Hy knipt de radio oan en begjint op 'e maat fan 'e muzyk te slingerjen. De tsjillen slippe sa moai oer de sodzige grûn. Nier sjongt derby. Oer him fleant in helikopter. Dêr sjit in auto fan rjochts it paad op. In trijesprong fan ûnferhurde wegen, dus rjochts hat foarrang. Mar it kin net mear. Nier trapet suver troch de boaiem fan 'e lykwein hinne, jout tsjinstjoer, tuskengas en alle technise taheakkes tagelyk, giselt om in stobbewylch en dûkt foardel yn 'e Strobosser Trekfeart. Ynienen wurdt it roettsjuster om him hinne. Hy knipt de radio út en it ljocht oan. De rútwiskers begjinne út harsels te feien. No rêstich bliuwe, gjin panyk. Wachtsje oant it wetter sa heech yn 'e kabine stiet, dat er sûnder earmoed de doar iepenje kin. En dan nei boppen ta swimme en op 'e wâl klauwe. Dat is alles. Gelokkich hat er ferline jier dy kursus foar automobilisten yn it Ljouwerter Oerdekte folge.

It duorret ferrekte lang foardat in lykwein fol streamt. It wetter stiet him noch mar oan de knibbels ta. Hy draait in swier sjekje. Krekt op op 'e tiid, syn bûsen wurde al wiet. Syn hân trillet toch in bytsje as er himsels befjurret. Mar dit is ek de earste kear, it went wol.

It wetter komt no oan syn broeksriem ta. It falt ôf, sântjin graden miskien. Hy moat der even trochhinne, oars kriget er aanst kramp. Nier nimt in fikse hap lucht en dûkt kop ûnder. Sa, no mar wachtsje. Syn rydbewiis? Syn wegenbelêstingkaart? Hy fielt yn syn boarstbûse. Ja hear, dy sitte yn it wettertichte slúfke. It búsflapke goed tichtknoopje.

As er op 'e teannen stiet, komt it wetter oan syn hals ta, as er gewoan stiet oan syn kin. Hy bliuwt mar op 'e teannen stean. Syn sigaret wurdt wiet, hy lit him driuwe. It ding sinkt fuortendaliks. Swiere sjek.

No moat it wêze! Hy docht de holle achteroer, sykhellet djip, sakket troch de knibbels en bringt de hân nei de doarskruk. Hy triuwt mei alle geweld, oant er yn 'e gaten hat dat er op 'e draaier foar it rût omhuft. Hy flokt en kriget meiens in gjalp wetter yn. Dêr hat er de kruk. Gjin beweging yn te krijen, seker al ferrustke. Nier heistert sa lang troch oant er de losse kruk yn 'e hannen hâldt.

De achterdoar! Hy klattert der hinne. Gjin kruk oan de binnenkant, dêr is it in lykwein foar. Hy stjit syn hiele gewicht tsjin de doar. Hy fielt allinne syn skouder krimp jaan. Hy slacht it rût kapot. Pine flimet troch syn knokkels, hy lûkt in stik glês út syn hân.

Dan begjint er te hoastjen, syn mûle gjalpet fol, syn tonge slacht dûbel. Dan rint syn noas ek fol. Nier sakket op 'e side mei ien earm troch it rût. Hy falt yn in einleaze tjustere trachter. Djip ûnder him begjint in blau ljocht te skinen, it wurdt grutter en fûler. Dan knapt it en hy slingert fuort.

As er de eagen opslacht, leit in famke oer him hinne. Hy docht syn kikers daliks wer ticht. Se kriget him by de polzen en triuwt op syn liif om. Rynske lippen reitsje sines en blaze him in stream waarme lucht yn 'e mûle. Har azem floeit as lij wetter troch syn lea. Dit moat in blom fiele as it foarjier begjint, in bist as er wekker wurdt út syn wintersliep, in koelkast as er ûntteid wurdt. Dit is de hearlikheid yn it kwadraat.

En wer jout se him in smok dêr't in kardinaal om úttrêdzje soe. Opnij gliert in heilsame ferwaarmingsstream nei de uterste einen fan syn ferklomme lea. Opnij sjocht er stjerkes en heart er klokjes klingeljen. Dan wurdt it stil, tsjuster en kâld.

Nier wachtet op fierdere wurken fan syn sillichmakster. Mar se komt net. O sa hoeden docht er de eagen heal iepen en sjocht tusken de teisters troch.

It famke leit mei har holle op syn boarst, se harket nei syn hert. Se hat in swarte krollkop en op it wang in net al te grutte, net al te dúdlike groede dy't har gesicht wat pikants jout. Se rûkt nei anys en har fel is ljocht-molksûkeladekleurich. Mar dat gehark oan syn hert begjint him te ferfelen. Har seker ek. Hup, dêr komt se wer. Nier docht gau de eagen ticht. O, wat tutet dat fanke alderheislikst hyt! Dêr is Dynte in iisberch by. Hy klaut mei beide hannen yn 'e blabber om, mar se sjocht it net. Se wol him yn it libben werom tútsje. Se giet mar troch, hy smoart hast yn dat libben.

Einlings nimt se bekoar en harket wer nei syn hertslach. Nier leit te bekommen fan it bykommen. It fanke wit fan gjin opjaan. Hap, dêr is se wer. Diskear sjocht Nier wjerljocht en heart er tonger.

Ynienen fersloppet har byt. Har mûle komt mar min los fan sines, de lippestift plakt in bytsje. Se giet stean en sjocht him lang en fol stúdzje oan. Se is net tsjep, se is in skilderstik. In famke dat sneintemoarns healwei sânen al moai is. En freedtemiddeis heal wei seizen

noch. By tritich graden froast. By fjirtich Celsius yn it skaad. En ek as se fan kop ta tean ûnder modderwetter sit. Mar Nier hâldt him deastil.

‘Stik mar!’

Har stim komt fan fierrens.

Nier skuort de eagen iepen. Hy sjocht it famke fuortgean. In figuerke mei alle tabehearren yn ’e eksklusyfste útfiering. Har earswankjes dynje yn it spande broekje.

‘Help,’ ropt er swak mei ynspanning fan alle krachten.

It famke draait har om. Se set de hannen yn ’e side en wachtet.

Tweintich kante jierren sjogge op him del.

‘Help,’ seit er wer, diskear wat flinker.

Hy tilt moeilik syn blessearde hân op en winkt har. Se stoot op him ta en knibbelt del. Se triuwt syn holle tsjin har boarsten.

Hy fielt de skûmrubber folling.

‘Libbest noch!’

It is Frysk, mar it heart hiel frjemd. Lykas hy it Frâns útsprekt en dan krekt oarsom.

‘Wêr komsto wei?’

‘Kanada. Dokter?’

‘Gjin dokter.’

‘Wat in jaap!’

Se lûkt it wiete siden sjaaltsje fan har hals. Dat bynt se om syn reade hân. Hiel stiif.

‘Hasto my derút helle?’

‘Wa oars? Koest dysels net rêde?’

‘Dyn mûle-op-mûle azeming is better as myn ûnderwetterkursus.’

‘Earst dokter, dan prate.’

‘Nee, nei hûs.’

‘Wêr is hûs?’

‘Kom mar.’

‘Kinst oerein komme?’

Nier besiket it, sy lûkt him op en sacket trije foet djipper yn ’e blabber. Se wâdzje op har auto ta. De klean sitte har getten om de lea, alle ritskes en slutinkjes binne dúdlik te sjen, se is dweiltrochwiet. Se frommelt yn it kaartebakje om en bringt in optearde jutesek foar it ljocht.

‘Strûp dit oan.’

‘Hen?’

‘Lekker drûch.’

‘Doch do it mar.’

‘Earlik dele.’

‘Dan ha wy beide neat.’

It famke kriget in skjirre en knipt trije gatten yn ’e sek.

‘Wolst my even ôfskile?’ freget se wylst se de hannen omheech docht. Nier lûkt har de klean fan it liif. Se stekt de holle troch it middelste gat en de earms troch de bûtenste. It stik klean past har dêr’t it har rekket.

‘Wat seist fan myn sek?’

‘Seksy!’

Sy wol it stjoer nimme, mar Nier skoot har fansiden.

‘Ik ryd,’ seit er wis.

Se besjocht syn hân. It siden sjaaltsje is al trochblet. In fermiljoenen sinne middenmank swarte modderspatten.


‘Myn bloedflagge,’ seit Nier.

‘Ast mar gjin bloedfergiftiging krijst.’

‘Medisynmannen smarre der dong op.’

Hy fynt dat sels net sa’n goeienien. Sy laket. Hy set de ferwaarming op it fûlst. Hy heart himsels nokkerjen as in bûksike apel. Mar as

je krekt foar de ferdrinkingsdea weihelle binne, soalt it net hoe't je laitsje. De motor sjongt meinimmend. It libben is goed. Sels foar twa kikkertkâlde drinkelingen yn in treddehânse ein.



In taksy rydt Dynte en Nice troch de stêd. Se gean by de winkels lâns dy't it materiaal leverje moatte foar har gedaanteferwikseling. Dynte keapet in broekpakje fan aluminium daalders mei bypassende mocassins. In toilet dat se noait foar harsels nimme soe. Fierders in ravenswarte prúk mei feletten streken en in donkergrien hierstikje. Se is bliid dat se dit oan ha kin sûnder de ferantwurdlikheid te dragen. De make-up hellet se by har âlde betroude adres. En se fersit de kâns net om foar Nice syn sinten fluestin hûdkleurich ûnderguod yn te slaan. Feitliks is it ûnsin, je kin likegoed sûnder, mar je ûntkomme der net oan en doch oan 'e hearskjende moade mei. De taksy leit fol doazen mei roazige strikken.

Ljouwert hat de skaakkoarts.

Oeral hingje spandoeken mei LJOUWERT-SKAAKSTÊD derop. Bakken mei geraniums steane by de grêften lâns. Almachtige kas-tielen fan plestik tuorkje op 'e rotondes by de ynfalpoarten fan 'e stêd. Op 'e Lange Piip wapperje fan fjouwer mêsten de flaggen fan Fryslân, Nederlân, Amearika en Ruslân.

De pleatslike VVV oerhandiget oan elke frjemdling dy't teminsten ien kear yn in Ljouwerter hotel oernachtet in skaakpaspoart, dat bestiet út in bûsskaakboekje, in kleurefoto fan 'e Aldehou, in bon foar in hûsgesinsflesse Frico of Rivella neffens eigen kar en in skat fan gegevens oer it skûtsjesilen.

Ljouwert hat de skaakkoarts.

De middenstân is danich yn it spier. Mânselhege taarten yn 'e foarm fan kening, dame of biskop steane by de koekjesbakkers achter de ruten, VenD hat in wite Lippizaner en in swarte Fryske hynst libbensliif yn 'e etalazje en by C&A fleane de pionnepakjes mei en sûnder mulbân de doar út.

De boekhannels moatte oan ien tried wei skaakboekjes foar begjanners bybestelle. Sport- en boartersguodsaken ferkeapje op ien dei mear buorden en spullen as oars yn in hiel jier. Der is spesjaal sleet yn it lúksere en djoerdere materiaal, lykas stikken mei lead, filten ûnderstik en ynboude ferljochting, en buorden mei ôfstânsbetsjining en antysliplaach.

Ljouwert hat de skaakkoarts.

Skoalmasters meitsje oeroeren om al it wurk dat mei it belangstel-lingssintrum skaken wat te krijen hat nei te kommen en op it Saailân tilt it fan bern dy't dêr oanskoulik ûnderrjocht krije yn it keninklike spul mei plysjes as libbene stikken.

Sels keunstners wurde fan skaakgoadinne Caïssa befruchte. Fryske byldhouwers eksposeare yn it Rengerspark rokadeskulp tueren, matplastiken, promoasjereliëfs, patmobilo's, pionneskeletten, fleugelkinetiken en oare skaaktastannen.

Ljouwert hat de skaakkoarts.

Fier fan dizze madding crowd husmannet Jimmy Angler. Op 'e bûtenpleats fan in Amerikaanse boer dy't yn 'e krisisjierren nei Fryslân emigreard is.

De taksy hâldt stil foar it hek. Nice en Dynte stappe út.
TINK OM 'E HÛN stiet op in swikje buorden fan ûngelikense
grutte en foarm. Mar der is gjin hûn te sjen. De boer sammelt
antyk.

Hy komt har al temjitte.

'Hello,' seit er, 'hello.'

Se gean troch in lange gong mei reproduksjes fan it Wite Hûs, de
Painted Desert, Disneyland, de Golden Gate brêge, de Niagara
Falls, it Yellowstone Park en Marilyn Monroe. Oan 'e ein fan 'e
gong is in doar mei in hingelot.

'Wat sit dêr yn?' ropt Dynte benijd út.

Nice draait him wrantelich om, hy leit de finger op 'e lippen. 'Ssst,
Jimmy is dwaande!' Hy skoot foarsichtich in skúfke op eachshichte
iepen. Hy sjocht der mei sân pear eagen troch.

Nei in hoartsje flústert er tsjin Dynte: 'Ek even sjen?'

'Ik stean te popeljen.'

'Toe mar.'

Midden oer de flier fan in folslein lege keamer sit Jimmy. Hy sit dêr
stil as in byld, de earms krúslings foar it boarst, de eagen stoarjend
yn peilleaze fierten. Hy hat in smetteleas wytlinnen himd oan, in
smaragd griene doek om de koarte ribben, in wynsel fan goudbro-
kaat om de plasse, in fine keatling mear as tweintich kear om 'e nek-
ke. Switkobben gliere by syn sliepen lâns, glinsterje yn syn burd.
Syn lippen foarmje ûnfersteanbere wurden.

'Wat docht er?' flústert Dynte ûntdien.

'Meditaare, konsintrea, preparaare.'

'Wat seit er?'

'Ik bin de grutste, ik bin de grutste.'

Dynte huvert.

'Kom, jo moatte jo omklaaie.'

Nice skoot it skúfke ticht en nimt de foarstap nei de opkeamer.

Dêr hinget in grutte spegel, har spultsjes lizze der al.

‘Soe ’t hjir kinne?’

‘Bêst,’ andert Dynte en lûkt de gardinen ticht. Dan draait se de doar achter Nice yn it slot. In kertier letter giet de doar iepen.

Dynte kin alles om en oan ha. Ek de dingen dy’t se sels net lije mei, jouwe har del op har lea. Yn in dweil soe se noch alderferskuorrendst wêze.

Nice en Angler sjitte rjocht sadree’t se de keamer útkomt.

‘Ik lit jim eventjes allinne,’ seit Nice heas.

Jimmy sjocht fris en monter út syn eagen. Syn geve tosken binne sa wyt dat Dynte der fan knipperje moat. Hy hat in blauwe baaistoffen trui oan, in sânkleurige ribflewiel en heupbroek en suède skuon oan ’e bleate fuotten.

‘Bliid mei dy yn ’e kunde te kommen.’

Hy praat Ingels, sûnder ierpel yn ’e kiel. Hy is net eigenwiis en hy hat gjin kaugom yn ’e mûle. Dat docht Dynte deugd.

Se búcht har nei him ta en jout in lytske op syn wang. Sachter as de wyn op in skearmes. Tagelyk knypt se yn syn hân.

‘Ik sil foar dy spylje,’ seit Jimmy dreamerich. ‘Ik sil it fluch dien meitsje. As Tobnivkin sletten spilet, sil ik de iepening oan dy wije.

Frouljusgambyt, oannaam frouljusgambyt.’

‘Dat is leaf, mar it hoecht net, hear.’

‘Direkt nei de partij gean wy út te riden.’ Jimmy kriget har beide hannen en byt yn har earlapke.

‘Sorry, mar om seis oere ha ik in ôfspraak. Dy moat ik earst neikomme. Fan sân oere ôf bin ik ta dyn foldwaan.’

‘Bliuwst toch wol by de partij? Oars kin ik net spylje.’ Jimmy sminkelt al op har tonge om.

‘Fansels.’

Nice komt mei in papier oan setten. Hy skrabet de kiel en kommandeart: 'Rekapitulaasje!'

Jimmy set him yn postuer. Nice lêst de fragen en sjekt de antwurden.

'Iepening?'

'Frouljusgambyt.'

'Hokker?'

'Oannaam.'

'Fariant?'

'Sweedse.'

'Stampartij?'

'Aljechin - Grünfeld, Semmering 1926.'

'Mis!'

'Eh, o ja, Grünfeld -Tartakower.'

'Skema?'

'Trije minuten foar de earste 10 setten, achtensechstich foar de folgjende 15, 59 foar de folgjende tsien, 17 foar de lêste 5. Trije foar reserve.'

'Remise?'

'Net foar de fjirde set.'

'Yn oarder,' seit Nice tefreden. 'Jo, juffrou Planteit, hite tenei Diane Angler. Wy gean!'

Se sette ôf. It dûzelt Dynte.

It dûzelt har noch as se, oan de earm fan Jimmy, tusken twa hagen taskôgers troch op it toaniel fan 'e grutte seal fan 'e Harmony tastapt.

Potpalmbeammeblêden wiuwe op aromatise loftstreamen, it reint konfetty en alle omstanners litte optein de hûch sjen. Ferslach-jouwers skriuwe har de earms út it potsje en fotografen sjitte printen mei de faasje fan in mitrailleur.

Diane mei op 'e foarste rige sitte. In besprutsen stoel, op 'e sitting leit in bosk roazen mei in kaartsje. WOLKOM. Nice tinkt ek oan alles.

Jimmy set him del oan it skaaktaffeltsje op it toaniel. Nice ferdwynt achter it gerdyn. Links sit de sjuery, de wedstriidlieder en it sekondantepear, rjochts stiet in elektro-magnetys demonstraasje-boerd.

Diane sjocht om har hinne. Hypnotisearde sitte de jonge folwoekse-nen Jimmy oan te gapjen.

'Moai as in god,' suchtet in tiner.

'Jimmy, kom by my,' prevelt in oarenien, wylst har de triennen oer de wangen streame.

'Hy is in fertsjintwurdiger fan ús generaasje,' seit in jonge.

It meastepart hat klean mei opskriften oan. JIMMY, WE ARE WITH YOU. PLEASE, JIMMY, PLEASE! I FEEL JIMMY. YOU ARE THE ANGLER, I AM THE POOL, en soartgelikense.


Diane docht de eagen even ticht. Se is in bytsje mislik, se hat ferlet fan in flaubyt.

Klokslach twa ferskynt Tobnivkin. Syn gesicht is ferbolgen, syn eagen stean erchtinkend. Hy hat him yn in wike net skeard. Sân dagen lyn hie er noch likefolle punten as Angler. En no twa partijen achterinoar ferlern. Is trijeris skippersrjocht?

Skrutel skoot er op syn stoel. Hy is himsels net mear. In wrak fan in wrâldkampioen. Op dit stuit soe er leaver yn Sibearië sitte.

It rûzemoezjen ferstommet. It spul begjint. Tobnivkin spilet syn d-pion twa op. Angler docht itselde. De Rus set c4. De Amerikaan slacht. Oannaam frouljusgambyt.

Op 'e seise rige fan foaren, even nûmers, falt de earste tiner yn ûnmacht.



It hearehûs is net alhiel sa grut as Lauswolt, mar it kin besjen lije.

De oprydeane wurdt flankeard fan rigen reade ribessen, roazebeamkes, rodendrums, robenia's en rântsjebloimmen. Rike-ljusrompslomp. Rattekrûddjoer. In kaskade fan klimmerblêden wetterfalt by de wite muorren del. Brune pandakken, in goudferve smei-izeren sierstek om it balkon, net-funksjonele pilaren op it terras, eksoatys houtwurk, in koperen skipslantearne boppe de doar fan it bordes. Alles azemt in woldiedige rêst en lúkse.

Nier rydt mei de foarste tsjillen tsjin de stoepe oan. It famke stapt út. Se giet wiidskonkich midden op 'e leane stean. Se hâldt de holle achteroer en snûft de frisse lucht op.

'Hearlik,' seit se, 'hearlik.'

De swietrook fan blommen makket har dûzich. Dan sjocht se op it gazon in sulverkleurich byld fan Tokonari. Se rint deropta en leit har gleone wang tsjin it koele metaal.

'Ik bin roazich,' flústert se.

Se drapeart har yn ien fan 'e lome rûnings fan it byld. Se past deryn

as is it foar har makke. Se sil oars wol yn alle rûnings passe. Guon famkes binne sa makke.

Tokonari hat altiten har favoryt west. Einleas. De ein.

In iikhoarntsje rint oer ûnsjenbere wenteltreppen by de stamme fan in bûkebeam op. In akster flokt yn it leechhout. In eskorte holders gûnzet sûnder tuskenlâning foarby.

Nier ropt. It famke lit har by it byld delglide. Se klappertosket, se wurdt ynienen skrousk.

‘Wat diest dêr?’ freget Nier as se by him stiet.

‘Neat.’

‘Dan net. Wy moatte ús omstrûpe.’

‘Ja, moatte,’ stimt se dreamerich mei.

‘Hoe hytst eins?’

‘Kiki Rascall.’

‘Kiki, ik bin Nier.’

‘Dat let neat.’

‘Wat let neat?’

‘As wy de namme faninoar net witte. Der binne al safolle nammen yn ’e wearld. Ek foar dingen dy’t neat betsjutte.’

‘Ik krij gjin hichte fan dy,’ skodhollet Nier.

‘Iksels ek net.’

Hy sjocht har rjocht op en del oan. ‘Dynte is grutter. Har klean passe dy wol.’

‘Wa is Dynte?’

‘Ien fan myn fammen. Dit is har hûs.’

Se ferlûkt gjin spier, mar har eagen wurde wat lytser.

‘Dynte is der no net,’ ferdútst Nier, wylst er de kaai yn ’t slot omdraait.

Kiki besiket in drip fan har noas te slikjen. Se sjocht der bjustere

skilich by. As se einlings belies jout, freget se: ‘Wa is der dan wol?’
‘In bouvier. Hy is kastreard.’

Kiki suchtet. ‘Manlju binne oeral allegearre itselde. Se bringe je altiten nei ferlitten hearehuzen ta. En ik traapje der altiten yn. Kom, dyn hân moat fersoarge wurde.’

Se gean fuortendaliks nei boppen ta. Nier ûntknopet de sjaal. Dy is no hielendal read.

‘Nei de barrebytsjes,’ stelt er oerboadich fêst.

‘O, nee,’ seit Kiki fol fjoer, ‘dy doch ik om. Sa’n bloedsjaal ha ik noch noait hân.’

Se ferbynt syn hân al sa kreas mei swachtels en pleisters dy’t se yn it medisynkastje fynt.

‘Dêr kinst dy behimmelje,’ wiist Nier. ‘En dêr is Dynte har keamer. Strûp mar wat klean oan.’

De kasten hingje grôtfol.

‘Mei alle wille,’ seit Kiki in bytsje te happich en ferdwynt om de hoeke fan ’e badkeamersdoar.

Nier giet nei syn eigen ôfdieling. As er syn keamer yn stapt, springt Stjonker, de bouvier, by him op. De hûn skrillet tebek fan syn wiete klean, leit de kop skeef en sjocht him mei in pear eagen fol ellinde oan. Dan lûkt er syn lippen op, syn snor trillet en hy begjint omraak te proesten.

Nier skylt him de klean fan ’e hûd. Hy set de straalkachel oan en giet der foar sitten. Stjonker komt by him lizzen en slikket syn fuotsoallen wer wiet. Nier besiket de flapearen te knoopjen. As er drûch en waarm is, strûpt er syn Sjinese moarnsjas mei de draak derop oan en set op ’e meterkast ta.

Hy wachtet even as er der foar stiet. Der binne twa mooglik heden. Platfoet is der noch yn, of hy is útnaaid. Sa simpel is it. Sa simpel as in âldbakken bôle op moandeitemoarn. De kaai stekt noch yn ’t

slot, de doar sit fêst. Nier suchtet. Hy draait de kaai om, swaait de doar iepen.

Jawol, Platfoet is rjocht op en del oanwêzich. Mar neist de dikke stiet de tinne. In hearskip yn swarte flearmûsmantel en wite slobhoazzen. De man hâldt de holle achteroer, it wyt fan 'e eagen skimert tusken de lidden troch. Hy hat in pokdobbich perkaminten gesicht, in noas as in klau.

djippe fâlden fan mûlshoeken nei kakemint drukke in heechertige spitigens út. In earbiedwaardich man.

Nier jout him in pleachstompke om him ta oare gedachten te bringen. Mar dy gedachten funksjoneare net. De man slacht dûbel. Nier kin him noch krekt op it skouder heine. Hy kriget gjin skrep en glydt op 'e knibbels. De man hinget rûngear oer him hinne, syn teannen en noas reitsje de flier.

Op dat stuit falt ek Platfoet út 'e meterkast. Hy strykt op it swikje del, wylst Nier writen docht ûnder de flearmûsmantel wei te krûpen. Dat slagget him einlings en te'n lêsten, mar syn foet bliuwt stykjen. Hy skopt om los te kommen, oant er yn 'e gaten hat dat er yn in slobhoas fêst sit. As er dy ûntknope hat, is er frij. Hy komt oerein en sjocht del op 'e púnfal dy't er kreëard hat. It is in krús.

Wylst er syn moarnsjas om syn nekke weilûkt, ûntdekt er foar syn teannen in kaartsje. Hy kriget it op. It is rjemmekleurich en it rûkt nei fioeltsjes. Yn sierlik kursyf stiet der op:

Münster & Keulen
privee konversaasjelessen
allinne nei ôfspraak
05126-3795471

Nier stekt it kaartsje yn 'e bûse. Miskien is it fan Flearmûs. Miskien is hy Münster sels. Of Keulen. Of allebeide. Miskien is it fan Plat-

foet. Of fan 'e meteropnimmer. Of fan Nebukadnezar. Barst!
Wat wolle se hjoed fan him? Hjir lizze twa bûten westen en boppe spûket in lekker mokkaltsje om, dat him út it wetter helle hat en mient dat se dêrom him in bytsje begekje kin.

Nier wurdt wrantelich. Earst dat gedonder mei dy demonstra-
teur, doe Dynte har auto dy't it ferhipte, doe op 'e harsens yn 'e feart, doe in keardel mei slobhoazzen en no dit wer. Unferwachte komplikaasjes hat er it mier oan. Syn dei moat glêd en planmjittich ferrinne.

Kom, hy sil Kiki warskôgje en dan de plysje belje. Se sille him wol trochseagje oer de begraffenisauto. No ja, fuort mar. Hy moat hjoed toch blabber ite.

De flier fan Dynte har keamer leit besiedde mei klean. Mantelstokjes, floeipapier en nylons yn alle kleuren behalven sitroengiel kompleteare de gaos. Op bêd leit Kiki, swietfierich en toch net djoer. Se hat allinne har grutte rûne polshorloazje oan. Se byt op in bûsdoekje om en kirret. Se hat lytse tosken dy't in bytsje nei achteren stean. Se leit der streksom by.

'Hast ûndogense eagen,' seit Nier.

'Dan kin ik dy better sjen.'

'En gemiene earkes.'

'Dan kin ik dy better heare.'

'En in brutale mûle.'

'Dan kin ik dy better priuwe.'

'Der ôf!' kommandeart Nier.

Kiki kirret.

'Der ôf. Of moat ik it dwaan?'

'Ja,' laket Kiki, 'graach.'

Nier hat de pikbal yn. Dit is Dynte har keamer, dit is syn timpel. Wat blinder, hy lit dy net troch in frjemd ûntears. Dynte har bêd

is syn bêd, it is him hillich. As Kiki der op lizze mei, sil hy it wol sizze.

Hy sjit op har ta. 'Foar 't lêst, derôf!'

Kiki sjit oerein. Har eagen wurde doffer, it laitsjen stjurret op har lippen. 'Wat mankeart der oan my?'

'Neat.'

'Nee, mar wàt mankeart der oan my?' 'Neat.'

'Ha ik gjin moaie glêde skouders?' 'Ja.'

'En gjin hechte boarsten?'

'Se binne de lytse kant neist, mar se lykje stevich.'

'En gjin echt skientmeflekje op myn bûk?'

'It sil wol.'

'Of hâldst net fan fammen dy't har skeare?'

'Dat makket gjin ferskil.'

'Wêrom wolst my dan net ha?'

Har stim is lytser as de tippe fan har bûsdoekje.


'Dit is fan Dylte.'

Kiki sit even roerleas. Se kriget in kleur, Nier sjocht it oan 'e groede op har wang. Dy bliuwt wyt. Dan knikt se. Se giet derôf, rint sa deun by him lâns dat er de luchtstream fielt en stapt de keamer út. De doar klikt ticht, sacht as in snok.

Nier hat de pest oan himsels. No dit wer. Shakespeare sei al, it komt allegear tagelyk. Alles rint yn it hûndert. It libben is in striid-toaniel.

Wankel- en mismoedich giet er nei de telefoan. Hy draait fjouwer twa fjouwer. Hy hat noch krekt tiid om him te besauwen oer it nuvere lûd dat net út 'e hoarn komt. Dan fielt er de siizjende bats en stoart foardel oer it taffeltsje.

Yn syn fal nei it ûnbewuste skuort er in faaske mei fresia's mei.



Dynte is Dynte wer.
Yn 'e neidrokte fan 'e skaakpartij is se achter it gerdyn glûpt. Se hat Nice even apart naam en sein dat se in oerke fuort moast. Dat sinnige him mar heal.
'Om sân oere hjir yn 'e kofjekeamer. En gjin minút letter! Jo binne yn myn tsjinst!'
Se hat har yn 'e ferklaaierskeamer omstrûpt. Se kin toch net as Diane Angler yn It Seewiif opdraven komme.
'Net te leauwen,' prevelt se as se kertier foar seizen op strjitte stapt.
'Dit is fantastys. Angler hat yn trijentweintich setten Tobnivkin fan it boerd reage. Yn trijentweintich setten en dan mei swart yn it oannaam frouljusgamby! Soks is noch noait fertoand.'
De hiele partij hat foar de wrâldkampioen in nachtmerje west. Noait tefoaren hat er sa ûnwis en senuwachtich west. Hy pjukte oan ien tried wei oan 'e knopen fan syn jas, liet in stikmannich kearen syn notaasjeboekje falle, wiske huverjend mei in swartwytrute doek de switkobben fan syn foarholle. Ferstruid stie it oerskot fan syn leger op it boerd, it siigde by syn tripelpionnen lâns. Iiskâld wie

it om him hinne. Gjin ynspiraasjesprank foar in lêste redmiddel fonke yn syn tramtearre harsens. Hy wie de iensumste man op 'e hiele weareld. Hy wie yn trije oeren tsien jier âlder wurden.

It krige Diane by it hert, fol meilijen hie se it oansjoen.

Dat is no oer. Hjoed is der skaakskiednis skreaun. Noch in heal punt út trije partijen. De titel kin Angler net mear ûntkomme. De twakamp is in bleate formaliteit wurden.

Bulletins mei útslach en koarte ynformaasje hingje al by ferskate winkels foar de glêzen. De koppen lige der net om.

AMERIKAAN WÂDET OER RUS HINNE, AMERIKAAN DWEILT MEI RUS IT BOERD OAN, RUSSISE BEAR BREKT NEKKE OP ROCKY MOUNTAINS.

En mear fan dat soart. Yn achthûndertpunts letters.

It Seewiif is smoarfol, lykas altiten. Mar Dynte is in fêste klant en stiet op 'e meunsterrôle. In kaper yn in himd fan blauwynt streekjesguod en in wide wollen broek dêr't men sop fan siede kin, kreupelt op har ta. Hy hat in reade doek om it piperkleurige hier, syn linkereach sit in swart lapke foar, syn burd stikelt alle kanten út en syn noasteisters binne sa lang dat er der sels yn bite kin. Hy hat in houten skonk en út syn rjochtermouwe stekt in blinkende heak. Hy draacht deselde flodderige livrei as de betsjinders fan *It Seewiif*. Mar syn gouden earringen ferriede dat er hofmaster is.

'De kajút is fol,' snaut er Dynte ta.

'It foarûnder?'

'Ek fol,' klinkt it al like bot.

'De brêge?'

'Dêr sit in selskip om utens him omkeard te fretten.'

'It roekenêst dan?'

'Bist allinnich?'

'Ja.'

‘Klim der mar yn.’

Dynte stapt troch de seal. Op rûchhouten stuollen oan rûchhouten tafels sit it bedoarne folk te iten. Ut blikken pannen. Allinne fiskgerjochten. Ek marfiskten, dat is de iennichste konsesje fan dit restaurant oan it publyk. It bestek is in knyft. Grutte moaten snijt men by de mûle om ôf. By sop en dessert mei lykwols in leppel brûkt wurde.

Betsjinning en akkomodaasje binnen ferskriklik en orizjineel, it iten is poerbêst. De ideale kombinaasje. Dêr komme de lju foar. Jou se iten mei in kick. It kommersjele Seewiif is in sulverfloat wurden.

Midden yn 'e seal stiet in mêst en dêroan is mei in dolk it menu fan 'e dei pripke. Dêrboppe hinget in hân, ek al mei in mès oan it hout stutsen. Fuort dêrby bongelt it útein fan 'e touljedder dy't yn it roekenêst útkomt. Foar sportive jongelju en op eigen risiko. Fange-folgen tilt it boppe altiten fan fjirtigers dy't gjin belies jaan wolle. Dynte klattert yn it nêst. Se fynt yndied in ûnbeset taffeltsje. Se strûpt har nerts mantel út en leit dy op eachshichte op in planke. Want se wit de betsjinders ha it hjir foar de lompe moade en begriem mei opsetsin de djoerste stikken klean.

In seerover komt op har ta. In jongkeardel mei it reafallige gesicht fan in klûmske brânsputer. In nijenien, dizze hat se net earder sjoen. Dynte bestelt kreeftpasteitsjes mei sitroensop yn ansjofiskstip en in heale fesse sider fan it skip. ‘Is Sjaak der net?’

De jongkeardel skodhollet.

Dynte spytgnysket. ‘Seker in stik yn 'e kraach.’

De nijling lûkt ûnferskillich oan 'e skouders. Hy is al aardich yn-wurke, hy spilet syn rol goed.

‘Om seis oere wurdt der belle. Foar Dynte Planteit. Wolst my dan even roppe?’

De kaper brommet wat en giet fuort. Dynte sjocht op it haffeljen-

de folk del. De patriispoarten litte mar in bytsje ljocht troch, de oalje-lampen wâlmje.

By har yn it roekenêst sitte de eksimplaren dy't it altyd hegerop sykje. De snoasker dy't it iten suver ta de earen út kwitst, it frommes mei it optreaune boezempeil, de doffert en it doke dy't inoar foer yn it bekje triuwe, de fergetten artyste mei eachpûden, wangsekken en fjouwer kinnen, de iensume frjemdling dy't it leafst fergif bestelle wolle soe.

Nei it treflike miel kin Dynte har net langer stilhâlde.

'Is der noch foar my belle?'

De jongkeardel smyt de pannen en it tafelark op syn blêd. Der komt in mispriizgjende trek om syn mûle. Hy nimt it har kwea-ôf dat se syn krektens yn 'e kiif stelt. It wurd 'Nee' komt mar amper oer syn lippen.

Dynte rekkent ôf, nimt de tsjinsttrep nei ûnderen en siket de tele-foansel yn 'e skimerige gong. By de muorre lâns stean rigen houten skonken en ûnderearms mei heaken.

Se bellet nei har hûs. Der wurdt net opkrigen. Nochris besykje. Nier is grif net thús.

In man komt de gong yn setten. Dynte fljocht de sel út en keart him. It is de hofmaster. Op twa normale strampels.

'Kenst Nier Hinnebruijer?'

'Fansels.'

'Hat er hjir west?'

'Nee.'

'Seker?'

'Seker.'

'Ek gjin telefoantsje of telegram krigen?'

'Nee.'

'Ach, wie Sjaak der mar. Dan koe dy my helpe.'

‘Sjaak is siik.’

‘Justerjûn wie er sa fleurich as in bij.’

‘Watsei?’

‘Hy hat by ús op in kostumeard feestje west.’

‘Sjaak is slim siik.’

‘Weake hap. Dy leit ta besef te kommen. Ik fiel my ek noch heal gear.’

‘Sjaak leit al trije wike ta besef te kommen. Yn it sikehûs.’

‘Unsin. Ik ha him fan ’e moarn noch sjoen.’

‘Tromboaze. Komt fan dy ferrekte houten poat. Je moatte je eigen skonk stees opbine. De bloedrin wurdt behindere. José Ferrer hat destiids by de film Moulin Rouge ek swierrichheden hân. Wy meitsje tefolle oeren.’

Dynte klammet de toskan opelkoar. ‘Dus Sjaak leit al trije wike op bêd?’

Se hopet dat har stim gewoan klinkt.

‘Sil ik even opsykje welke seal?’

‘Hoecht net. As Nier noch bellet, sis mar dat ik jûn nei hûs gean. It kin wol let wurde. En as er hjir komt, moat er op my wachtsje.’

‘Dat allegear om ’e nocht?’


‘Net hielendal.’

Se lit har tsjin de hofmaster falle, slacht de earms om syn hals en tilt de fuotten op. De man jout har in pear happige smokken, hy flybket der omraak by. Dynte makket har los.

‘Tink om it boadskip.’

‘Okee.’

Se set ôf. De hofmaster wriuwt syn nekke en stapt de keuken yn. In ljochtflits strykt oer de izeren klauwen. Boppe lit in piraat syn blêd mei iten kneppelje. In gjalp en dan it smaaklik laitsjen fan ’e lju dy’t it diskear besparre wurdt.



Hy leit op in okergiele flakte mei hege palmbeammen. De beammen binne sa heech dat er de krunen net sjen kin. Fan fierren heart er de brâning. Hy sjocht de see net, mar alle kearen as de weagen op 'e rotsen slaan, dreunt it yn syn holle. De sinne brânt. Syn mûle fielt as hat er dêr watten yn.

'De tredde man,' seit Stjonker.

'Wêr?' freget Nier.

'Hy hat Mûnster & Keulen by Platfoet yn 'e kast set. En dy in oplazer ferkocht.'

'Miskien hat in fjirde man my delslein.'

'Of Kiki.'

'It wie keardelswurk. Mar se kin him der wol yn litten ha.'

'Fansels,' seit Stjonker. 'Elkenien rint hjir mar út en yn. Wat soe Platfoet wolle? In grutte sûch mei syn revolver.'

'Dynte oantaaste. Kin hy it helpe dat sy sa ûnwjersteanber is?'

'Hy socht hjir wat.'

'Lust.'

'Gjin lust. Do tinkst altyd dat de hiele wrâld yn it teken fan Fallus

stiet. Jild jonkje, dêr giet it om.'

'En Mûnster & Keulen dan?'

'Dy skûlet mei Platfoet ûnder ien tekken. Mar ferjit Kiki net.

Froulju binne net te fertrouwen.'

'Kiki hat der neat mei te krijen. Wy binne inoar tafallich tsjin it liif rûn.'

'Tafal bestiet net.'

It is Stjonker net. It is gjin hûn. It is syn eigen stim. Hy komt by en leit tsjin himsels te praten.

De okergiele flakte is swilk en de beamstammen binne stoelpoaten.

It wâlet en dreunt mar troch yn syn holle. Net fan 'e brâning. Achter him dript it. Bloed? De ofstân tusken syn achterholle en de flier is te lyts om bloeddrippen tikje te litten.

Nier skuort syn kop wat fierder omheech. De pine snijt fan hierwoartels oant sturtbonkje troch him hinne. Mei in skriem lit er syn holle sakje. Hy rôlet him op 'e oare side en sjocht wat it tikjen betsjut.

In iepen flesse Fryske vieux leit mei de hals oer de tafelsrâne.

Troch in natuerkundige wet dy't neat mei fysika te dwaan hat, mar fan 'e goaden dikteard is om healdeade minsken te helpen, falle der by regelmjittige setten dikke drippen út. Us vieux. Syn vieux.

Nier kronkelt der op earmtakke en skouder hinne. As er ûnder de flesse leit, giet er op 'e rêch lizzen en docht de mûle iepen.

De earste drippen smeitsje as de skelk fan in tontsjeman, mar starichoan wurde se smaaksumer. Hy fielt myldens troch him hinne sipeljen, waarmte, tefredenheid, berêsting, alle goeie eigenskippen fan it libben. As de flesse net mear dript, is er fol slein befredige en soe er it leafst sliepe wolle. Mar syn plicht ropt.

De achterholle fielt spûnzich. Dy kop fan him moat hjoed in soad ferneare. Hy moat der noch libbenslang mei ta. Hy sil der tenei

better op passe. Hooplik dogge oaren dat ek.

It slagget him en kom oerein op alle fjouwer. Sels yn dy hâlding soe er leaver mei himsels gearfalle en sliepe wolle. Nier set troch. Hy lûkt in knibbel ûnder it liif en siket hâldfêst oan 'e tafel. Der knapt wat en dan stiet er rjocht. As de reade flekken net mear foar syn eagen dûnsje, sjocht er dat er yn in gastsleepkeamer is. Hy skoffelt op 'e spiegel ta.

Gjin noflik gesicht. Syn eagen driuwe yn in blauachtige brij om. Twa sangen koarsten stekke der krekt boppe út en in stikmannich brune kluten kompleteare it smaaklik gehiel.

Nier byt op 'e tosken. De eagen driuwe nei-inoar ta en bliuwe likernôch op deselde hichte lizzen. Hy lûkt syn lippen faninoar en skuort dêrmei de koarsten los. De brune kluten skowe nei boppen ta en wurde pikkich hier. In fraai gesicht, folle fraaier as niis.

It is in hiel ein nei de gastbadkeamer fuortby, mar it smyt fertuten op. By de earste straal kâld wetter fljocht er suver troch it dak. Hy moat him oan de waskbak fêsthâlde. Dan sakseart de pine. Wylst er him o sa hoeden ôfdrûget, giet de telefoan yn 'e bar.

Kertier oer sânen wiist de elektrise klok. Hy hat gâns in stik fan 'e dei ferslomme. Soe it Dynte wêze? Nier fljocht nei it tastel.

'Hinnebruijer.'

'Wa?'

'Ik bin net yn steat yn útroptekens te praten. Hinnebruijer. Jo prate mei it hûs fan Dynte Planteit.'

'Dat kin net. Mar ik woe de juffer graach sels even ha.'

'Dat kin ek net. De juffer is net thús. Mei wa praat ik?'

'Gemeenteplysje Drachten.'

Nier knypt de hoarn suver fyn.

'Kin ik it boadskip oanbringe?'

'De wein fan 'e juffer stiet ús yn 'e wei. Der komme in pear sân-au-

to's dy reed del. Se kinne der hast net om hinne. Soe de juffer har slide even ophelje wolle? Oars slepe wy him fuort. Hy stiet yn De Pein. Fuortby Gosse Ulebroek.'

'Ik wie der sels by. De motor is oan ein.'

'Dat is jo saak. Wy ha fansels in doar forseare moatten om út te finen waans auto it wie.'

Al wie de wein mei in pinke iepen te krijen, dan hiene jim noch mei alle wille forseare moatten, tinkt Nier. Mar no net haatlik wurde. 'Oars net?' freget er.

'Oars net.'

't Komt yn oarder, hear. Yn in heal oere is er fuort.'

Nier sil al ophingje, as de kreakerige plysjestim seit: 'O ja, jo ha faaks ek gjin begraffenisauto sjoen? Nûmer 34 45 61. Dêr binne se mei útnaaid, de skoften!'

'Hokker skoften?'

'As jo it witte, witte wy it ek. It is koartby de juffer har auto gebeurd, dat it koe wêze.'

Nier sjit werom, al is it mar in losse flodder.

'Wy wiene dêr sawat healwei alven. Wy ha fuortendaliks in lift kriegen. Ik ha gjin begraffenisauto sjoen.'

De flodder is in treffer.

'Dat kin dan ek net,' seit de plysjeman mei de ferfeelsume stim fan in bekaaide fakbûnslieder. 'De auto is tusken alve oere 14 en tolf oere 32 stellen.'

'Skoften!' seit Nier.

'Ja,' suchtet de plysjeman, 'mar wat docht men deroan? As elkenien elkenien besoademitere, soene wy in earlike wrâld ha.'

Dy wiisheid giet Nier op dit stuit te heech.

'Ik sil de juffer har auto even weihelje litte,' seit er.

'Sa fluch mooglik.'

De man hinget op. Dat is ien. Nier bellet in sleeptsjinst yn Drachten. Dat is twa. Hy bellet *It Seewiif* yn Ljouwert. Dat is trije. Hy freget nei Dynte. Dy is dêr net mear. In healoere ferlyn fuortgien. Se komt jûn noch thús. It kin wol let wurde. Dat is fjouwer. Nier nimt in pear timpen tsiis út it fûstje. Hy trochsiket it hiele hûs. Hy komt op plakken dêr't er noch noait earder west hat. Stjonker is it iennige libbene wêzen dat er fynt. Kiki, har klean en einepyk binne ek fuort.

Hy docht in wynsel om syn holle, net sa'n moaienien as om syn hân sit. Hy lûkt der in pet oerhinne en hopet dat syn harsens der yn bliuwe. Dan set er him neist de hûn del.

Hy docht in taast nei it kaartsje yn syn bûse. It is der noch.


MÜNSTER EN KEULEN, PRIVEE KONVERSAASJE-LESSEN, ALLINNE NEI ÔFSPRAAK. It kengetal is 05126. Hy nimt de telefoangids derby. 05126. Dat is De Sweach. It nûmer sels hat sân sifers. Dat betsjut ien fan 'e nijste forten yn it alderlêste alder-djoerste alderriantste bungalowplan. Allinne nei ôfspraak. Mar Nier docht it leaver op eigen manneboet.

Hy draait it kaartsje om. De achterkant is in adres op skreaun. 'Achterreed 6, Fochtelo.'

Dêr earst mar op ta. Dat is net fier út 'e reek en miskien krije se yn Fochtelo ek gjin shock fan syn brommerke.

Nier klaait him oan. Hy stekt Dynte har revolver by him. Der sitte seis kûgels yn. Likefolle as doe't Dynte it ding krige fan in oanbidder dy't selsmoard bedriuwe woe. In minyrevolver. In gaadlik wapen foar selsmoardners dy't noch net hielendal oertsjûge binne. In revolver om yn in knikkertbak leech te sjitten.

Hy jout syn lêste timpe tsiis oan Stjonker. Hy kriget syn brommer en rydt de oprydleane del. Boppe foar it finster stiet de hûn mei de poaten op it finsterbank him nei te sjen. Net ien fan bei den wuift.



Diane Angler rydt mei Jimmy yn in iepen MG troch it Fryske
gea. Skimerfingers krûpe oer de greiden en by de beammen
op.

‘Hearlik,’ seit Jimmy.

‘Fynst it lekker?’ freget Diane.

‘Soks ha ik noch noait dien.’

‘Myn freon ek net.’

‘Hy moast ris witte hoe fijn it is.’

‘Hy is der te nochteren foar.’

‘Ik hâld fan dyn lippen.’

‘Ast sûgest wurdt er roazich.’ ‘Ik hâld fan dyn tonge.’ ‘Sjoch.’

‘Ik hâld fan dyn tosken.’

‘Sil ik tabite?’

‘Toe mar.’

‘Hap!’

Se laitsje beide. ‘Hoefier bisto?’ ‘Safier, do?’ ‘Healwei.’

‘Starichoan, dat is fijner.’ ‘Au!’

‘Wat?’

‘Fierstentefolle ynienen.’

‘Myn fingers plakke.’

‘Hjir.’

Diane jout Jimmy in papieren bûsdoekje. Se sitte op iislollys te sobjen.

‘Wat hast Tobnivkin dan ’e middei ôfmakke.’

‘Ik woe fluch klearkomme. Ik tocht oan dy. Mar lit ús net oer skaken prate. Moarns sjoch ik de hynders yn myn kofje driuwen.’

‘Ik fyn skaken sa romantysk. Leist der wolris wekker fan, nachts?’

‘Soms.’

‘Wêr tinkst dan oan?’

‘Oan myn partijen.’

‘Net oan dyn tsjinstanners?’

‘Myn tsjinstanners binne hast altiten manlju. Myn partijen, dat binne myn fammen. Se binne derten, lumich, licht, swier, skerp, sleau, eigenwiis. Se kinne laitsje, gûle en sels belazerje. Se binne alles.’ ‘Se sizze dat in partij trije parten hat.’

‘Is ek sa.’

‘Wat is it wichtichste part?’

‘De iepening. Alles draait om de iepening. Dy is sa djipgeand ûndersocht.’

‘Der binne ferskate soarten fan iepeningen, netwier?’

‘In hiel soad. Iepen, heal-iepen, tichte, heal-tichte en flankiepeningen. Iepen iepeningen jouwe de measte frijichheid. Sletten iepeningen binne otterdoks. Se komme wat langer wat minder foar.’

‘t Is tsjintwurdich de moade net.’

‘Hokker iepeningen fynst de fijnste?’

‘De heal-iepen en heal-tichte binne noch net sa útdjippe, begrypst wol?’

‘It middenspul?’

‘Dat is myn elemint. Dêr is de eigen inbring it grutst. Dat is it feitlike spul!’

‘It einspul dan?’

‘Wichtich om de oare partij ôf te mêdzjen en ûnder te hâlden as men op winst stiet. Soms tige útputtend en toch net befredigjend. Mar lit ús no opjaan. Do likest wol in fraachpetearster. Wy ha toch wol wat oars te dwaan?’

‘Sorry,’ seit Diane, ‘mar ik fyn it sa nijsgjirrich. Ik sil net mear oer skaken prate.’

Se flaaait har tsjin syn skouder oan en nûndert. De loft is ferfolle fan ’e rook fan it lân en útlitgassen.

Ynienen hearre se achter har toeterjen. In grutte Mercedes sjit har foarby en hâldt in pear hûndert meter fierder stil. De doarren fleane iepen, in keppel optein jongfolk rôlet kreauwend nei bûten ta. De jonges, fammen en twifelgefallen geane dwers oer de dyk stean, se stekke de hannen omheech en wachtsje.

‘Asjeblyft,’ suchtet Jimmy, ‘hjir ek noch?’

Gelokkich bliuwe se fan syn liif ôf. Mar hy moat syn hantekening sette en it jongfolk stekt net ôf foardat ek suster Diane har krabbel yn alle opskriuwboekjes skrast.

‘De jagers fine it wyld oeral,’ seit Jimmy as se einlings wer tegearre binne.

‘Ik moat my ek mar fermomje.’

Dan wurdt de tocht troch it Fryske gea fuortset.

Se ride troch in doarp dat útstoarn liket. Mar as se de hoeke by de tsjerke om swaaie, komme se ûnder de minsken. Fan alle kanten wurde se bestoarme. It muzyk set him yn postuer en spilet *Stars and Stripes Forever*.

Dan stapt in man foar it front, opdien as in kikkert yn skriuw-papier. Hy ferklearret dat it doarp warskôge is troch in groep

tsieners. En dat it doarp earm is, mar in hechte mienskip foarmet. En dat út de bewenners spontaan de winsk nei foaren kaam de skaak master te huldigen. En dat it muzyk krekt yn it kafee oan it oefenjen wie. En dat sadwaande. En dat it doarp de skaakmaster en syn suster net sûnder mear foarby gean litte kin. En dat it doarp hjirby in aardichheidsje presintearre wolle soe, as de skaak master en syn suster it teminsten akseptearre soene wolle.

Twa alderleafste bern yn Fryske dracht bringe op twa reade kessentsjes in sûkerbôle, in krûdkoeke en in roggenbrea. It famke stapt op Jimmy ta, it jonkje op Diane.

Swiet oandien nimme dy de geskinen yn ûntfangst. Jimmy sprekt in tankwurd en fierder giet it wer, neiwiifd fan 'e doarpslju. 'Sok folk hjir yn Fryslân,' seit Jimmy en hy stekt de tomme omheech.

Diane glimket, dat docht har deugd.

'Mar ik hoopje net dat wy wer troch in doarp komme,' giet er fierder. 'Kinne wy Ljouwert net beride sûnder troch in doarp te kommen?'

'Dat sil min gean,' andert Diane.

'Wat is dat dêr, rjocht foar ús út?'

'De seedyk.'

'Dan bliuwe wy dêr stean. Ik ha it noch noait ûnder oan in dyk dien.'

Yn it leech fan 'e seedyk hâlde se stil. Se dogge wa't it earst boppe is. Hân yn hân stean se op 'e krún. Oer it Waad hinget it fiskige luchtsje dat út 'e bek fan in gapjende kat komt. It wetter is oan, de jûnsinne giet oer de loft. Se stean dêr deun opinoar en sjogge inoar djip yn 'e eagen. In prachtige tsjinljochtopname foar romantise reklame. Foar in gouden ring bygelyks. Of foar in longdrink. Of in besûndere sigaret foar aparte minsken. Of manljusparfum. Of in

libbensfersekering.

‘Kom,’ flústert Jimmy har yn ‘e mûle, ‘ik moat njoggen oere thús wêze.’

‘Moarn is it toch in rêstdei?’

‘Ik moat nei in offisjele gearsit mei de gemeente.’

‘Dan giest dêr mar sliepen.’

‘Nice hâldt ûnferbidlik oan syn skema fêst.’

Se dogge wa’t it earst ûnder is.

En dan ride se op Ljouwert ta. Foarby in motel komme se op ‘e romte. De wei bochtet omraak. By in oersidige hânwizer slaan se ôf.

‘Better earst rjochtút,’ seit Diane. ‘Dêr wurdt de dyk better.’

‘Lit my mar gewurde,’ seit Jimmy en jout gas.

Rjochts leit in reidlân. Wylst se dêr om hinne wine en op in muntsje sobje, giet Jimmy ynienen op ‘e rem stean. Diane lit him los.

Midden op ‘e dyk stiet in auto. Foar de auto leit in man. Syn fingers klauwe oer it asfalt. Syn iene skonk leit der niver by. Syn holle is net te sjen, dêr stiet it tsjil fan ‘e auto foar. In ûngelok! In man sit op ‘e knibbels en is mei earste help dwaande. Twa keardels stean der by.

‘Hela!’ Ien fan ‘e keardels komt mei swaiende earms tastowen.

‘Hela!’

Hy hat in rútsjeshimd oan dat him achternei floddert. Tatoeëarings weagje op it hierrige boarst. De oare keardel komt ek tarinnen. In smel skier snútsje ûnder in te grutte hoed.

Rútsjeshimd raast: ‘Tou, tou!’

Jimmy en Diane stappe út. Rútsjeshimd giet oer Jimmy stean, de hoedman by Diane.

‘Hy blet as in baarch.’

‘Ik ha gjin tou’ seit Jimmy.

‘Hoecht net,’ seit Rútsjeshimd ynienen yn it Ingelsk. ‘Hoe bliid is ’t

jonkje dan?’

It oparbeidzjen fan 'e beide keardels is perfekt. Rûtsjeshimd lûkt in automatysk pistoal foar it ljocht. Op itselde stuit sjocht Diane yn 'e loop fan 'e hoedman syn wapen. Broer en suster bringe de hannen starich omheech.

‘Dizze kant út, lekkertsje,’ kommandearret Rûtsjeshimd. ‘Kom neist dyn famylje stean.’

Diane skoot neist Jimmy, Hoedman jout it pistoal oan syn maat.

Dy lizze de wapens sa maklik yn 'e hân as binne it bierfleskes.

‘Harkje goed,’ seit Rûtsjeshimd. ‘Ik ha hjir mei-inoar tweintich blauwe beannen. Ik sjit goed as ik gjin slokje op ha. Ik bin ferdomde bekwam. Bliuw stean en hâld de bek. Mûs, ûndersykje se. It fanke net te bot bestrike.’

Mûs lit syn flugge fingers oer Jimmy syn klean gean. Dêrnei knypt er Diane yn har boarsten.

‘Heu, heu,’ seit Rûtsjeshimd. ‘Binnen de foarskriften fan it fakbûn bliuwe.’

‘Genoch,’ stelt Mûs fêst, ‘alles is echt.’

Hy kriget syn pistoal wer en nimt har ûnder skot.

Achterinoar rinne se op 'e auto ta, Jimmy foarop. De earste helpman sit al achter it stjoer en de swierblessearre keardel stapt monter foarby om de MG foar syn rekken te nimmen.

‘Hop, hop!’ seit Rûtsjeshimd, wylst er in doar iepent en in ûngeduldige beweging mei it pistoal makket. ‘Hop, hop!’

Jimmy stapt yn. Diane sil ek, mar ûnferwachts draait se har om, raamt mei alle kracht har knibbel yn it mûzekrus en slacht de man de hoed oer de earen. Dan fljocht se by de berm del it reidlân yn.

‘Kloatsek!’ heart se achter har roppen.

Se plompt it wetter yn, de griene liming slút om har billen. Se

skrept fierder, knoffelt oer in stien, skampet by in stik stikeltried lâns. Snilen prykje troch de gatten yn har pakje, brutsen reiden snije yn har skonken, se priuwt bloed op 'e lippen. Se baggert op in snippe ta. Dêrachter is de kraach tichter. Se klaut der hinne, djip foardel troch slyk en slam en lit har yn 'e reiden falle.

De kraach is smel, se is der samar trochhinne. Foar har leit in kolossaal stik ûnlân, sa keal as in lûs. De sopjende mocassins binne leadswier oan har fuotten. Se wâdet werom en dûkt djip wei.

Se heart in auto fuortknallen. As dat lûd ferstoarn is, heart se wat oars. It rûzeljen fan reid. En it klotsen fan wetter. Mar net troch de wyn. Se dûkt noch mear yninoar.

'Dêr sit se.'

In swiere stim.

'Sille wy har útrikje?' In piipstim. Dat is Mûs.

'Net sjitte!'

In bûslampe flitst oan. It skelle ljocht taast de reidkraach ôf. It swaait by de plommen lâns, dan sjit it nei ûnderen ta en bliuwt in heale meter boppe it wetter hingjen.

In twadde ljochtstriel snijt troch de skimer. Leech oer de grûn.

De striel komt heger en krûpt mei in horizontale beweging tichterby. De earste ljochtsirkel strykt der starich op ta. De aluminium daalders fan Diane har pakje glinsterje. Se glinsterje blier, as ha se der nocht oan har te ferrieden. De rjochter ljochtstriel hâldt stil, beweecht ien kear op, ien kear del.

'Ik ha har!'

De oare striel springt ta. Diane kin har net lytser meitsje. Se hat de holle tusken de knibbels. Se sit finzen yn 'e ljochtsirkels.

'Kom der mar út, wy ha dy al lang sjoen,' seit Mûs op in toan as binne se oan it weikrûpboartsjen.

Diane bliuwt sitten.

‘Sjit op,’ trunet Mûs oan, ‘oars sjitte wy.’

Diane ferweecht har net. Se sil dy rothonten sa lang mooglik dwaande hâlde.

‘Do fregest der om,’ pipet Mûs.

Fluitsjen, in kûgel slacht lyk by har ankel yn it wetter. Fûgels fleane kriezjend op. Mûs laket.

‘Nochris,’ seit er.

It strimet oer har holle, se fielt wyn troch it hier, in riichje reiden trûzelt mei de plommen nei ûnderen ta op har del.

‘Ik ha noch acht,’ seit Mûs.

Diane huvert. De griene liming hinget oan de skeakels fan har pakje. It wetter is swart.

‘Ik kin ek wol raak sjitte,’ seit Mûs.

‘Sjit of ik laitsje,’ ropt Diane.

Even is it stil. In kikkert sit har te begnizen. In reidkrobbe haast him nei tsjusterder kontreien. Se fielt har iensumer en wurger as de lêste alvestêderider tusken Bartlehiem en Dokkum. ‘Wês wiis, fanke, kom der út. Kinst gjin kant út.’

Wat wolle se? Jild? It sil ’t hast wol. Alles draait om jild.

‘Hoe heech is de lospriis?’ ropt se.

‘Ik tel oant trije ta,’ warskôget Mûs. ‘Dan sjit ik dy yn dyn leave roppet.’

‘Do praatst tefolle,’ ropt Diane, wylst se de prúk fan har holle roppet.

‘Rjochtop,’ seit Mûs, ‘hannen heech.’

Diane docht it. Ien ljocht dûnset op har ta. It oare is der net mear. Se hâldt de prúk yn ’e hichte.

‘Ik bin syn suster net. Ik bin Dynte Planteit,’ ropt se yn it Frysk.

‘Goed folk. Sjoch mar!’

‘Wer wat nijs,’ seit Mûs flak. Hy is foar gjin gat te fangen. Hy giet

troch mei Ingelsk te praten.

‘Ik ha my sa ferklaaid, foar de grap,’ besiket Dynte wer.

‘Grapmakster.’

‘As it om jild te dwaan is, ik ha neat by my.’

‘Ferstannich.’


‘Mar ik kin wol foar in pear tûzen garant stean.’

‘Do praatst tefolle.’

‘Pak my dan!’

‘Hoecht net mear.’

Achter har heart se in plomp, izeren fingers klamme om har kiel, se falt achteroer, fielt noch in nuddel yn har earm stekken. Dan sacket se wei yn ’e djipte, oer har hinne spielt in tsjusternis swar ter as it swartste wetter.



De Achterreed yn Fochtelo is net slim te finen. Alle strjitten en paden ha kreaze blauwe buorden op in galvanisearre peal. En de nammen stean der yn it Frysk op.

Mar nûmer 6 falt net ta.

De strjitte hat oan ien kant huzen, nûmers 2 en 4. Oan de oare kant is in drûge sleat mei wat leechhout derby lâns. Foarby nûmer 4 leit wyldlân.

Nier rydt dit lân in ein op, set syn brommer tsjin in hikkepeal en rint de strjitte fierder del. Hy komt by in daam. Dêrachter stiet in wyt wenhûs dat eartiids in boerespułtsje west hat. Hy teantet nei de doar ta. Op it kezyn in blikken plaatsje mei it nûmer 1. Hjir moat er net wêze.

Nier giet werom en stapt fierder. De sleat hâldt op. Trije huzen ûnder ien kape. Nûmers 3, 5 en 7. Hy moat it dus toch oan dizze kant sykje. Hjir lizze gjin strjitstiennen mear, de reed is in echte reed wurden.

Hy is al withoefier, mar nûmer 6 tsjinnet him net oan. By in iik is in twasprong. Nier sil krekt it breedste paad yn slaan, as er in doar

tichtflappen heart. Hy docht in stap tebek, ferskûlet him achter in beam.

In man komt oer it smelste paad oansetten. Hy hat in skipperstrui om it fleizige liif, de mouwen binne opstrûpt, in pear hierrige apearms stekke der út. De man syn kokkert smeult yn syn pypke. Hy skonket op it doarp ta.

As er fier genôch is, komt Nier foar it ljocht en rint it smelste paad del. Nei fyftich meter stiet er foar in houten hûs yn Noarse styl. Mei in ôfdak oer de doar, lytse fjouwerkante ruten, houten pylders, in opstap, ûntelbere harkenieltsjes en in skoarstien as in klokkestoel. In freonlik waarm hûs dat alle war dien hat de eigner te behaagjen. Mar dy hat it útsloere litten en no stiet it der rudich by. Krekt in frommes dat noait in komplimint krigen hat en har dêrom mar net mear opkwikkert. Alle finsters binne ticht, de jûn loft spegelt yn 'e ruten.

Nier dûkt en rint by it beamkeguod lâns, lykop mei de sydgevel dêr't mar ien finsterke yn sit, flak ûnder de naad. Dan stekt er dwers oer en glûpt op 'e doar ta. Nûmer 9.

Bekaaid wol er al fuortgean, as er wat sûnders sjocht.

It nûmerplaatsje en de ûnderste skroef binne ferrustke, mar de boppeste skroef is gloednij! Dy sit der noch net lang yn. En de ûnderste skroef stekt in eintsje út. As it plaatsje boppe net fêst siet, soe it oer de kop slaan en ûnderstboppest komme te hingjen. En dan is de 9 in 6!

Nier priizget syn eigen snoadens.

Hy set foarsichtich in foet op 'e ûnderste tree fan 'e opstap. It kreaket omraak. Hy hâldt de azem yn en wachtet, de hân op syn sjitterke. Gjûn finster giet iepen, nerges skoot in gewearloop om in hoeke, nimmen ropt help. Hy rint achterút, hâldt de doar yn 'e gaten oant er tusken it beamkeguod stiet.

Hy krûpt om it hûs hinne.

Oan de achterkant is gjin opstap, mar der binne trije doarren. Nier giet der wer fia de sydgevel op ta. De lange blombakken ûnder de finsters jouwe in moaie dekking. Hy skoot by de bemosse planken lâns. Alle trije doarren sitte yn it slot. En gjin finster dat er iepen lûke kin.

Rút ynslaan of oanbeljen makket likefolle lawaai. Beljen is fatsoenliker.

Hy besiket earst noch wol hoeden de foardoar iepen te meitsjen.

Omdôch fansels. Dan skuort er oan de grienige koperen belknop.

Hy hâldt de pinne yn 'e hân. In fjouwerkant izeren stêfke mei in gat op 'e ein dêr't in stik kramtried troch sit.

Syn beljen jout likefolle lûd as it preveljen fan in mûnts. Hy wachtet mei de revolver ree. Hy kin lang wachtsje. Hy kin wachtsje oant Pinkster, Sint-Jutmis, Sint-Nindei en alle oare kristlike en nasjonale feestdagen, hy kin wachtsje oant de bolle keallet, de ko bollet en it kealtsje koot. Mar hy hat gjin tiid.

En dêrom stekt er de belpin tusken it keazyn en it finster en besiket sa wat iepen te krijen. Hy begjint der fan te switten. Syn achterholle kloppet omraak en hy hat it gefoel dat syn harsens ta de pet út kwabje. Hy kriget syn knyft derby en fiket it hout wei. It is damp en sacht, hy komt in moai ein hinne. Hy wynt it kramtried yn in knoop, skoot de pinne yn it gat, draait it stik izer in fearnsslach om. De knoop bliuwt achter it finster stykjen. Dan skuort er mei alle geweld. It finster swaait kritend iepen.

Nier hyst him op oan it keazyn, stekt de fuotten yn 'e hûs en lit him sakje. Hy lûkt it finster ticht en sjocht leech by de flier it hear ris oer.

In trystige keamer yn ierdkleuren. In popelmatte, swiere kleastermeubels, in kammenet dêr't in ferhúswein yn swaai kin, in ljocht-

kroan mei tolve skimerlampkes, brune gerdinen. It rûkt allegear like muf.

Nier docht de iennichste doar iepen en komt yn 'e gong. As er mei de kelder begjint, kin er systematysk nei boppen ta wurkje. Hy knipt syn bûslampe oan.

De kelder is leech op in dekkleed yn 'e hoeke nei. Der sit wat ûnder en net sa'n lyts bytsje. Nier tilt it dek op. In kompjûter.

It liket in waskautomaat mei sânenfyftich programma's. Mar it is in kompjûter. Russysk fabrikaat. Der stean healwize omkearde letters op, dat it moat Russysk wêze. In brânnij staalgriis apparaat, mei likefolle klokjes as knopkes en noch mear hendeltsjes. In kompjûter yn in stil hûs yn Fochtelo. In apparaat om de statistyk fan in opinypeiling oer de gemeenteriefekiezing yn East-Stellingwerf te ferarbeidzjen. Om de gegevens oer de ynfloed fan eroazje op 'e Drachtster balstien oan de befoege ynstânsjes troch te spyljen. Om alle útslaggen fan it kuorbaljen sûnt 1913 ta de tredde macht te fer-heffen en dan achterstefoar te reprodusearen. As je dat leauwe, leaut Nier it ek.

Hy leit it dekkleed wer te plak.

De earste doar dy't er dan yn 'e gong iepen lûkt, bringt net folle nijs. Likernôch deselde keamer as dy dêr't er ta yn kaam, twa maten lytser, trije suchten mankeliker.

De oare doar sit in man achter. Hy sit yn it tsjuster te krantsjen.

Hy sit foardel mei de eagen op it papier, as is er steksjoch. Mar hy lêst net mear. Dêr is er oer hinne. Hy is oer alles hinne.

De heak fan in houten earm stekt yn syn nekke.

Nier siket steun tsjin it doarskezyn. Kâld swit brekt him oan alle kanten út, it wimert foar syn eagen.

Platfoet syn earms lizze op tafel, de koarte fingers fan 'e dikke

hantsjes binne spraak. Syn bril is brutsen en hinget op ien ear. Syn holle leit wat oerside, syn briedpantjesgesicht is grau en stiif. Om de heak hinne is it bloed noch net stjurre. De wite board is in reade kraach wurden, ûnder syn hals leit in grut rûn plak en oer de flier in kladder fan deselde donkere kleur.

In dik mantsje dat handich wêze woe en it net wie. In lyts baaske dat die wat de hege hearen seine, omdat er it sels net optinke koe. Syn opdracht mislearre. No is er fermoarde, omdat er tefolle wist en temin dien hat.

Syn paraplu, kofferke en hoed lizze op tafel. Nier makket it kofferke iepen. It is like leech as Platfoet syn libben.


De man syn reinjas is losknope. Hy wist fan 'e prins gjin kwea. Gean der even by sitten. Krante? Ja, tanke, dy fan hjoed ha ik noch net sjoen. Hoed ôf, jas los, sa, dat is noflik. En dan in heak yn je nekke krije.

Nier fielt Platfoet syn hân. Dy is koel, noch net kâld.

Hy hat gjin nocht mear de boel fierder te ûndersykjen. Mei syn bûsdoek faget er alles ôf wat er oanrekke hat. Hy lûkt de doar sunichjes achter him ticht. It hoecht net mear, mar hy docht it, likegoed.

Hy klimt troch it finster nei bûten ta en triuwt it goed ticht. De belpin wriuwt er soarchsum ôf, foart er it ding wer te plak stekt.

Münster & Keulen skûlet mei Platfoet ûnder ien tekken. Earst mar nei De Sweach ta. Miskien fynt er noch in lyk. Of in hege hear. Of beide.



Har noas jûket. Se lûkt him op. Dat docht se oars ek altiten as se wat net lekker fynt. Mar it jûkjen giet troch. En lekker finen is der hielendal net by, de mage jûket har ek. Se wol har noas wriuwe. Se kin net. Har hân sit fêst. Se draait de holle en sjocht omheech. Om har pols sit in swartlearen riem. Dy riem is fêstmakke oan in stange fan it hollenein fan in sikehusbêd. Har oare pols sit ek in riem om.

Se lûkt oan de fuotten en fielt riemen om har ankels. Moai stiif. Moai plat op 'e rêch. Moai yn it nochteren.

Se hat ien kear earder yn it sikehûs lein. Har mage moast leechpompt wurde. Doe't se moarns wekker waard, hingje in kaartsje oan har bêd. NOCHTER BLIUWE stie der op. In brankaar brocht har by de dokter. Se krige in rubberslange yn 'e kiel. Slokke. Se koe net slokke, se gappe nei de siken. Doe geaten se de hiele Burgumer Mar troch de slange. Doe spuide se slym. Mar har hannen en fuotten wiene net fêstbûn.

Miskien wurdt se rêdbraakt. Elke dei ien sentimeter útlûkt. Miskien wurdt se oantaast. Fjouwer rotsakken binne mânskernôch.

Miskien leit se yn 'e kream yn it Diakonessehûs. Se ferjit de pil wolris en Nier hat har dêrhinne brocht.

Neist har op it kessen leit ljocht hier. Se hat de pruk net mear op. It lekken leit koel op har hûd, se hat gjin aluminium maliën kolder mear oan. Se is Dynte. Dynte, Diane, Dynte, Diane, Dynte... se twifelt soms oan harsels.

No merkt se earst de rûne lampion dy't skeefboppe har hinget. In oranje-achtich ljochtmoannesicht dat fluensk glimket mei smelle lippen en spjalteachjes. It swaait in bytsje hinne en wer. 'Dach leave, hoe is 't?' freget de lampion en glimket de helte fluensker troch. In frouljusstim, wat seurderich, wat wreed, net sa noflik. 'Hast noch pine?'

'Ik ha noait pine hân,' seit Dynte.

Har mûle is hopdrûch, har stim klinkt heas.

De lampion stiicht, de frou neist har bêd komt oerein.

Se hat in wite skelk oer in sletten swarte jurk oan. Har figuer is treflik as je mei it stik boppe de milbân tefreden binne. Mar de meastepart wol altiten mear ha. Se is oan de ferkearde kant fan 'e fjirtich en se docht alle war oan de goede kant te kommen. Har gesicht is in make-up masker mei gatten foar de sintugen.

'Wêr bin ik?' freget Dynte.

'Yn in kreaze klinyk yn rêstige omkriten.'

'Wêr kom ik wei?'

'Ut in reidsompe boppe Ljouwert.'

'Wêr gean ik hinne?'

'Do bliuwst hjir.'

'Wa seit dat?'

'Ik.'

'Wa is ik?'

'De nachtsuster.'

‘Ja, dat sjoch ik wol oan jo gesicht.’
 It ljochtmoanneglimkjen bliuwt, de eagen wurde erchtinkend. Sus-
 ter siket in oar ûnderwerp.
 ‘Hast in pripke krigen.’
 ‘Fan jo?’
 ‘In stel smychten hat dy in ferdôvingsmiddel jûn.’
 ‘En no bin ik grif ûnder goed folk? Jo binne sa aardich.’
 It glimkjen hâldt op, de mûle wurdt in promke.
 ‘Ik sit hjir net om dyn beledigings oan te hearen,’ seit it promke
 sunich.
 ‘Fertel my dan earst mar ris, wêrom bin ik festbûn?’
 ‘Do bist oangien as in wyld. Hast allegear ûnfoege wurden útraasd.’
 ‘Yn myn ferdôving seker?’
 ‘Sommige middels wurkje sa. Dy smychten. Mar de plysje hat se
 snapt.’
 ‘Mei ik dan no los? Ik ha mysels folslein yn ’e macht.’
 ‘Noch net. Earst moat dokter Teakema komme.’
 ‘Ik begjin wer te razen.’
 ‘Nimmen sil dy heare. De muorren binne lûdticht.’
 ‘Ik wol hjir wei!’
 ‘Dokter Teakema komt aanst.’
 ‘Jo moatte my helpe!’
 ‘Hâld op mei dat gejo. Sis mar do.’
 ‘Sjoch, ik bin yn it folle besit fan myn fermogens. Ik ha gjin
 yn-wendige pine en neat brutsen.’
 ‘Dêr bin ik noch net sa wis fan,’ seit suster, wylst se it tek werom-
 slacht.
 Mimerjend stiet se nei Dynte har lichem te sjen.
 ‘Jammer dat soks mei de jierren allegearre ferkomt.’
 Se ferknûkelt Dynte har wang. Har fingers binne kliemsk.

‘Fielst dat?’

‘Net fiele fielt oars,’ seit Dynte.

Boartlik jout suster har in pear snûtslachjes.

‘En dit?’

‘Dat is better.’

Suster knypt yn har kiel om.

‘Pine?’

‘Ik ha de mangels der al lang út.’

Suster tramtearret har skouder.

‘Sis nochris wat.’

‘Au!’

It glimkjen begjint wer. Net fluensk, ljochtmoanne is duvelstange wurden. Suster plantet har hannen op Dynte har boarsten.

‘Noflik?’

Dynte spuit har yn it gesicht. Suster skodhollet even, lykas in bokser dy’t oanslein is. Se faget de flibe út har eagen. Maskara en eyeliner dogge bliken net waterproof te wêzen.

‘Dat hiest net dwaan moatten!’

Se set twa puntneilen yn it kûltsje fan Dynte har hals en lit har fingers tusken de boarsten troch nei ûnderen trippelje. De ôfprinten bliuwe yn it fel stean.

‘Múske, leaf múske fan my.’

Gûnzjen. It komt út in soart lessener yn in hoeke. Suster rint der op ta, drukt op in knop. It gûnzjen hâldt op.

‘Ik moat dy even allinnich litte. Ik kom daliks wer.’

Se ferdwynt troch in skodoar.

Dynte besiket sa folle mooglik fan de keamer te sjen. De muorren binne ynwyt. Gjin finsters, gjin stopkontakten, gjin pla ten, net iens in kalinder. Noch kealer as in toilet. Wyt sûnder wryt of slyt, finaal egaal. Suver it sjen dernei makket je al steryl. It plafond is allike

rein, mar dêr sit teminsten in luchtreaster yn.

De flier is sachtblau, sa sacht dat it sear oan 'e eagen docht. Dynte sjocht twa stuollen fan echt swart lear. Djoere stuollen. Foar in sike-hûskeamer earste klas ekstra super spesjaal. Mei riemen om polzen en ankels der op ta.

De lessener yn 'e hoeke is trochskinend en straalt in wyt skynsel út dat de hiele romte evenredich ferljochtet. Der sitte fjouwer knopkes, trije druktaasten, twa wizerplaten en ien tried oan.

De doar skoot iepen en dokter Teakema stapt der yn. In lange man mei meagere senuwachtige hannen fol blauwe ieren en brune flekken. Hy hat in wite jas oan, in wite mûtse op en in wite lape foar, dat fan syn gesicht binne inkeld de eagen te sjen. Dynte har daalders-pakje en prúk hat er by him. Hy hinget it swikje oer it fuottenein en set him del op 'e stoel neist it bêd. Hy knikt.

'Soa,' seit er, 'al wat bekaam? In oerfal op skaakmaster Jimmy Angler en syn suster en dat yn Fryslân. It is toch wat. It is allegearre gelokkich goed betear. Angler is ek yn feiligens. Fan herten sûn. Stil, stil, ik wit wat jo sizze wolle. Ik bin syn suster net. Jout neat, hear, wy witte derfan. En de plysje ek. Nice hat har ynljochte. Mar it bliuwt tusken ús. Gjûn krante sil der oer skriuwe, gjûn minsk sil der jo op oansjen. Nice hat Diane Angler foar it ljocht brocht, hy is ek yn staat har wer ferdwine te litten.'

'Dus hy dichtet in fabeltsje op en ik bin Dynte Planteit wer?'


'Sa ienfâldich leit de saak der net hinne. Jo ha jo prúk ôfrop en de oerfallers ha sjoen dat jo Diane net binne. Trije man hat de plysje snapt, ien is der ûntkaam. Ien mei in hoed.'

'Mûs.'

'Ik wit net hoe't er hyt. Mar salang't dy noch frij rûn rint, kinne jo net ûnder de minsken komme. Net as Dynte en net as Diane.'

'Wêrom net?'

'Jo begripe toch wol, dit is in goed organisearre binde. No't har opset mislearre is, binne jo net feilich. Boppedat soene jo Angler, Nice, josels, ja wit ik wa noch mear, oan sjantaazje bleatstelle.'
 'Ik belof jim dat ik thús bliuwe sil oant de hiele binde oprôle is.'
 'Dat risiko, juffer Planteit, meie wy net nimme.'
 'Ik wol by need wol in hiel plysjekorps oer de flier ha om op my te passen!'
 'Tink net allinne oan josels, tink ek oan oaren. Angler, Nice...'
 'Dus...'
 'Dus jo bliuwe hjir oant de lêste man oppakt is.'
 'Wat is hjir eins?'
 'Sis mar in observaasjeklinyk foar rikelju dy't in bytsje oerémis binne. Jo binne hjir yn fertroude hannen.'
 'Dat ha ik wol merkbiten.'
 'Hoe dat sa?'
 'Meitsje no dy riemen los.'
 'Dat soe in bytsje foarbarich wêze.'
 'Ik bin folslein normaal.'
 'Dat sizze jo. Rêst sacht.'
 Dokter Teakema komt oerein, rint lûdleas de keamer út, skoot de doar ticht.
 Dynthe begjint te razen. Se raast mei alle kracht dy't noch yn har wurg seare lea is. Se raast oant har stim net mear as in rocheljen is. Suster komt der yn en giet neist har sitten. De ljochtmoanne begjint wer te glimkjen.
 En Dynthe raast troch. Har liif skoddet, se skuort oan de riemen. Op 't lêst wurdt it suster tefolle. Se giet nei de lessener, drukt op in taast en seit: 'Jou har in spuitsje, dokter.'
 Dan set se har wer op 'e stoel del en wachtet. It duorret in iwichheid. Einlings skoot de doar iepen en de dokter stapt der yn.



It hûs mei de tún op it dak, it kin net misse,' seit de man fan 'e benzinepomp, wylst er syn fettige slaaien oan syn overall ôffaget.

Nier stapt op syn brommerke en rydt nei de Platinakust fan De Sweach ta. Suver healwei Lippenhuzen bliuwt er stean.

De sitadel fan Múnster & Keulen leit op in keunstmjittige heuvel mei keunstmjittige kûlen. Hast gjin beamke- en blommeguod.

Moaie golflinks. It hûs sels is fan dy útsochte ûnsjoggens dy't men tsjintwurdich út 'e keunst fynt. In kubus mei sa'n flymskerp profyl dat je rêchbonke der sear fan docht. En in daktún fol floodlight as in wyld bosk hier der boppe op. De stiennen binne ferglêze, it houtwurk is in aparte ekspedysje foar útrist, de kleuraksinten ha sa'n ôfwoegen karakter dat je de smaak fan suertsjewetter yn 'e mûle krije.

Dat allegearre mei privee konversaasjelessen. Lessen oan rike wid-do's dy't de tried fan it libben wer opkrije wolle, oan skieden froulju dy't sa lang neat oars by de hân ha, oan ferfelende kroaden mei in minderwaardichheidskompleks, oan beropsmjittige partyjouwers

dy't har moderne talen in bytsje opfandelje wolle. Lessen oan toarre âldkeardels dy't nei Fjoerlân farre wolle en lessen oan hite direktorsdochters dy't nei Iislân fleane sille. Lessen mei lûdbantsjes, dia's, grammofaanplaten, tekeningen, dokumintaasje en neislachwurken, tige privee, mei in soad persoanlik kontakt.

Ut alle ruten straalt oerfloedich ljocht. Der is gjin tinken oan en kom ûnbespeurd yn dat hûs. De lampen ljochtsje suver troch je hinne.

Nier omklammet de revolver yn syn bûse en set der op ta. Hy rint op it gers. As er de flagstones fan it paad begriemt, giet der miskien in sirene. Hy komt by de doar sûnder op in lânmynt te traapjen.

Dy doar is fan 'e aldernijste keunststof dy't noch gjin namme hat. Fanwegen de flakferdieling sit de bel yn 'e doarsknop en it lûdsprekkerke healwei de skoarstien. Nier drukt op 'e bel.

De klokkespullen fan 'e Big Ben en de Dom van Straatsburch begjinne tagelyk te spyljen. As se einlings úttingele binne, is it hast Nijjier.

In auto swaait om de hoeke, streaket mei de ljochten oer in gebodsboerd en ferdwynt yn it tsjuster.

Nier lit opnij it angelus klippe. De klanken binne noch net ferstoarn, dêr klikket de lûdsprekker. In hol blikken lûd.

'Ja?'

'Platfoet,' lústert Nier.

'Wa?'

'Platfoet.'

It lûdsprekkerke praat net mear, it sykhellet.

Fluch leit er it fisitekaartsje op 'e stoepe en giet om de hoeke stean.

De doar draait starich iepen. In grauwe stút komt heal ta de hûs út, bliuwt stean, sjocht it kaartsje en bûcht him foardel.

Nier springt ta en jout him in kaakstomp. In treflike slach.

It hiele gewicht fan syn lichem sit der achter en de bûchbeweging fan 'e man makket dat de klap dûbel oankomt. Sûnder in kik te jaan, sakket de fint yninoar.

In tosk glydt tusken syn lippen troch, oer syn kin en lit in fyn bloedspoar nei. Ut de oare mûlshoeke komt in twaddenien oanglieren. De beide toskten bliuwe even hingjen, falle dan mei in skerpe tik op 'e stoepe en stuitsje yn it gers.

Nier sleept it slachtoffer út it ljocht achter in hage. Hy fielt yn syn bûsen en fynt in revolver. In betterenien as Dynte har boarters-guoddinkje. Dat stekt er by him foar 't brekken, it folwoeksen wapen hâldt er ree. Hy ferjit net it kaartsje op te krijen en lûkt de doar hoeden achter him ticht.

Seis yn boude akwariums ferljochtsje de hal. It ljocht is grienich, psychedelys, mei skaadplakken fan wuifende wetterplanten. Yn elke bak swimme fisken fan ien soart en ien kleur. Oan de fierste ein fan in smetteleas wite loper mei útsûnderlik hege pool is in glêzen doar yn sulveren omlisting.

It gehiel tsjûget fan in fynbeslipe wansmaak. Nier is bliid mei syn klaaiing, hy flokt mei dit ynterieur.

As er noch in strjitlingte fan 'e glêzen doar ôf is, swaait dy al iepen. Amperoan in stap oer de drompel en de doar suchtet ticht. Oer de swarte flier stiet in brúnzen frou te guorreljen. Se hâldt de holle achteroer en út har mûle komt in meterlange wetterstriel dy't der ek wer yn werom falt. Om har hinne in krâns fan kofjeingeltsjes dy't spuitsje út 'e stippen op har skylden. It is in prachtige fontein as je mei jesels skjîn ferlegen binne.

Nier jout it frommeske in betroulik tikje op har bleate en teannet op in doar ta dy't heal iepen stiet.

Ynienen dûnsje der alle gearre oargelklanken om him hinne. Hy skrillet tebek, mar as der fierder neat gebeurt, gluorket er om de

hoeke.

Münster & Keulen sit achter in geweldich oargel te spyljen. De pipen binnen trochskinend en alle kleuren fan it spektrum draaie der yn om. De lege toanen jouwe donkere tinten, de hege ljochte. In psychedelys oargel.

De man sjocht net nei de brikken, hy stoarret omheech, syn noas heakket yn 'e loft. Hy hâldt de kaken opinoar klamme, de spieren lûke yn syn wangen. Syn ûnderlippe stekt út, der sit in blauwe bloedbljirre op.

Nier stapt foar it front. De man draait de holle mei in abrupte beweging. Syn glêzige eagen sjogge yn 'e nije wike. Hy is fier wei, fierder as Stjonker en hast like fier as Platfoet. Hy spilet troch. Nier docht syn hannen fan 'e rêch en leit de revolver oan.

Fia Palestrina, Bach, Beethoven, Berlioz, Stravinsky en Schön berg keart de man yn 'e wurklikheid werom. In skrilte dissonant makket in ein oan de fuga. Hâld je mar stil, je witte it noait mei dy moderne muzyk.

Flearmûsmantel komt oerein, syn eagen observeare wer. Hy hat de stim fan in barsten amer.

'Dat wie Buxtehude.'

'Ja,' seit Nier, 'dit is Platfoet.'

'No moatte jo net raarder.'

'Syn bealch leit noch yn Fochtelo, mar hjir stiet er.'

It perkaminten pokdobbige gesicht ferriedt neat.

'It heuget my net in ôfspraak mei jo te hawwen.'

'Ik nûgje mysels altiten út.'

'Fuort, fuort wêze!'

'Grutte broer wachtet oft ik mei de hiele hûd werom kom. Hy hat my in oere jûn.'

'Kletspraat.'

‘Goed, dan dogge wy it oars. Wat moasten jo yn myn meterkast?’
‘Meterkast?’

‘Ik ha al tweintich minuten fergriemd omdat it jo behaacht sa’n ein út ’e reek te wenjen. Ik hâld de revolver, ik stel de fragen. Mis-kien is dizze de maklikste. Wa hat jo yn myn hûs bûten westen slein?’

‘Josels.’

‘Jo konversaasjelessen binne ferskriklik. Allinne mar ienwurd-sin-nen. Kom op, útkoarje!’

‘Hoefolle?’

‘Alwer sa’n elliptys antwurd! Alles fansels.’

‘Ik bedoel hoefolle jild?’

‘Jo ha de keutel by de smoarge ein. Gjûn jild, ik moat útlis.’

Nier hâldt de man it fisitekaartsje ûnder de noas. ‘Münster?’

‘Keulen. Münster is myn frou. Se sil daliks wol komme.’

Nier draait it kaartsje demonstratyf om.

‘Platfoet is fermoarde. In heak yn ’e nekke. Dat hat dy Russise kompjûter net dien.’

De man slokt, yn syn meagere hals sjit de knikkert omheech.

‘Wy moatte prate,’ seit er mei in dikke tonge. ‘Gean sitten. Sille wy de swarte man derby helje? Dat praat wol sa noflik.’

‘Tink om grutte broer,’ warskôget Nier.

Keulen stapt op het fernimstige muzykynstrumint ta, de mantel floddert achter him oan.

‘Grutte broer kin barste,’ seit er.

Hy draait him om, yn syn linkerhân glinstert in pearse revolver.

‘Ik tel oant trije ta,’ seit Nier. ‘Wa’t it earste sjit.’

Keulen syn tryste swierliddige eagen knipperje net.

‘Ien. Twa. Trije. Fjouwer. Fiif. Seis. Sân. Acht. Njoggen...’

‘Lit us in slokje nimme,’ seit Keulen. ‘Gjûn bluf. Ik hâld fan ’e sachte

oanpak. Dit is myn drankoargel. Lit ús prate.'

Hy deponearret syn revolver foarsichtich op 'e brikken.

'Sa't jo wolle,' suchtet Nier en leit syn revolver der neist.

Keulen lûkt oan in knop fan it drankoargel. In klep klapt omheech, in tapkast fan trije meter lingte komt foar it ljocht. Tagelyk sjitte sân barkrukjes út 'e flier. Hy drukt op deselde knop en in bakje mei flessen en glêzen springt út it achterpaneel nei foaren. Hy kriget in flesse Green Label whisky en jit yn.

'Soda of straight?'

'Skjin.'

Keulen giet op it fierste krukje sitten, Nier hielendal op 'e oare ein. It glês whisky wurdt him fakkundich ta roetst. De mannen glimkje inoar bemoedigjend ta.

'Jo earst,' seit Nier as syn gasthear hoflik op him wachtet.

Keulen nipt oan it glês.

'Nochris.'

De man docht it. Dan nimt Nier in slok. It deksel flapt oer de brikken fan it oargel. De revolvers binne fuort.

'Alles automatys,' glimket Keulen.

Nier byt op 'e toskken. Hy leit it fisitekaartsje foar him del en tikket der op.

'Jo sitte oan Platfoet fêst.'

'Jo ek.'

'Wat diene jo yn myn hûs?'

'It hûs is fan mejuffer Planteit.'

'Wy libje yn mienskip fan guod. Koarje fierder, jô boadskip.'

'Platfoet demonstrearret foar my. Hy giet by de doarren fan 'e hegerein lâns. Hy fertoant frijbljuwend myn metoade fan lesjaan.' 'Mei in revolver yn it kofferke.'

‘Folsleine ûnsin!’

‘Jo útsmiter hjirre demonstrearret ek al mei in wapen.’

‘Wês net ûnnoazel, menear fan der hummes. Myn klanten binne VIPs, tige wichtige persoanen mei topynkommens. Ik kin gjin strúnders brûke. Ik ha fergunning foar bewapene beskerming fan ’e befoege autoriteiten.’

‘Wat diene jo yn myn hûs?’

‘Ik hâld mobilifoanys kontakt mei al myn fertsjintwurdigers. Ynienen foel Platfoet út. Ik wist wêr’t er siet. Dus ryd ik even nei jo ta. Ik belje oan. De doar giet iepen en jo slaan my yn ’e sûs.’ ‘Kom, kom. Ik jou Keulen, beskermeling fan ’e befoege autoriteiten en leaveling fan VIPs, in opdonder. Wa bin ik dat ik hjir libbensliif sit? Jo ferhaal stjonkt!’

‘Jo stjonke sels.’

‘Ja, nei swit.’

Oan de muorre flikkert in read lampke. In bromtoan ferskuort de stilte.

Keulen komt oerein. Hy sil op in kastje ta rinne. Nier lûkt Dynte har revolver en skodhollet. Keulen rint troch. Hy stekt de hân út om it kastje iepen te meitsjen... Nier sjit. De hân falt, in read plak spriedt oer it brúnfleckige fel. Keulen skreaut. Hy bewuollet de hân yn in tippe fan syn mantel. Nier fljocht op him ta en slacht him it swijen op. Hy tûget Keulen achter de tapkast, lûkt oan de knop fan it drankoargel. De barkrukjes sakje yn ’e flier, de tapkast skoot achterút, de klep klapt del. Keulen sit by Buxtehude.

It brommet en flikkert mar troch. Nier makket it kastje iepen. Op itselde stuit giet it ljocht út en wurdt it stil. Dan seit in stim: ‘Jou har in spuitsje dokter.’

Hy heart razen. Gjinn minsklik razen. Razen fan in bist dat deabang

is. In klik. Stilte.

Nier stoot de keamer út. Hy heart allinne it klaterjen fan it fonteinwetter. Hy skuort doarren iepen, mar nimmen raast mear. In trep. Hy fljocht mei trije treden tagelyk nei boppen ta. Koelte waait him temjitte. Hy is yn 'e daktún bedarre. Hy rint tusken de plante-weelde troch en komt by in oare trep. Dêr stiet er stil. Gjin razen. Wol in oanbou mei in plat dak. En in luchtreaster dêr't slûch ljocht út komt. Nier lit him sakje, teantet oer it grint, bûcht him oer it reaster. Tin kringt razen ta him troch.

Under him op in bêd leit in famke. Hy kin har holle net sjen, mar dat lichem werkent er út tûzenen. It skokt en skuort ferheftich. Nier springt fan it dak op 'e grûn. Hy stapt troch de earste de bêste doar yn 'e hûs. In koken. Op it rustfrij stalen oanrjocht mei fiif spielbakken lizze tangen, spuitten, skjirren en watten. Ien fan 'e spuitten sit in blauwe floeistof yn. Oer in stoel hinget in wite jas, mûtse en lape lizze der by. It razen komt achter in tichte skodoar wei.

Nier strûpt syn jas út, lûkt foarsichtich syn pet fan 'e plasse en klaait him om. Mei watten en spuit yn 'e hân skoot er de doar iepen.

Neist it bêd sit in frou. Se komt oerein en bûcht har oer it famke op it bêd. Nier giet achter har stean.

'Wêr wolle jo dit ha?'

De frou ferstivet yn har bewegings. Foardat se skreauwe kin, triuwt Nier mei syn frije hân de watten yn har mûle, set syn knib bel yn har rêch en lûkt har achteroer. Se siicht oer de flier. Hy giet op har polzen stean, spuitet earst in fyn strieltsje foar it prebearjen, stekt dan de nuddel yn har wolfersoarge earm en sjit har fol mei de blauwe floeistof. Hy wachtet en knypeaget nei it famke op it bêd. De frou skoddet net mear mei de holle, it trippeljen fan har skonken

giet al stariger. Noch in lêste skok, stil leit se.

Nier docht de lape foar it gesicht wei.

‘Hoi.’

‘Hoi.’

Hy bûcht him nei har oer, jout har in tút en freget: ‘Wat seist der fan?’


‘Rûkst hûnich.’

‘Sa rûk ik altyd. Wachtsje even, myn mes helje.’

‘Lit my hjir net lizze.’

‘Stjonker hat de tee al brún.’

Dynte glimket.



Dynte yn har metalen pakje sit klûmsk by Nier achterop. Se steekt har hannen yn syn búsen en krúpt tsjin him oan. Har gesicht is belutsen, har fuotten prykje spjelden en nuddels yn. ‘Hâld op,’ seit Nier, ‘oars kin ik myn gedachten net by it ferkear hâlde.’

‘Der is gjin ferkear,’ andert Dynte en se giet troch.

Har stim is in rau flústerjen oan syn ear.

Gjin tank komt út ’e sitadel fan Múnster & Keulen riden, gjin kanon stjoert har in salvo achternei. Sels de slûgjende roeken dêr’t se ûndertroch knetterje, jouwe gjin lûd.

Op ’e trijesprong by Lippenhuzen slaan se links ôf. Se sizze gjin wurd mear. Mar de oanwêzigens fan de ien is tige taastber foar de oar.

‘Hast pine?’ freget Nier as se troch De Himrik ride.

Dynte sjocht by de dûkerige aluminium daalders del. ‘Allinnich wat blikskea. In lykwein is net folle, mar dit is neat. Hiest my wol wat sachter plak jaan kinnen.’

‘De lykwein is fersûpt yn ’e Strobosser Trekfeart.’

‘Bist hjoed rij yn dyn ferfiermiddels.’

‘Moat ik in auto hiere? Skoddet dit te bot?’

‘Tink mar om it ferkear. Kinst net hurder?’

In heal oere letter binne se thús. Stjonker stiet noch foar it finster.

‘Earst mar in flaubyt,’ seit Dynte. ‘Ik bin sa roppich, ik koe wol yn ferwachting wêze.’

‘Nee,’ seit Nier benaud.

‘It siket der om.’

‘Mar Dynte, leafste...’

Se glimket. ‘Bist net wiis? Ik ha út te riden west mei de takomstige wrâldkampioen skaken. Ik bin útnaaid doe’t fjouwer mannen ús oer it mad kamen, ik ha in heal oere yn in reidsompe stien, ik bin fol sjitten mei rotsoai dy’t poarperen kij yn je sliep tovert, ik ha demontearre lein op in sikehûsbêd, bin becharge troch in frommes mei kliemske hannen en ha myn ferwulft binnenstbûten raasd. Dat is alles. No do.’

‘Op ’e harsens yn ’e Strobosser Trekfeart sitten, twa meteropnimmers út ’e kast helle, in dreun op myn achterholle krigen dat ik moat in pet op ha om it swikje byinoar te hâlden, in deade keardel mei in heak yn ’e nekke fûn en in hear yn syn drankoargel slein.

Mear net.’

‘Se moatte ús hjoed wol ha.’

Se gean nei de bar en Dynte leit har op ’e sofa del. Nier bringt har wat toast en boltsjes mei tartaar. En in pear bakken tee mei molke, lekker hyt. En Stjonker komt mei de jûnspost oansetten, twa ôfskriuings en ien oanmoanning.

‘Wat seist niis ek wer, in deade keardel mei in heak yn ’e nekke?’ freget Dynte mei in folle mûle.

‘Platfoet.’

Dynte ferjit te meallen.

‘Yn Fochtelo. Nei’t ik by Kollum yn ’e feart sitten hie.’

‘Wat diesto yn Kollum?’

‘Och, in eintsje om.’

‘Moai eintsje.’

‘Lit my no útprate. Nei’t ik by Kollum yn ’e feart sitten hie...’

Dynte knipt mei de fingers. ‘Witst, Platfoet hat hjir justerjûn oer de flier west! Ynstee fan Sjaak! Dy leit al trije wike mei trom boaze.

Platfoet is yn seeroversklean kaam.’

‘Nei’t ik by Kollum yn ’e feart sitten hie...’

‘Hy hie syn houten skonk fergetten! Dêrom kaam er hjir fan ’e moarn werom!’

‘Mei ik no by Kollum yn ’e feart sitte, ja of nee?’

‘Jonge, myn konklúzjes binne folle wichtiger!’

‘Dat Platfoet âlde kunde fan ús wie, hoechst my net te fertellen,’ seit Nier eigenwiis, ‘dat wist ik al lang.’

‘Fan wa?’

‘Fan himsels. Doe’t er dy op ’e stoepe sawat trochpripke, frege er: docht jo grutte freon dat noait?’

‘Lit ús inoar no net oertroevje yn tûkens. Op nei de houten skonk! Hy leit op myn sliepkeamer.’

As in fear springt Dynte oerein, stoot de gong troch, roffelt de trep op. Nier smyt syn kopke tee fuort en set har achternei.

‘Ik sil him wol helje. Bliuw hjir!’

Ferwoest besiket er har op ’e trep foarby te kommen. It slagget him net.

‘Lit my no.’

Dynte sprintet op har sliepkeamer ta, Nier helle har op ’e lêste meters yn. Hy giet mei de rêch tsjin de doar stean en spriedt de earms.

‘Komst der net yn.’

‘Soest wolle.’

‘Toe Dynte, ’t is in ferrassing. Gean noch even nei ûnderen ta. Ik rop dy as ik ree bin.’

‘Hast wat foar my kocht?’

‘Mmm.’

‘Hiest net dwaan moatten.’

‘Och, je dogge wolris wat.’

‘Wat is ’t?’

‘Ik sis neat.’

‘Dat is leaf fan dy. Hjir.’

Wylst se him mei krolle lippen tutet, jout se syn holle in dust. Syn plasse slacht tsjin de doar. Nier sjocht de hiele molkwei foar syn eagen dûnsjen en Neptunus dolt mei de trijetine yn syn harsens om. Hy beswimet omrint. Dynte sjit him foarby, draait de doar yn it slot. Nier komt ta besef. ‘Lit my it ferklearje,’ smeket er.

Yn ’e sliepkeamer bliuwt it stil. Hy rammelt oan de doar. Under syn pet giet it op en del. Ferslein draait er him om en rint nei de bar.

Hy rêdt de diggels op en wasket om. Hy kriget de jûnskrante, lêst de strips en it waarberjocht.

De telefoan rinkelt. Goed of tsjoed, de telefoan rinkelt ûnwjer steanber. Ien hân leit er op ’e smots yn syn achterholle, mei de oare kriget er de hoarn op.

‘Nier, bisto it?’

‘Ja.’

‘Kiki Rascal.’

‘Ha Kiki.’

‘Moatst my helpe, fluch!’

‘Mei wat?’

‘Sipma’s Siperse Sekspoes Boetyk, Donkerbroek.’

‘Hen?’

‘Se hâlde my hjir fêst! Kom, flu...’

Pats, útpraat. Nier skoddet de hoarn, mar der komme gjin wurden mear út.

Syn hapwaarm kweakatsje moat him brûke. Hy kin der net foar wei. Hy sil syn bêst dwaan. Sy hat syn libben ret. Neffens guon dy't geduerich op him om huffe, is dat net folle wurdich. Mar syn libben is it iennichste dat him oerbliuwt en hy wol it graach sels ta syn foldwaan ha. Der binne útsûnderings dy't him helpe in setsje langer ûnder de moanne te ferpoazjen. En dy útsûnderings foarmje it sâlt fan dizze wrâld. Kiki is der ien fan. As sy yn 'e lytse loege sit, is hy moreel ferplichte har by te stean. Graach of net graach. Nacht of dei. Mei of sûnder spûnzige har senspanne. Wolberet leit er de hoarn te plak.

Dêr slingert de doar waachwiid iepen, de kruk knalt tsjin de muorre. Op 'e drompel stiet Dynte. Fan bûten stienkâld, fan binnen gleonhyt. Dan is se it gefaarlikst. Se hat fan grimmitigens har stim werom krigen. Dy klinkt as in flymskerp rapier dat yn it iis stutsen wurdt.

'Wa hat yn myn keamer west?'

'Kiki.'

'Wolst sa goed wêze en praat yn haadletters, oars ferstean ik dy net.'

'KIKI!!!'

'Ken ik net.'

'Se hat my foar de dea weihelle. Ut de Strobosser Trekfeart.'

'Hie se dy mar fersûpe litten!'

'Dan hiesto noch by de biskoppen fan Mûnster & Keulen lein.'

'Se kin mei har fjurrige tangels fan myn klean ôfbliuwe!'

'Ik koe dat bern toch net yn har wiete krous omstappe litte?'

'Fansels net. Do hiest har klean al gau út.'

'Dynte, wat bist moai ast lilke bist.'

'Ha, lit my net laitsje!'

‘Dat doar ik net iens.’

‘Snaffel ticht! Dat gepanstryk fan dy. Dyn omfodzjen mei byfammen soalt my neat, jonkje. Krûp se mar oan! By need op myn eigenste bêd. Mar datsto yn myn klean ombargje litst, dat stekt my.’
‘Se is neaken de doar út rûn.’

‘Soest wolle. Se hat myn aldernijste wite haakte jurk mei pikt.’ ‘Hoe is ’t godsmooglik datst it witst. Hast trije kasten fol jurken. Kinst seker sûnder dy aldernijste wite haakte net libje?’

‘It giet om it prinsipe.’

‘Ferdomme, Dynte, wy ha wol wat oars te dwaan as inoar wyt en swart te ferwiten.’

Se leunt tsjin it doarskezyn. Se docht de earms oerinoar en sjocht Nier sûnder in spoar fan ynskiklikens oan.

‘Wa belde niis?’

‘Kiki.’

‘Falst der lekker by har yn, leau ’k.’

‘Ik moat har befrije.’

‘Dat hoechst my net te fertellen. Mar net yn myn hûs.’

‘Nee, út Sipma’s Siperse Sekspoes Boetyk yn Donkerbroek.’

‘Moai plak. Miskien kinst dêr boarre wurde. Dan moatte se dy earst lobje.’

‘It is net wat ik wol. It is myn morele ferplichting.’

‘Djoere wurden.’

‘Do hiest it sels oer prinsipes.’

‘Ik ha dy iten, drinken en mysels jûn. Ik ha dy altyd heech hâlden. It iennichste datsto wol kinst en ik net is autoriden. Al twifelje ik dêr nei hjoed ek oan. Mar ik fielde my by dy thús, ik koe mysels wêze. No hast it foargoed bedoarn. Mei dyn draaien en ligen. Do bist net oprjocht. Ik wol dy net mear ha. Sykje dyn eigendommen byinoar en wachtsje foar. Ik bring dy heechst persoanlik nei dyn

prikelpoppe ta. Op 'e brommer.'

Dynte draait har om, slacht de doar ticht. Nier kriget syn jas fan 'e kapstôk en stapt bûtendoar.

Yn it giele ljocht fan 'e skipslantearne stiet er op it bordes. In nachtfûgel sûzet oer de beamtoppen. Op it gers krekt binnen de ljochtsirkel leit in iepen boek. Lûdleas waait de wyn 'e siden om. De kleur fan 'e blommen is djipper as oerdei. Nier siket in lila aster. Dy past by Dynte. Hy stiet mei de blom yn 'e hân as se op 'e brommer foar komt riden. Hy wol har de aster jaan, mar se slacht him ôf. Dan brekt er de stâl koart ôf en stekt de blom yn syn knoopsgat.

'Hast neat by dy.'

'Jou myn sjinese moarnsjas mar oan Stjonker,' seit Nier. 'Mear ha ik net.'

Hy giet achterop sitten. Se ride de oprydleane út. Dynte har ljochte hier wappert him yn it gesicht. It is in bytsje damp. Hy besiket der ûnferskillich ûnder te bliuwen. Like ûnferskillich as wannear't yn in spûktinte op 'e merke hier yn je gesicht kletst. Mar har waarme oanwêzigens lit him net sa kâld as er wol. Hy docht de hannen yn 'e bûsen fan har koarte nerts manteltsje en krûpt tsjin har oan.

Dynte skeukt. 'Ophâlde, oars kin ik myn gedachten net by it ferkear hâlde.'

'Der is gjin ferkear,' andert Nier en giet troch.

'Dan strûp ik myn mantel binnenstbûten oan,' seit Dynte. Se remt ôf en docht it. 'Sjesa, lekker it bont tsjin myn fel. Bisten binne teminsten earlik.'

'Ik kin der noch wol by komme,' seit Nier.

'Ha it hert ris,' warskôget Dynte.

Op in keal stik dyk by Donkerbroek hâldt se wer stil. 'Sa fier en net fierder. Der ôf.'

'Ik sil it net wer dwaan.'

‘Hast heard wat ik sei?’

‘Mar...’

‘Der ôf!’

Nier stapt ôf. Dynte swaait de brommer en rydt fuort. Hy sjocht har nei, har wapperjend hier ljochtet yn ’e nacht. Nier draait him om en begjint te rinnen. Sels Donkerbroek hat in pear ivige flamkes. Dy pinkelje yn ’e fierte.

De goaden hawwe har wer ris tsjin him keard. Hy sil Dynte har fury mar yn ferdraachsumens oer him hinne gean litte. Dat hat er wol earder dien. ‘Frouljuskueren binne mannichfâld, bin ’se jong of bin ’se ald.’

Ynienen skrillet er op. Dynte rydt mei barstend geweld op him yn. Yn it dûnsjende ljocht fan ’e koplampe sjocht er in beam. Hals oer de kop stoot er der hinne. Hy rint mei de earms foarút, de hannen grypree, hy wol de rêdende beam nei him ta skuorre. Hy kin noch krekt achter de stamme springe. De brommer flitst him foarby, reek slacht him yn it gesicht.


‘Ik ryd dy kapot!’ skreaut Dynte.

It tsjuster sloarpet har op. Hoeden komt Nier achter de beam wei. Hy set syn foettocht fuort. Just lûkt er goed en wol oan ’e skonk, dêr fljocht it ljocht him wer temjitte.

Nier draait him om, set de sokken der yn. It bromjen wurdt janken, op it lêst fielt er de hite azem fan it meunster yn syn nekke. Hy dûkt foardel achter de beam. De tsjillen giselje by syn ankels lâns. Gûlend stoot it beest fuort.

Nier bliuwt achter de stamme stean. Hy jout de skors in fertroulik klopke. Goed âld beam, fjin datst der bist. Lit de beammen by ûs wegen lâns stean. Noait roaie dy dingen. Al moat de dyk tsienris ferbrede wurde. Al hat it ridend ferkear gjin sicht. Beammen be-skermje de fuotgonger. Hy harket mei sân pear earen. Foarsich-

tich docht er ien stap op 'e dyk, ree om himsels daliks werom te lûken. Mar it bliuwt stil. Hy rint achterút by de râne fan it asfalt lâns. Sa kin er better de brommer kommen sjen. Mar it bliuwt tsjuster. Nier stiet stil, suchtet, glimket. Se fielt noch foar him. In famke dat him kapot ride wol en dêrby harsels hast yn poeier rydt, fielt noch foar him. Miskien is it haat ynstee fan leafde, mar as se dêr trochhinne is, bloeie de abrikoazen as nea tefoaren. Hy soe fluitsje wolle as er seker wist dat syn achterholle it ferneare koe.



Sûnder ophâlden flitse de neonlampen fan de boetyk. Ljochtsjes rinne op en del by de gevel lâns. Horizontaal floepe ien foar ien letters en sifers oan en foarmje in tekst. SEKS? NIM IN SEKS-SLIJE SIPERSE BÊDPOES! TOPLESS, BOTTOMLESS. DAT IS IT HIELENDAL! $1+1=1!!!$ ALINNE BY SIPMA'S SIPERSE SEKSPOES BOETYK! De útsmiter nimt Nier sekuer op. Hy hat in tunyk mei gouden streken, epauletten en dekoraasjes oan. In unifoarm út 'e Tsiendeiske Fjildtocht. It Legioen fan Eare hinget him op it krús. De pet is fan 'e Frânse posterijen. 'Gjin strik?' freget er mei de stim fan in foarlader. 'Nee,' antwurdet Nier dimmen. 'Allinnich kreaze lju komme der yn.' 'Dêrom bin ik hjir. Hielendal út Harns.' 'Ek gjin smoking, hen?' 'Ik wist wrachtich net dat dizze poezekoer sa karbewust is.' 'Man, wy kinne Ljouwert om en oer. Se tinke altiten, Donker broek, sa'n gat, 't sil wol gûlen mei de pet op wêze. Mar as se hjir west ha, komme se grif werom. Mei freonen en goekunden. Sels út

it bûtenlân.’

‘Ik bin wier ymponearre. Dizze tinte is unyk.’

De útsmiter leit de holle wat skeef en freget erchtinkend: ‘Hoe bedoele jo dat?’

‘No gewoan. Je ferwachtsje in neazich krûpyntsje ynstee fan dizze flinke moderne saak.’

De útsmiter byt op syn ûnderlippe. Hy knikt. ‘Dan is it goed.’

Hy skoot in apparaat lyk as bussjauffeurs fan ienmansweinen brûke foar syn pampes. By syn postuer liket it mear in boartersguodkassa fan in beuker. Syn woarstfingers gripe in knopke.

‘Inkelde reis of retoer?’

‘Watte?’

‘Bliuwe jo de hiele nacht of komme jo yn in oere werom?’

‘Makket it ferskil?’

‘Inkelde reis is djoerder.’

‘Retoer dan mar.’

De woarstfingers skowe it knopke nei ûnderen ta. Se triuwe twa oare knopkes omheech, draaie oan in slingerke en mei in trynglûdsje springt in kreas beprunte kaartsje foar it ljocht.

‘25 gûne ynklusief.’

‘Dat is net om ’e nocht.’

‘Jûnsretoers binne djoerder. Oerdei kinne jo foar de heale priis plus in kwartsje teplak.’

Nier jout 30 gûne. ‘Lit mar sitte.’

De útsmiter tikket oan syn pet en skoot it apparaat op ’e side. Fuort achter de doar stiet de earste sekspoes. Om har bleate lichem kringelje swarte ferfstreken, har boarsten komme him mei in natuerlike uplift temjitte en har grutte eagen binne skean opmakke as dy fan in kat. Se hat in lange dikke sturt fan bont.

‘Mei ik jo kaartsje even sjen?’

‘Yn oarder, kom fierder.’

Nier hâldt syn azem yn en triuwt har bjusterbaarlike boarsten wat fansiden, sadat er by har lâns komme kin. Dan kriget er har by de boppe-earm en lûkt har mei yn in hoeke. Se slacht syn hân fan har ôf en sjocht him spinnich oan.

‘Wat tinke jo wol?! Ik bin hjir sjeffin!

‘Ik moat Kiki Rascall ha,’ flústert Nier.

‘Nammen sizze my neat. It bedriuw is koartlyn rasjonalisearre. De famkes ha gjin nammen mear. Se ha in letter. Jo ha in Q op jo kaartsje, jo moatte Q nimme.’

‘Wat is Q?’

‘Q is Ku. Sa hyt jo sekspoeske. Maklik foar de klant, hy wyt mei-iens wa’t er foar him hat.’

‘Ik wol Ku net. Ik wol Kiki.’

‘Dan moatte jo seisentweintich ferskillende kaartsjes keapje. En dan noch is it net seker dat jo har foar moarnier moetsje. Dit is ús tsjinstregeling.’

De sekspoes wiist op in pripboerd mei spjelden fan ferskillige kleur, linten, letters en sifers.

‘Mei ik dan miskien witte hokker letter Kiki hat?’

‘Wy meitsje de identiteit fan ’e famkes noait bekend. Sil ik jo jas ophingje, of geane jo werom?’

Nier strûpt syn jas út.

‘De pet noch.’

‘As ik dy ôf doch, falle myn harsens yn jo skoat. Ik ha krekt in swie-re operaasje achter de rêch.’

‘Fuort dan mar, omdat jo it binne.’

De sekspoes wynt in soartemint biljertklok op.

‘As de bel giet, moatte jo klear wêze! Fiif gûne boete foar elke minút mear.’

Se swaait in doar foar him iepen en Nier stapt in seal yn. Flier, muorren en plafond binne spegels. Ut ûnsjenbere lûdsprekkers klinkt sensuele elektroanise muzyk.

Yn it midden sit in man mei it djipsinnige gesicht fan in bejierre skylpod. Hy hat in pak fan aluminiumfoly oan. It fel fan syn gesicht is giel en poreus as de skyl fan in sinesappel. Hy sit oer de flier mei in jildbudel foar him. Ringsom stean flessen, glêzen en skaaltsjes mei swiet, soer en sâlt. Trije katers yn 'e foarm fan breedboarstige smelheupige bodybuilders rinne hinne en wer om de gasten op har winken te betsjinjen.

Seis-en-tweintich katteduorkes stean kreas yn in kring by de muorren lâns. Boppe elk hinget oan in gouden strikje in kaartsje mei in letter fan it alfabet. Yn en foar de duorkes kessens fan alderhande kleur en dessin. Dêrop lizze en sitte de poeskes mei of sûnder selskip. Nier syn eagen fleane by de katsjes lâns. Se lykje allegear op Kiki. Miskien komt it fan 'e spegels. Hy set op 'e man yn it midden ta.

'Binne jo de haadboarre?'

De man slacht it lid fan syn iene skylpodeach op en sjocht Nier oan. Mei it oare each bliuwt er foar him út stoarjen.

'Sipma.'

'Kiki Rascall. Wêr is se?'

'Oeral.'

'Se wurdt hjir fêsthouden!'

'Elkenien wurket hjir út frije wil.'

'Se hat my opbelle. Ynienen breek se ôf.'

'Sinjalemint?'

'Swart krolhier. Hechte boarsten, de lytse kant neist.

Skientmeflek op har bûk. Molksûkeladekleurich fel.'

'Dat ha alle famkes hjir.'

‘Groede op it wang. Lytse tosken dy’t in bytsje nei achteren stean.
Praat Frysk mei in Frâns aksint. Komt út Kanada.’

‘Dat is dúdliker. Mar it helpt neat. Ik ken de famkes allinnich by
har registraasjeletter. Freegje mar oan de sjeffin.’

‘Dy makket de identiteit fan ’e famkes net bekend.’

‘Dan binne wy útpraat.’

‘Ferdomme, wêrom is de wrâld sa lykfoarmich,’ mompelt Nier.

‘Jo binne net by de tiid, menear. Stik foar stik ha wy dizze famkes
op har brûkberens test. Jo soene witte moatte, dat se krekt it ge-
sicht en dy foarmen hawwe, dy’t hjoeddedei yn binne. As jo dat net
sjogge, binne jo sels út. Dan kinne jo better fuortendaliks opkroa-
dzje. Dizze famkes binne it tsjintwurdige ideaalbyld.’

‘Mei sturt en al.’

‘Dat is de persoanlike noat fan us boetyk.’

‘Ik soe dy Rubensboarsten by de yngong mar ferfange litte,’ merkt
Nier bitsich op. ‘Dat is âldmoadrich.’

It lid fan it oare skylpodeach strûpt starich omheech.

‘Wy sille us belied sels wol útstippelje,’ seit Sipma en hy makket in
bûgemintsje. De lidden falle oer syn eagen, Nier is lucht foar him.
Nier lûkt oan de skouders en set op koer Q ta. Ku ûntfangt him
mei iepen earms. Se hat itselde stal as Kiki, deselde kritike maten,
mar har gesicht mist kriich, it is dûzich. Se hat in smel metalen
boarststik en in bypassend broekje oan. Twa hingelslot sjes hâlde it
spul teplak.

‘Top- en bottomless. Ik wurd bemitere,’ seit Nier. Hy wiist op har
bepânsering. ‘Wat binne dat?’

‘Myn ferburgen ferlieders,’ gigelt Ku.

‘Fierstente krap!’

‘Dat is de bedoeling.’

‘Doch dy dingen toch ôf!’

‘Mei net.’

‘Wat mei net?’

‘Earst moatte jo bybetelje. In tsientsje foar boppe, fyftjin gûne foar ûnder. Hjir binne de kaaikes.’

Ku lit twa sulveren kaaikes oan in sulveren ketting foar syn eagen dûnsje.

Nier kriget in tsientsje út ’e bûse, teart it ta in reepke en stekt it yn ’e slúf tusken har gearprange boarsten.

‘Wa fan jim is Kiki Rascall?’

Se sjocht him ferheard oan. ‘Kiki?’

‘Ja, wêr is se?’ freget Nier hoopfol.

Ku sjocht om har hinne. Hy besiket har eagen te folgjen, mar dy fikseare neat. ‘Hjir net,’ flústert se.

‘Wêr dan?’

Ku glimket ferliedlik. ‘Earst even fange,’ seit se. Nier kriget wer in tsientsje en triuwt it yn deselde slúf.

‘Ik fiel my krekt in brievebus,’ gigelt Ku.

‘Of in sparpot,’ prevelt Nier.

‘Kiki is Set.’

Hy sjocht nei koer Z. Dy is leech. Swit gliert ûnder syn ferbân wei. Hy rûkt bloed. Syn harsens jûkje, hy soe se klauwe wolle, mar hy doart de pet net ôf te dwaan.

‘Kiki sit net yn har koer.’

‘Sil ik Pee freegje?’

‘Toe mar.’

Ku jout him in gutich knypeagje. ‘Foar neat giet de sinne op.

Ik ha al tefolle sein. De baas sjocht hieltiten nei ús.’

Nier skoot noch in tsientsje tusken har boarsten.

Ku suchtet melodramatysk, krûpt op Pee ta en flústert har wat yn it ear. Pee skodhollet. Dan krûpt Ku werom en ferfoeget har by it

famke oan har oare side. Dy skodhollet ek.

‘Louloene,’ seit Ku, as se werom is. ‘fierder doar ik net te gean. Krij ik no in drankje fan dy?’

‘Nee!’

‘Wês net sa ienkennich. Fersierje my. In katsje strykt men toch net tsjin it hier yn?’

‘Ik wol dy hielendal net strike!’

‘Lit my dan teminsten net yn myn twangbaitsje sitte.’

Ynienen floepe de ljochten út, de muzyk hâldt op. Even is it folslein donker, dan flitst in skynwerper oan. Yn ’e ljochtsirkel slûpe twa sekspoezen. Se draaie ominoar hinne, slaan de lange neils nei-inoar út.

‘De skeldkanonnade,’ ljochtet Ku him yn. ‘Ien fan us attraksjes.’ De famkes slingerje inoar fan alles nei de holle. De omsitters en -lizzers gnuve.

‘Dweil!’

‘Trut!’

‘Rûpige sek!’

‘Boarstige prûm!’

‘Stiengoed, hen?’ seit Ku. ‘Foaral Bee hat it.’

‘No!’ falt Nier har by. ‘Myn earen klapperje en ik sjoch der skilich fan. Mar is hjir net in rêstiger plakje?’

‘De Poef! Sille wy nei De Poef ta?’

Nier knikt. Se giet stean en lûkt him op.

‘Kom!’

‘Ik ha gjin jild mear,’ warskôget Nier.

‘Hoecht net.’

Ku hâldt syn hân fêst, jout der in knypke yn. Se rinne achter de kuorkes lâns de spegelseal út. In bodybuilder docht in doar iepen, poatet by har lâns, draait him om en iepent in twadde doar. Hy

makket in djippe atletise bûging mei rjochte knibbels. Se stappe him foarby, hy hellet har wer yn en iepent in tredde doar. Dêrachter sit Sipma. Hy sit foar in selsmakke wandmeubel op in selsmakke sitmeubel fan stielplaat. Allinne in blikiepener fanne-den. Neist him stean in bear yn rûtsjeshimd en in mûs ûnder in hoed. Se stean dêr as wolle se Nier opfrette.


‘Moai wurk, Ku,’ seit Sipma. ‘Hast wat fongen?’

‘Mar tritich gûne.’

‘Meist hâlde.’

‘Tanke, baas.’

Yn ’e fierste hoeke sjocht er in suterich hjerstkatsje sitten. Kiki.



Dynte wurdt slúch fan it stoareagjen yn it ljocht fan 'e kop-lampe. Se falt hast oer it stjoer yn 'e sliep. Dit hâldt se net mear út.

Koartby Ljouwert stiet in truck mei oplizzer oan 'e kant fan 'e dyk. YNTERNASIONAAL WEITRANSPORT lêst se yn it sike natriumskynsel fan in ljochtmêst. Se stapt ôf. Se giet op 'e tred fan 'e kabine stean en sjocht troch it rût.

De sjaffeur leit op ien ear. In sechstiger mei in ûnskuldich gesicht, mar dat ha alle minsken as se sliepe. Syn wangen sitte fol grize burdstoppels en hy hat in brún ribflewielien pak oan. Se tikket op it rût. De man skrikt wekker en sjocht har loen oan. Hy draait it rût omleech.

'Ja?'

'Mei 'k by jo sliepe?'

Syn eagen sjogge net sa loen mear.

'Fansels, fanke! Kom der mar yn. Tink der om!'

Hy docht de doar iepen. Dynte set har brommerke yn it slot en stapt yn 'e kabine. De sjaffeur skoot wat op. Hy kriget in reistekken út it rak achter him.

‘Bist kâld?’

‘Bytsje.’

‘Hjir.’

Hy helpt de tekken om har hinne te wuoljen.

‘Sil ik it kacheltsje der by oan sette?’

‘Leaver net. Dit sliept better.’

Dynte leit de holle tsjin syn skouder.

‘Mei it?’

‘Altyd.’

‘Net te swier?’

‘Ik bin wol oare frachten wend.’

Se is al healwei as se him mompeljen heart: ‘In bysliep yn pleats fan in byrider.’

‘Nim my net kwea ôf,’ ferûntskuldiget Dynte, ‘mar ik ha no gjin sin oan seksueel wrakseljen.’

‘Ferjit it,’ seit de man, ‘ik ek net. Myn frou sit thús en myn bern binne troud. Mear ha ik gjin ferlet fan.’

Dynte kriget syn wreedfellige hân. ‘Jo meitsje my sûnder kacheltsje al waarm. Sliep wol.’

‘Nacht, fanke. Hjir kin ik wer in wike op tarre.’

Yn it malkerige ljocht fan ’e iere moarn fûstket Dynte ôf.

‘Betanke foar alles!’ skreaut se boppe it dinderjen fan ’e motor út.

‘Graach dien, hear!’ skreaut de sjauffeur werom.

Hy swaait de wein fan ’e parkearstreek ôf, toetet twaris en ferdwynt yn in reekwolk fan komsa nei it bûtenlân.

Dynte kriget de Kaart fan Fryslân der by en leit dy oer it stjoer fan har brommerke. Al gau fynt se it plak dêr’t Jimmy Angler syn

traï-ningssintrum sawat wêze moat. Se stapt op en rydt der hinne. As se yn 'e fierte de bûtenpleats sjocht, hâldt se stil en leit har brommer yn 'e sleatswâl.

De tûn stiet noch fol TINK-OM-DE-HÛN-buorden. Dynte huervert. Se lûkt it bont fan har omstrûpte manteltsje tichter om de lea. Se soe harsels wol oankrûpe wolle. De gerdinen fan 'e opkeamer binne noch ticht. Miskien stiet dêr wer in famke har te ferklaaien. Dynte rint om it hûs hinne. It gers is bedauwe. Oan de achterkant is in fûgelflecht. De dierkes sitte ticht tsjininoar te slûgjen. Ut en troch wurdt der ien wekker en sjocht as wol er protesteare, mar noch net wit tsjin wat.

Yn it tek stiet in dakfinster iepen. Dynte klattert op in tonne en hiset har op 'e fûgelflecht. It houtwurk kin har krekt hâlde. As har skaad oer de fûgels skoot, dûke dy noch djipper yn 'e fearren. Sûnder tusken de sierfinken te trûzeljen berint se de dakgoate. Se giet op 'e teannen stean, heakket de hannen om de râne fan it dakfinster en lûkt har omheech. Se moat wol har mantel útstrûpe, dan kin se troch it gat.

De souder is sa leech as in souder fan in hûs mei foldwaande kast-romte mar wêze kin. Foarsichtich giet se de fêste trep ôf. Dy kreaket net iens. Under rinkelte in telefoan. Dynte sjit yn 'e earste de bêste lege kast. It rinkeljen giet troch. Der wurdt net oannaam. Einlings hâldt it tastel op te diveljen.

Se fynt boppe gjin libjende siel. Ek gjin deadenien. Se nimt de folgjende trep nei ûnderen ta. Dêr is it allike útstoarn. Se komt by de doar mei it hingelslot. Net iepen te krijen. Se skoot it skúfke iepen. De keamer is folslein leech op in heap jiske yn in hoeke nei. Se snûft in swakke brânlicht op. Se moat har even fêsthâlde, dan giet it wol wer.

De opkeamer besiket se it lêst. Tusken de spegellist stekke fjouwer

foto's. Trije binne nûmere. Foto 1 is Dynte, 2 is Dynte as Diane, 3 is Jimmy. Mar as se goed sjocht, merkt se dat nûmer 3 ek in foto fan harsels is. Burd en wynbrauwen binne bytekene, it hol lehier is feroare. Op 'e fjirde foto in keppel hippe fûgels en piken. FANKLUP MITSELWIER stiet der op.

Se makket dat se boppe komt. Yn 'e dakgoate strûpt se har manteltsje wer oan. In minút letter stiet se by har brommer. Krekt op tiid, hiel yn de fierte sjocht se in auto tichterby kommen. Dynte rydt foar de wissigens de tsjinoerstelde kant mar út en bedarret fia in pear binnenpaden op 'e grutte wei nei Ljouwert ta. Se lit har brommerke bytanke en jout har in pear oeren yn it beskûl fan in brêge del. As se bekaam is, rydt se de stêd yn. De Bonifasiustoer wiist healwei achten.

It hus fan Sjaak stiet yn ien fan dy rêstige strjitten dêr't it libben earst om kofjedriverkerstiid hinne begjint. Se sjocht troch de ruten fan 'e erker. Yn 'e tsjustere húskeamer achter de iepen skodoarren sit Sjaak syn mem oan it moarnsmiel.

Dynte tikket op it glês. De frou komt oerein, rint nei de foarkeamer, sjocht har stean. Se docht de skelk ôf, ferdwynt yn 'e gong. Dynte heart har de skoattel ferskowen, de kaai omdraaien. De doar giet iepen.

'Moarn, frou Mink.'

'Juffer Planteit.'

Dynte fûstket. De frou har hantsje is fyn en drûch. Krekt as ha je in moskje by it poatsje. Har gesicht sit fol gutige rimpeltsjes. It fel is geef en wyt. In wyfke dêr't men yn ferlytswurden mei praat. In frommeske fan poeiersnie.

'Bin ik te betiid?'

'Nee, hear. Ik bin moarns om seis oere al yn 't spier. Sliep net mear sa bêst, sjoch.'

‘Hoe is ’t mei Sjaak?’

‘Kom fierder.’

‘Eventsjes dan.’

As se yn ’e hûskeamer sitte, fertelt frou Mink: ‘Noch in wike dan komt er thús. Hy moat mar oar wurk sykje. Dit kin sa net langer. Hieltijd je skonk opbine. It soe syn dea wurde. Allinne foar dy healwize klanten fan It Seewiif. Justermoarn brocht Hindrik de seeroverspultsjes fan Sjaak werom.’

‘Hindrik?’

‘Ja, Hindrik Platfoet, in freon fan ús Sjaak. Ik sei, Hindrik, meist se wol hâlde, ik wol dy rommel net mear yn ’e hûs ha. Justerjûn soe er se ophelje. Hy hat noch net west. Hy moat mar gau komme, ik kin dy dingen net sjen al is ’t noch sa.’

‘Wannear hat Hindrik dy dingen foar it earst ophelle?’

‘Sawat in wike yn.’

‘Mei ik se ris sjen?’

‘Kom mar.’

Frou Mink giet har foar nei de bykeuken.

‘Dêr leit de bringst,’ wiist se.

Se bliuwt op ôfstân stean, it griist har oan. ‘Dy rommel hat myn soan siik makke.’

Dynte knibbelt by it pakje, makket it tou los en lûkt it papier der ôf. Stikelburd, himd fan blauwyt streekjeguod, reade doek, swart eachlapke, sarjes broek, ien hoas en ien skoech, houten skonk. It hiele swikje is kompleet op ’e earm mei heak nei.

‘Ien fraach noch,’ seit Dynte. ‘Is dizze skonk fan jo soan?’

‘Fansels. Hindrik hat alles foar in feestje liend.’

‘Sjoch ris goed.’

Frou Mink suchtet.

‘Dêr freegje jo my wol wat. Earst de bril op sette.’

Se toffelt nei de húskeamer ta en komt mei de fok op werom.
Skrutel skoot se tichterby de houten skonk dy't Dylnte har foar-
hâldt.

'Dy is net fan ús Sjaak.'

'Wier net?'

'Ik sjoch it toch sels. Ik ha Sjaak syn skonk withoefaak behimmele.'

'Hat Hindrik de houten earm ek liend?'

'Jawis.'

'Dy is der no net by.'

It wyfke skodhollet. 'Nuver is 't. Mar it soalt my neat, hear. As
Sjaak mar gau better wurdt.'

'Mei 'k dit pakje meinimme?'

'En as Hindrik komt?'

'Hindrik komt net mear. Ik ken him wol. Ik sil it oan him jaan.'

'Graach. Dan bin ik it gelokkich kwyt.'

'Hoe let kin ik Sjaak hjoed yn it sikehûs opsykje?'

Frou Mink har gesicht fleuret hielendal op. 'Jûn om healwei sânen.'

'Ik helje jo kertier oer seizen mei de auto op. Dan gean wy dêr
tegearre hinne.'

'Fijn,' seit it wyfke bliid, 'dan hat dy jonge ek ris wat oars as in âld
minske.'

Dylnte nimt it pakje mei en knettert fierder de stêd yn.

As se foarby in suvelwinkel komt, kriget se toarst. Se keart en stapt
op 'e saak ta. IT LÚKSE SUVELHÛS stiet op 'e etalaazjeruten
skildere. De man achter de toanbank liket mear in dokter as in
molkboer. Hy hat in wite jas en sterilisearre wanten oan.

'Wat is der fan jo boadskip?' freget er yn treflik Frysk.

'In fesse sûpe.'

'Dat ferkeapje wy net,' andert de man mei in gesicht as seit er in fiis
wurd.

‘In flesse molke dan mar.’

Syn gesicht drukt no folsleine walge út. ‘Ik bin bang, dat ik jo net helpe kin.’

‘Wat ferkeapje jo eins wol?’

Dynte har stim hat in stikelich toantsje.

‘Juffrou, wy binne in lúkse suvelwinkel, mei de klam op lúkse.’

‘Menear, ik bin in sljochte Friezinne, mei de klam op sljochte.

Goeiedach.’

Dynte stevent de doar út.

By in automaat hat se mear gelok. Se hellet der twa pûdsjes lije limonadegaseuze út en ien pûdsje Ingels drop. Se is slij nei Ingels drop, it smakket blits en hat toffe popkleurkes.

Har tredde fisite is oan Hotel Atlantis. Oan de baalje sit in oare resepsjoniste. Wer in fanke dêr’t foarm en ynhâld omkeard evenredich fan binne. Wylst it bern noch dwaande is te besykjen Nice telefoanys op te roppen, stiet Dynte al lang en breed foar nûmer 259.

Se draait de kruk, rammelt der oan, tikket op ’e doar, bûnzet, flústert troch it kaaisgat, mar net ien docht iepen. In kreaze fint komt om de hoeke fan ’e gong setten. Saaklik, effisjint, enerzjyk, aktyf, alle easken út in personielsadvertinsje binne yn him belicheme. ‘Wat hâldt dit yn?’

‘Ik moat Sir Nice ha.’

‘Sir Nice is út.’

‘Wêrhinne?’

‘Wy folgje ús gasten net yn har dwaan en litten. Dêr is it gat fan ’e lift. Ik bring jo sels wol even nei bûten ta.’

Yn ’e snellift besiket Dynte har froulike sjarmes út te spyljen. Mar tsien tellen is foar har te koart. De kreaze hotelfint stiet allinne ferheftich te slokken.

Op strjitte keapet se in moarnskranke. Hoe't se ek siket, gjin nijs oer de oanslach op Jimmy en Diane Angler. Dynte boadskippet fierder.

Se stapt yn in saak foar ORTOPEDISE- EN GUMMYWAREN. Se hellet de houten skonk foar it ljocht en freget oan de winkelman: 'Kin ik der noch krekt sa'n ien by krije?'

De baas klaut him achter de earen.

'k Wit net, 't is in ferâldere model. Dy meitsje se net mear. Mei ik jo briefke fan 'e spesjalist even sjen?'

'Spesjalist?' seit Dynte ferheard. 'Dit is foar in practical joke.'

'O,' knikt de man, 'dat feroaret de saak. Wy leverje in hiel soad oan practical jokers. Dat is ús nije merk. In tige wichtige merk, mei 'k wol sizze. Ik ha noch wol erges in ôfdankerke stean. Wachtsje, hjir ha wy him al. Omtrint itselde, sjogge jo wol? Allinne dit rinkje sit in heale sintimeter heger.'

'Prachtich,' jubelt Dynte, 'doch dy mar.'

'Sil ik him even ynpakke? Pryske der ôf?'

'As jo wolle, 't is in jierdeipresintsje.'


'Haha,' laket de man, 'ik ha der sels suver nocht oan.'

Fan de winkel rydt se rjochtstreeks nei it postkantoar. Dêr adres-searret se it pakje mei Sjaak syn spultsjes oan POSTBUS 1, ÂLD-APPELSKEA, en jout it ôf.

It wurdt no heech tiid en meitsje harsels ree foar de slach. Noch wurdt se net achternei sitten. Mar om elke hoeke loert it gefaar. Se kin sa de kâlde loop fan in stik sjittersark yn har nekke fiele. Foar de wraak set se mar in grutte sinnebril mei donkere glêzen op. Mar as se betinkt dat je yn Ljouwert mei in sinnebril op just yn 'e kikert rinne, set se it ding wer ôf.

Se is bliid as se foar har fertroude make-upwinkel anneks kapsalon stiet. Se gaspet de reistas los fan har brommer, kriget it jierdei-

presintsje en stapt de saak yn. Trije kapsters gean oer har gear.
Se behannelje har treflik. Sels har lange ljochte lokken mei se hâlde.
Healwei alven rydt in taksy har nei de offisjele gearsit mei de
gemeente oan it Riedhûsplein.



Reagje dy gniis fan syn snút,' kommandearret Sipma. Rûtsjeshimd helle foar de safolleste kear út en raamt in bearefûst yn Nier syn troanjemint. Dy hat it gefoel dat syn noas net oan, mar yn syn gesicht sit. Mear fielt er ek net. Se ha him murf slein.

'Myn geduld is útpoept, wêr is it?' skreaut Sipma mei oerslaande stim. Yn syn skylpodeagen glinstert in koartsige gloed.

Nier spuit in mûlfol bloed út. Sels spuien falt net ta. Oer syn kin en hals hinget in pikkige reade slabbe. Hy sit ûnwrikber op in stoel fêstbûn, allinne syn holle skoddet as in boksbal.

'Wat?' freget Nier.

'Kristensiele, begjin net wer! It!'

'Sis dan wàt.'

'It!' Sipma knipt mei de fingers. 'It, it, it, it.'

'Jim witte sels net wat jim bedoele.'

'Dit!'

Bats, kriget er wer in opdonder. De lampe begjint te slingerjen, de keamer te giseljen en Sipma stiet yn alle stannen foar him behalven

rjochtop.

‘Wêr is it?’ blaft Sipma him ta. Hy triuwt Rûtsjeshimd syn fûst fansiden. ‘Net te bot. Hy moat bûtendoar ek toanber wêze.’

‘Jo ha gelyk,’ seit Rûtsjeshimd ienfâldich.

No net flaufalle, tinkt Nier, hoe noflik it ek wêze soe. De kop der by. Se sykje grif de houten skonk. Ik ha trije adressen. Achterreed 6 yn Fochtelo is te iensum. Dêr slaan se my hartstikkene dea. Mûnster & Keulen, De Sweach, liket better, mar is minder. Dêr ha se rêchdekking fan befoege autoriteiten. Bliuwt oer Ljouwert. Ljouwert is it plak foar my.

‘Hotel Atlantis, Ljouwert,’ komt tagelyk mei in poarsje bloedbobels oer syn lippen.

‘Dus tòch!’

De mannen sjogge inoar oan.

‘Dy doarak,’ seit Sipma, ‘hy spilet dûbeld spul. Hie ’k it net tocht?

Wy moatte him foar wêze. Kom, der op ta! Hy giet mei.’

Kiki makket har út ’e hoeke fan ’e keamer los.

Se hat de haakte wite jurk fan Dynthe oan. It is mear gat as jurk en se kin it stik klean net hielendal mei har foarmen folje. It hat in miskar west, mar dat beseft se gelokkich sels net. De wite hoazzen fan Ungaro dy’t krekt boppe de knibbels ophâlde, passe better by har figuer.

Se strykt in finger by Nier syn wang lâns. ‘Sa kin er net mei. Se sille tinke dat wy slachters binne.’

‘Binne wy ek.’

‘Mar se meie it net tinke.’

‘Dat is dyn slach. Hoffenje him wat. Wy meitsje risselwaasje. Oer fiif minuten moat er toanber wêze.’

‘Wachtsje even,’ pipet Mûs. ‘Foardat it net mear kin. Ik moat ek myn gerak ha.’

Hy roait sekuer en slacht syn fûst tommedjip yn Nier syn gesicht.
De manlju laitsje.

‘Do bliuwst hjir,’ seit Sipma tsjin Rútsjeshimd.

Hy giet mei Mûs de keamer út.

Nier is him heal bewust wat Kiki mei him docht. Hy fernimt temperatuerwikselings op syn holle. Wol tweintich kear stammert er: ‘Meitsje my los.’ En wol tritich kear: ‘Hast my te fiter hân.’ Wurden dy’t net freegje of ferwite. Gewoan wurden. Lêste oerbliuwsels út in fier ferline doe’t de wrâld noch normaal funksjonearre. Neffens de wetten fan oarsaak (of oanlieding) en gefolch. Hy is no yn in oare wrâld. Syn bewustwêzen fernaut. Hy praat en praat mar om net te beswimen. Ynienen begjint Kiki te flústerjen. Har stim komt troch in mist op him ta. Hy harket mei alle fermogens dy’t noch yn him binne. In folslein harkjen. Soms rekket er even yn ’e sûs, dan lûkt dy stim him der wer út. Syn bewustwêzen ferrommet. Hy sjocht Kiki noch net, mar hy fielt har fingerseinen. ‘Ferdomme, ik doar dy net los te meitsjen, jonge. Ik hie dy dit besparje kinnen. Hast it sels ferknald. Do litst dy leaver twa oeren lang troch in pear hufters bûksiik slaan en seist by eintsjebeslút toch watst net kwyt wolst.’

‘Koes,’ warskôget Rútsjeshimd.

‘Kiki moat dyn gesicht yn fiif minuten opkalefaterje. It duorret wol fiif jier ear’t dat wer yn bytsje liket. En it is allegear fergees. Se sille dy likwideare sadree se it fûn ha. Se skrilje foar neat tebek. Dit wurdt dyn lêste moarn, dyn lêste dei op syn heechst.’

‘Kiki!’ ropt Rútsjeshimd driigjend.

‘Mar dit sis ik dy, Nier Hinnebruier, ik woe dat ik dy ûnder oare omstannichheden moete hie. My tinkt, wy hiene ridlik mei-inoar op sjitte kinnen. Kiki Rascall eks-prikelpoppe fan Jimmy Angler en Nier Hinnebruier eks-frijeint fan Dyntaxe Planteit. Is it net om je te fergriemen?’

Rútsjeshimd jout har in snútslach.

Triennen springe Kiki yn 'e eagen. Se stampt mei de foet op 'e flier.

'Ik bin it sêd as spein spek!' krieziet se. 'Ik ha balen fan jim!'

De doar giet iepen, Sipma en Mûs komme der yn.

'Wat gebeurt hjir?'

'Kiki is hystearysk,' seit Rútsjeshimd.

Sipma sjocht har lyk yn 'e eagen.

'Hast it wer op dyn heupen?'

'Ferjit it,' andert Kiki, 'ik moast even wat kwyt.'

'Krekt in pafferige jeneverholle dy't him foar it earst sels skeard hat,' nokkert Mûs wylst er op Nier wiist.

'Mmm,' grommet Sipma, 'it kin der op troch. Kom, opsjitte.'

Mûs en Rútsjeshimd meitsje Nier los en nimme him tusken har yn.

Syn fuotten meitsje rinnende bewegings, mar se reitsje de grûn net.

Foar de achterdoar stiet in persoanewein. Se skowe en lûke him op

'e achterbank en gean beide oan in kant fan him sitten.

Kiki set har foaryn neist Sipma del. Nier sacket wei yn 'e kessens en in flaute.

Hy komt by troch in tút op syn tebarsten lippen. Se stean foar *Hotel Atlantis*. It earste moarnsljocht spegelt yn 'e boppeste ruten.

Op it parkearplein is it noch tsjuster. Rútsjeshimd hâldt de doar iepen. Mûs en Kiki bliuwe sitten.

'Rinne,' seit Sipma.

Nier krûpt út 'e auto en besiket it. By elke stap fielt er syn ûnderskonken troch syn knibbels sjitten, mar hy komt foarút. Sipma kloppet him op it skouder.

'Brave jonge.'

In geweldige flagge dekt de beheinde lading fan 'e resepsjoniste.

Boppedat sit it fanke oer in krúswurdpuzzel gear. Dat sadwaande.

Sûnder swierrichheden komme se by nûmer 259. Sipma bellet oan.

Suver op itselde stuit giet de doar iepen. De ferwachtingsfolle glâns op Nice syn gesicht ferkrampst ta in bekaaide útdrukking. ‘O, binne jim it,’ seit syn tramtearre stim.

Se stappe de keamer yn, Sipma lûkt de doar achter him ticht.

‘Kinne jo dizze man?’ freget er, wylst er Nier syn holle by it hier rjochtop hâldt.

‘Noait sjoen,’ seit de Amerikaan sûnder benijing. ‘Gjin babbele-gûchjes, Nice. Dit is ús slach. Wêr is it?’

‘k Wit net.’

‘Kom, kom.’

‘Ik ha it wier net.’

Sipma suchtet. ‘Alles trochsykje,’ kommandearret er.

Rútsjeshimd stapt foar it front en roppet Nice de klean fan it liif.

As dy yn it poerneakene stiet, hat er it noch net fûn. Dan smyt er alles oer de kop. Skaakstikken kletterje oer de flier, matchbulletins dwarrelje yn ’e badkûp, in hiele garderobe giet nei de barrebysjes.

In kertier letter hat er it noch net fûn.

‘Neat,’ merkt Rútsjeshimd oerboadich op.

‘Dat sei ik al,’ prevelt Nice.

Nier slacht hast tsjin de flakte fan it stean.

De telefoan rattelt.

‘Opkrije,’ kommandearret Sipma. ‘En gjin smûsjes.’

Nice nimt de hoarn fan ’e heak. Hy begjint oer syn hiele lea te triljen, mar net omdat er neat oan hat. Syn gesicht lûkt jiskekleurich wei. As er oplein hat, bliuwt er rûngear mei de holle tusken de bonkige knibbels sitten.

‘Wat is der oan?’ freget Sipma.

‘Platfoet is dea.’

‘Is dat sa slim?’

‘Dy hat it.’

‘Wa seit dat?’

‘Keulen.’

‘Moai, no sitte wy op deselde golflinge. Op nei Keulen!’

‘Wie dat alles mar. Dynte Planteit is ûntkaam.’

Sipma stekt de hiele fûst yn syn eigen mûle, Rútsjeshimd haf felt op in strik fan Nice om en de Amerikaan lit in skeet. Nier giet der by sitten.

‘Wy wurde wol besocht,’ Sipma kriget it earst syn praatfermogen werom.

‘It wurdt in ôfgong,’ stint Nice.

Sipma fermannet him. ‘Skyt, ôfgong. Net mear blunderje, dat is alles. Ik ha ek noch in ferrassing foar jo meibrocht.’

‘Ferrassings kin ik net mear ferneare,’ kreunt Nice.

‘Kiki Rascall, ús troefkaartsje.’

Nice gappet nei de siken. ‘Ek dat noch.’

Moeilik strûpt er syn klean oan. Rútsjeshimd leit de bringst wat te plak en Sipma skriuwt yn in boekje. Dan gean se fjouwere som nei ûnderen ta. Se strûze de auto yn en begjinne allegearre tagelyk trochinoar te razen. Kiki is fuort.

‘Se hat my ferlokke,’ pipet de Mûs boppe alles út.

‘Dat smoarge fanke,’ giert Sipma, wylst er him by de krage krijt.

‘Wêrom hast us net warskôge?’

‘Ik woe jim net steure.’

It roppen en razen giet troch.

‘Kalm!’ skreaut Sipma oerstjoer. ‘Wy moatte rêstich opereare!’

Hy hat Mûs by de strot en triuwt him hast troch it rût. Út en troch knypt er even minder fûl om lucht foar antwurd te jaan.

‘Do komst mei Kiki werom. Begrepen?’

‘Ja baas.’

‘Noch wat te freegjen?’

‘Nee baas.’

‘Do makkest dit hear kâld.’

‘Ja baas.’

‘Noch wat te freegjen?’

‘Nee baas.’

‘As ’t mislearret, is ’t dyn dea.’

‘Nee... ja baas.’

Sipma lit los. Mûs en Nier stappe út.

De auto stoot fuort.

Se rinne troch de stilste strjitsjes. Gjin minske op ’e dyk. Protters kwetterje yn ’e dakgoaten. Dit is har tiid. Aanst sil it stedslawaai har oerstimme. It ljocht sakket starichoan tusken de huzen. ‘Ik wit in moai plakje,’ nokkert Mûs. ‘In plakje dêr’t nimmen ûs heart, sjocht en fynt. De iene syn dea is de oare syn brea.’

Sil ik der fuortendaliks mar by lizzen gean? tinkt Nier. Miskien docht er it midden op ’e dyk net. Mar as er oer it skouder sjocht, wit er dat neat syn eksekuteur keare kin. Twa moardsuchtige eachjes beloere him.

Se komme by de Noarderbrêge. In plysjeman swaait om de hoeke, stapt fan syn motor en begjint de eintsjes te fuorjen. ‘Hisp, hisp, hisp,’ ropt er.

‘Trochrinne,’ lûstert Mûs.

Se binne de plysjeman al hast foarby, as dy him omdraait. Der giet in skok troch him hinne. Hy sjocht Nier op en del oan. Dan skonket er op syn krûme kûtlearen bargefangers rêd tichterby. ‘Ken ik jo net?’

‘Ja,’ andert Nier bliid, ‘fan ’e befalling.’

‘En fan ’e begraffenis,’ knikt de plysje.

‘Krekt,’ glimket Nier.

De plysje spytgnysket. ‘Is it diskear mislearre?’

‘Hoe bedoele jo? De befalling of de begraffenis?’
 ‘Om in oar yn ’e knûkels te riden. Jo sjogge der út as de klokkelieder
 fan de Notre Dame.’
 ‘Krapte oan klanten.’
 Nier wiist mei syn tomme nei Mûs. ‘Hy is myn takommene
 slacht-offer.’
 ‘Litte jo dat samar gewurde?’
 Mûs seit neat.
 ‘Wêr sille jim hinne?’
 ‘Freegje him mar,’ wiist Nier.
 Mûs byt op ’e lippen.
 ‘Nei it Diakonessehûs, koartby. Jo moatte us even eskorteare,’ seit
 Nier.
 ‘Foar in harsenstransplantaasje seker?’ swietmûlket de plysje.
 ‘Nee, foar in fuotbalknibbel.’
 ‘Nei it buro!’
 ‘Graach.’
 ‘Tink der om, alles wat jo sizze kin tsjin jo brûkt wurde. Oertrêding
 fan ’e maksimum faasje, mislieding en mislediging fan it wetlik
 gesach. Dat is noch al wat.’
 ‘Fyn ik ek. Nim my mar gau mei.’
 ‘As jo dan sa goed wêze wolle en stek de poatsjes út?’
 De plysje lûkt in pear hânboeiens foar it ljocht.
 Mûs springt tusken him en Nier.
 ‘Hy is myn man!’ pipet er.
 ‘O ja?’ gniisgappet de plysje.
 ‘Jo meie him net meinimme!’
 ‘Wolle jo jo der bûten hâlde?’
 ‘Hy hat neat dien!’

‘Wol wier,’ seit Nier, ‘ik ha in hiel soad dien.’

‘Wy hearre byinoar,’ pipet Mûs hertstochtlik.


De plysje betomket syn fjouwerkante kin.

‘Wer sa’n nijmoadrige ferhâlding. Goed, dan gean jim tegearre mei. Stek de poatsjes ek mar út.’

As Mûs syn poatsjes útstekt, sit der in revolver yn. Hy giet op ’e teannen stean en set de loop op ’e sliep fan ’e plysje. Syn finger lûkt de hoanne. Nier springt mei beide fuotten ta. Hy rekket Mûs fol yn ’e rêch. Dy knikt nei foaren. De revolver skampet by de sliep lâns as it skot ôfgiet. Wanwichtich stean de twa mannen mei swaaiende earms op ’e úterste râne fan ’e kade. Ien setsje fan Nier syn wiis-finger is genôch. Plysje en Mûs trûzelje kop-ûnder tusken de einen.

Nier set de sokken der yn. It docht sear, mar it is in noflikke pine, lyk as fan in wûne dy’t helet. Dêr kin gjin supersoanysk fleantúch, gjin fûleindige auto, gjin pittige brommer tsjin út. Dit moatte je sels ûndergean. De frijheid op je eigen fuotten temjitte te rinnen.

As er yn ’e Baginestrjitte is, heart er in fluitsje achter him snerpjen. Hy hat de ein yn ’e bek. Op syn lêste reserves wankelt er de Sint-Antonystrjitte yn. Achter in bûkebeam sjocht er in sket. Hy wrak-selt der oer hinne, krûpt achter in pear stikkene laaiplaten en falt mei de rêch tsjin de Westertsjerke yn ’e sliep.



Hûndert-en-ien persoanen binne útnûge foar de offisjele feestlike gearsit fan de skaakmasters mei de gemeente. De stuollen stean yn 'e foarm fan in trapezium. It hat der oars danich yn hinge en fyn de definitive opstelling. De Amerikanen woene de stuollen yn in rútfarm delsette, de Russen yn in trijehoek, de Nederlanners yn in parallelogram en de Friezen yn in fjouwer kant. Nei in wike lang konferearen is by eintsje beslút in kompro misfoarstel oannaam. De stuollen yn 'e foarm fan in trapezium. De gearsit dêr't men safolle fan ferwachtet, kin gelokkich trochgean. De proseduerewestje is oer.

As Jimmy Angler mei in houten skonk ûnder de earm der yn komt, ferstommet it rûzemoezjen. In stedhûsboade sjit op him ta.

‘Wol ik jo bagaazje even oernimme?’

Jimmy skoddet fan nee. Hy lit him troch in oare boade syn plak wize. Hy komt op 'e basis fan it trapezium te sitten, neist Tobnivkin. De Rus stoarret tryst foar him út. As wrâldkampioen sil it syn lêste feestlike gearsit wol wêze. Hy skrillet út syn brieden op as Jimmy him delset. Se fûstkje mei-inoar. De Rus kriget in skaak-

boekje út 'e binnenbûse en lit Jimmy de stelling nei de santjinde set fan swart yn har lêste partij sjen.

'Dat hie ik spylje moatten,' seit Tobnivkin heas en ferskoot in pion fan h2 nei h3.

Jimmy besjocht de ferbettering flechtich. Hy knikt.

In hear bûcht en freget: 'Is Nice der net?'

'Griperich,' antwurdet Jimmy.

Hy leit de skonk op in taffeltsje foar him. De oanwêzigen sjogge wol wat frjemd. Se witte lykwols, de jonge Amerikaan feroaret him nerges om en telt protokol gjin byt. De minsken dy't noch net sitte, sykje har plak op. In pear stuollen bliuwe leech en in tri tichtal persoanen moat stean. Sa is it altiten. Lege sitten fan lju dy't wat wichtigers te dwaan ha meie net brûkt wurde troch guon dy't mei lijen der yn kaam binne.

De wethâlder fan Kultuer, Rekreaasje en Sport iepent de gearsit.

Op syn boarst bongelje mear fersiersels as oan in krystbeam. 'Achte oanwêzigen!

Ik hyt jim hjir allegearre tige wolkom. Yn it foarste plak de beide

kombattanten sels, de hearen Tobnivkin en Angler. Ek yn it

besûnder de bûtengewoan folmachtige fan it RUSSYSK BURO

FOAR KOÖPERAASJE, KOÖRDINAASJE EN KOÖP-

TAASJE, de hear Werkotatar, de ôffurdige fan 'e waar-nimmer

bûten tsjinst foar it FERHELP FAN FREONLIKE

BETREKKINGS MEI DE FERIENE STATEN, de hear Apple,

en de presidint fan it NEDERLÂNSK OERKOEPELJEND

ORGAAN TA BEFOARDERING FAN ORGANISEARJEN-

DE KOMMITEES YN DE BÛTEN GEWESTEN, de hear

De Heer.'

De doar giet iepen en in man komt der yn. Hy giet tusken de

omstanners stean. Nimmen slacht acht op him, mar Jimmy en hy werkenne inoar direkt. Se ha inoar earder moete. Op in keal stik dyk boppe Ljouwert, doe't de ien mei syn eigen suster frijde en de oar swierblessearre foar syn auto lei.

'Fierders de fertsjintwurdigers fan it FRYSK BÛN FOAR PLAN-
MJITTICH OPARBEIDZJEN, de hearen Rypma en Van Deute-
kom, de saaklêstige fan it ALGEMIEN FERBÂN FOAR
FRIJETIIDSBESTEGINGSÚTERINGS, ingenieur Tentij, de
skriuwer fan it KRISTLIK FERBÂN FOAR FRIJETIIDS-
BESTEGINGSÚTERINGS, doomny Wakker, en de foarsitter
fan it KATOLYK FERBAN FOAR FRIJETIIDSBESTE-
GINGSÚTERINGS, pater Delnoye O.S.B.'

Opnij komt in âlde kunde troch de doar. De earste-helpman dy't Jimmy syn MG meinaam hat. Syn lege foarholle ûnder it stikelige boarstelhier wurket in swier probleem út. Hy smyt skieppeëagen op 'e houten skonk. Mar nimmen hat him yn 'e gaten, de oanwêzigen harkje mei sân pear earen nei it wurd fan wolkom.

'Ek noch mejuffrou Ter Laan, assistinte by de ôfdieling SPUL-
TERAPEUTISE YNTEGRAASJE OP BASIS FAN SELS-
STANNIGE PERSOANLIKHEIDSÛNTJOUWING FAN
DE GRINZER UNIVERSITEIT, de hear Prins dy't de foarstap
naam hat by de stipersaksje en de hear Van Maarseveen dy't syn
kostbere tiid oan de útlânse korrespondinsje spendearre hat.'

Twa tagelyk komme der yn. Münster & Keulen. Dy jouwe wol wat opskuor, want der binne stuollen foar har reservearre. Keulen, mei in gesicht dat tusken de mangel sitten hat, gniist en bûcht alle kanten út. Hy hat in filthoed op, it wyt foar, in slipjas oan. Frou Münster is klaaid yn in trochskinend chamoiskleurich gewaad fan crêpe-de-chine-georgette mei bypassende gielgoufearren prúk, oranje netstola en krokodillelearen pumps. Se gean rjocht oer Jimmy

sitten en sjogge him mei izige eachopslach oan .

‘Net te ferjitten de dames Fruin fan de Rappportsintrale dy’t alle gegevens stelselmjittich analysearre, ferifiëarre, kombinearre en synkronisearre ha, de hear Bakker de Boer, haad fan de ÔFDIELING SPORT EN SPUL FAN DE LJOUWERTER MIENSKIP yn syn hoedanichheid fan adjunktadviseur foar de ûNDERÔFDIELING TINKSPORTEN, de direkteur fan de STIFTING IDEALE IDEËLE REGIONALE REKLAME EN FOARLJOCHTING, de hear Luitenbach, en de ynspekteur foar BÛTENTSJERKLIKE NET EROATISE AKTIVITEITEN YN FRYSLÂN, de hear Van der Hoek.’

In plysjeman komt de seal yn en bliuwt by de doar stean. Hy fersûpt yn syn unifoarm, mar nimmen hat dêr omtinker foar. Hy is ek gjin plysjeman. Hy is Mûs.

‘In wurd fan wolkom ta de kommisje Tolman, besteande út de hearen Bruin, Blommers en Durksz, ta de kontaktman foar it parsewêzen, master-dokter Frijling, en ta de hear Weissenburgch, lid fan it deistich bestjoer fan de F8, de FERIENING FAN FASILITEITEN FERSTREKKENDE FERDRAGEN FOAR FERGETTEN FERMIDDENS. Dan de ynternasjonale kamp-rjochter, de hear Ogmolkeb, en syn ferfanger, de hear Den Hertog, de Fryske ynternasjonale master, de hear Haye Remarque, earelid fan de Ljouwerter Skaakklup DE LA BOURDONNAIS en de direkteur fan it Nijssintrum Perspoart, de hear Witteveen.’

Noch hâldt de stream fan batske kunden oan. De nije ynkommer harket nei de namme Rûtsjeshimd. Hy skoot achter de omstanners lâns en giet links fan Jimmy stean. Dy kriget it njon kenlytsen benaud. De rôfdieren komme earder op it ies ta as er tocht hat. Foar alle wissichheid omklammet er de houten skonk. Soe de taksy al foar stean? 10 oere 41. Noch fierstente betiid. Wie Nier hjir mar.

‘Hertlik wolkam oan de hearen Bronsbergen en Dinkela, dy’t foar de tarieding fan ’e oersetting fan ’e kommuniquees war dien ha, de hear Fikkert, fertrouwenman fan de Provinsjale Kredybank, en mefrouw Feenstra-Beiker, korrespondinte fan de groep MIENSKIPLIK BÛTENSKOALSK ÛNDERRJOCHT YN LUDIKE GEDRACHS- EN LIBBENSPATROANEN, kring Ljouwert en Omkriten. Hjir krij ik noch in briefke tatreaun dêr’t op stiet dat ek oanwêzich binne de hear Schoutenmark, statistikus, de hear Buma, kursus lieder fan it YNSTITÚT FOAR YNTER-MINSKLIKE YNFRASTRUKTUER, en de bruorren Otto, taaktaskikkingsspesjalisten. Hertlik wolkom, hearen.’
It lêste bist komt op it lokies ta. No binne wy kompleet, tinkt Jimmy. 10 oere 42 .

‘Dêr sjoch ik wrachtich de hear Nice, non-playing captain fan grutmater Angler, der yn kommen! Wat in ferrassing! Wy hiene jo al ôfskreaun, hear Nice. It docht ús tige deugd dat jo it opbringe kinne en ferlit it sykbêd om griperich as jo binne dizze gearsit by te wenjen. Dêr stiet jo stoel. Last but not least moatte neamd wurde de hearen Rholf, Boro-Snoskowsky en Serek, respektifyflik coach, begelieder en sekondant fan ’e wrâldkampioen, en de hear Tinker, sekondant fan ’e útdager. Ik ferklearje de gearsit foar iepene! Ik ha sein!’

In kletterjend applaus foar dizze meinimmende wurden klinkt troch de riedseal. 10 oere 43.

Jimmy hâdt it net mear. Mei de skonk ûnder de earm fleant er op ’e needútgong ta. Fuortendaliks sette syn fijannen de achterfolging yn. Hy stoot in pear hoeken om en rint rjocht yn ’e earms fan twa mannen mei wite jassen oan. Se sette him klam yn ’e hâldgreep. ‘Dopingûndersyk. Hjoed is it lot op jo fallen. ’t Is mar in formali-teit. Kin it no even? Of skikt it net?’

Jimmy sjocht Rûtsjeshimd om de hoeke giseljen.

'Ik ha alle tiid,' andert er.

'Moai sa.'

De mannen lizze him op in brankaar, gaspje de riemmen fêst en drave op in ambulânse-auto ta. Se skowe him der yn, flappe de doar ticht. Dêr giet it hinne! Under muzyk fan 'e trijetoanige hoarn.

As er syn holle omheech docht, kin er krekt troch de rûtsjes sjen.

In motorplysje knalt de Grutte Heechstrjitte út en knettert achter him oan. It is gjin plysje. It is Mûs.

De ambulânse sûzet troch it reade stopljocht. Ut de Piperstrjitte springt in iepen MG tusken motor en sikewein. De man mei it boarstelhier oan it stjoer. De montere swierblessearre keardel neist him.

Op it Suderplein wit de sjauffeur fan Mûnster & Keulen syn Bentley yn 'e staasje te foegjen. Mefrou & menear sitte der harkerich by. Yn 'e Ferlinge Skrâns krije ek de Volvo fan Rûtsjeshimd en de Chrysler fan Nice oansluting.

Foar de rotonde strûst de ambulânse opnij troch it reade stopljocht. De sjauffeur fan Mûnster & Keulen is in hear. Hy trapet op 'e rem. Menear & mefrou sjitte hast diagonaal troch it koetswurk hinne, Mûs komt op in harmoanika te sitten en Nice syn lange strampels reitsje betiid yn 'e grill.

As it ljocht op grien floept en de ferknûkele staasje wer geande rekket, sakje de hekken fan it laboratoarium achter de ambulânse ticht.

De mannen drave mei Jimmy troch de ûntsmettingstunnel, plakke in etiket op syn foarholle en lizze him mei brankaar en al op 'e rinnende bân. Oan de ein sit in suster. Se lûkt oan in keatling, de brankaar skoot nei links en rôlet in kontrôlekeamer yn. Dêr stean trije dokters him op te wachtsjen. De riemen wurde los mak-

ke, dwyl komt Jimmy oerein. Hy is suver siik fan 'e nije yndrukken. Ien fan 'e dokters jout him de flesse. 'Doch mar even in miel.' Hy wifelt. As er seit: Ik kin net, sille se sizze: in lyts bytsje is genôch. As er seit: Ik kin net yn in flesse, sille se sizze: Wy ha wol in ûnderstek. Pisset er überhaupt, dan sille se útfine dat hy fan it froulik geslacht is. It is noch lêstiger as op de Olympise Spelen. 'Hjir?' freget er om tiid te winnen. 'As jo jo skamje, yn dat gonkje, tredde doar rjochts, is in sel. Druk mar op it beltsje as jo klear binne.' Jimmy docht de doar fan 'e kontrôlekeamer goed achter him ticht, stapt de sel yn en slút dy ek soarchsum ôf. Hoe no? De sel is folslein leech. Allinne in smel tûmelrút. Jimmy kin der krekt by. Hy set de houten skonk tsjin de muorre en lûkt him omheech. Hoe't er ek wjirmet, mear as syn holle kriget er net nei bûten ta. Achter it laboratoarium lizze de greiden yn hear en fear. In boerefeint is oan it sleatheakkeljen, stikelstekken en sompsnijen. 'Hela!' ropt Jimmy. De boerefeint smyt it wurk del en sjocht ferheard op. 'Hela, kom hjir!' De feint knopet syn overal ticht en springt mei de hannen yn 'e bûsen oer de smelle sleat. Hy giet ûnder Jimmy stean. 'Kinst pisje?' De kommunikaasje stiket noch. Jimmy seit syn frage wer. 'Ik ha krekt dien,' antwurdet de feint. 'Toe, eventsjes, foar my.' 'Oars altiten, mar ik ha krekt dien.' 'Toe, ik bin in frou...' Yn 'e trouwe hûne-eagen fan 'e feint ferskynt it wurd STEURING. Tsiën tellen letter is it mankemint ferholpen. 'Dat feroaret de saak,' seit er. Hy wol mei-iens begjinne.

‘Ho, ho!’ warskôget Jimmy. ‘Hjiry.’

De feint kriget de flesse oan, draait him om en docht syn miel.

‘Fan de waarme miger,’ seit er grutsk. ‘t Is noch in flinke bats ek.

‘Tige betanke.’

Jimmy jout him in tsientsje foar it lijen. De feint springt oer de sleat werom nei syn wurk.

Jimmy set mei de flesse nei de dokters ta. ‘Sa genôch?’

‘Dat duorre in skoft,’ seit ien fan har. ‘Hingjende it ûndersyk meie jo frij rûn rinne. De útslach heare jo achttjin oere tritich, pleatslike tiid. Folgje de kraplakreade pylkjes en jo komme by de útgong.’

‘De hearen wurde betanke,’ groetet Jimmy yn syn bêste Ingelsk. En hy swaait mei syn skonk.

Hy folget lykwols net de kraplakreade, mar de kobaltgriene pylkjes en komt by in sydútgong. As er bûtendoar stapt, leit de wrâld der fredich hinne. Gjin spoar fan doerakken en deasjitters. Oan de ein fan ‘e strjitte is in parkje. In telefoansel stiet yn it beskûl fan in pear konifearen. Jimmy der op ta. Amper hat er de hoarn fan ‘e heak om in taksy te beljen, dêr swaait de doar iepen.

Op ‘e drompel stiet in famke dat sels syn froulik wêzen yn tizen bringt. Mar it hat syn jurk oan en dat ferknalt alles.

‘Kinst my noch?’ freget it famke wylst se har eagen ta spjalten knypt. ‘Of leit Dynte Planteit noflik?’

‘Op ‘e rêch stean foar Nier Hinnebruier is noch nofliker,’ antwurdet Jimmy. ‘Din jurk bin ik net kapot fan. Silst mear hormoanen brûke moatte.’

‘Din heuvels stekke suver troch de klean hinne,’ seit Kiki, wylst se de terpen fan Jimmy syn froulikens betaast.

‘Ophâlde, ik fyn it sa noflik!’ warskôget dy.

‘Swyn!’ Kiki jout him in flik oer it wang.

‘Soertût!’ Jimmy jout har ek in flik oer it wang.

Kiki reaget Jimmy de mûtse ôf. Se set har klauwen yn syn ljochte hier en lûkt sa fûl as se kin. Hy slacht syn neils yn har fel en betreurt dat se sa koart ôfknipt binne. Sy skopt feninich tsjin syn skynbonke, hy hout har mei de telefoanhoarn om de earen. Sy hellet har alumium kaam ûnder syn noas troch, hy byt yn har groede dy't wat langer wat witer wurdt. Sy grypt him by de kiel dat er read ljocht sjocht fanwegen it bloed yn syn eachballen.

Hy pakt har fingers en lûkt se ien foar ien út it lid.

In grimmitich gefjocht op 'e fjouwerkante meter dêr't gjin kik by jûn wurdt. Net ien wol om lyk, alles giet nei de knoppen en by eintsjebeslút sige in bêdslige siperse sekspoes en in ûntmanne ferdivedaasjefamke yn it neaken oer de flier. Mei de holle op 'e knibbels sitte se neistinoar út te hymjen.

Dynte komt it earst op azem. 'Ferhip do,' glimket se.

'Ferhip do sels,' seit Kiki en slacht in earm om har skouder.

'Wy ha allebeide ús sin hân. No tegearre ús jonges opsykje' stelt


Dynte út.

'Ik wit net wêr't Jimmy is.'

'Ik tink dat ik it wit.'

De doar swaait iepen en Rútsjeshimd leit twa revolvers mei lûddimper op de famkes oan. Mûs dûkt foar him lâns en nimt de houten skonk yn beslach.

'Trije miggen yn ien klap,' pipet er tefreden.



Nier wurdt wekker troch it kriteren fan in sirkelsage. Hy krûpt achter de laaiplaten wei en klimt sûnder dat in mins him sjocht oer it sket. Hy hellet wat út in automaat, dêr't it waarme buffet kâld en it kâlde buffet lij fan is. Dan stapt er op 'e bus nei Drachten, mar hy giet net by Dokkum om.

De mannen fan 'e garaazje ha in treflik stik wurk dien. De Thunderbird Landau stiet te blierkjen as in sirkushynder en te trippeljen fan ûngeduld. Nier betellet mei in betelsjek, dat is kon tant betelje sûnder in sint yn 'e bûse te hawwen. Hy jeit syn dykfêste folbloed oer de âlde bewende binnenwegen, wol de reed nei Dylte har hûs yn swaai, as er wat ûngewoans sjocht. Foar it bordes stean fjouwer persoanewinen en ien plysjemotor.

Nier rydt syn auto tusken de beammen en slûpt fan 'e sydkant op it hûs ta. Hy klimt by in reinwetterspipe op, siket de balkondoarskaai út it nustje dat er yn 'e fuorring fan syn jas fynt en teantet der yn.

Ut de L-foarmige sitkeamer komme minsklike lûden. Hy skoot by de muorren lâns, triuwt o sa hoeden in gerdyn fansiden en komt op 'e tsjustere oerrin boppe de iepen draaitreppen. Direkt dûkt er wei achter de balustrade.

Lyk ûnder him stiet Dynte, har lange ljochte hier fêstbûn oan ien fan 'e Dorise pylders. Kiki sit midden yn 'e keamer, in stiif snoer ferbynt har mei twa deaden. Platfoet en de man yn skipperstrui. Syn krûme pypke stekt noch út 'e oerbliuwsels fan syn holle. Mefrou Münster hat harsels breed op 'e bank útlein en nipt oan in glês drûge sherry. Menear stiet neist har en tutet op har hân om. Rútsjeshimd blaast yn 'e lopen fan syn beide revolvers. Mûs teart in krante op en troppet dy yn 'e râne fan syn plysjeper. Nice stekt in farske sigaar oan en Sipma byt mimerjend op in stick, wylst syn iene each sliept en it oare nei it plafond stoarret. Boarstelhier en Montere Blessearre ha in regimint bierglêzen foar har stean en nimme tusken de bedriuwen troch in hantsjefol boarrelwoarstjes. De hiele Feriene Naasjes, útsein it kommunistise blok. 'Dus do hiest yn 'e smizen dat dy oerfal net loyaal wie?' freget Nice. Hy skoddet de lúsjefer út en blaast Dynte in reekplom yn it gesicht. 'Fansels,' andert se. 'Jim moasten just my ha omdat ik krekt op him lykje. Jimmy ûntfiere en my in harsensspieling jaan. Dan my as skaakmaster de wrâld yn skoppe en him yn syn eigen suster feroarje. En ik de iene nei de oare partij ferlieze. Nettsjinsteande de handikap fan Tobnivkin waans kompjûter mei skaakynformaasje yn Fochtelo stiet. Hy is de lêste wike alhiel fan slach. Omdat jim syn kompjûter stellen ha.' 'Wêrom soe ik as Amerikaan graach wolle dat myn lânsman it ferliest?' ropt Nice út. 'It is ommers altiten itselde sankje,' seit Dynte. 'Jild, jild, jild. Earst Tobnivkin op in hopeleaze achterstân sette en dan in kontrakt slute dat Angler toch noch ferlieze sil.' 'Net min, fanke, net min,' prevelt Sipma bewûnderjend. 'Spitich datsto net ien fan ús bist. Mar dit dan?' En hy strykt mei de houten

skonk tusken har billen.

‘Platfoet hat jim lekker te fiter hân. Dizze skonk moffele er wei en in oarenien liet er mei opset yn myn sliepkeamer lizze. Om jim op in ferkeard spoar te setten. Jim binne der yn trape. Mar Platfoet wie dêr net wis fan. Hy tocht dat ien fan jim syn houten earm mei heak hie. Dêrom krigen jim him sa fier sels de skonk by my te heljen. Nier sloech him del. Doe’t it te lang duorre, kaam Keulen. Kiki sloech him del. Platfoet kaam it earst by en gyng nei syn maat yn Fochtelo, hoeder fan ’e kompjûter. Dy wist ek wat. Hy fermoarde syn freon mei de houten earm dy’t er sels stellen hie. Om de sinten allinne op te striken. It spyt my neat dat jim dy dikke dead ling in kop lytser makke ha.’

‘Ik ha it eigenhannich dien,’ seit Sipma fernoege.

‘Mar it spyt my wol dat de grutste rotsekken hjir noch libbensliif om my hinne sitte,’ giet Dyntax fierder. ‘Sa giet it oeral, de lytsman moat it ûntjilde.’

‘Moralistysk tocht,’ merkt Sipma mispriizjend op. ‘Welke rol spilet Kiki yn dit stik?’

‘Kiki dûkte yn jo boetyk ûnder. Se woe yn Fryslân bliuwe, net werom nei Amearika. Mar jo ha har ferret. Doe moast se wol op jim piipjen dûnsje. Ik foar skaakmaster spylje en sy ûnderwilens mei Nier ompopkje. Se hat besocht him oan ’e heak te slaan en tagelyk oan jim te ûntkommen. Dat wie tefolle fan it goede. En no sis ik gjin wurd mear.’

‘O nee,’ wettertosket Mûs, ‘o nee?’ Hy komt starich op har ta, mei syn gummykneppel tikket er yn ’e palm fan syn hân.

‘Ophâlde,’ warskôget Sipma. ‘Tink oan Hinnebruijer dysto kwyt rekke bist en oan de plysje dysto fersûpt hast.’

‘Dat lêste is net sa slim. Dy plysje hie hjoed in útdei, dat meitsje ik wol yn oarder,’ seit Keulen.

Kiki sit wyt as in deade oan de beide liken fêstbûn. Mei grutte eangsteagen en iepen mûle dy't gjin lûd jout. Allinne it triljen fan har fuotten ferriedt dat se noch libbet.

'Helje in sage,' kommandearret Sipma.

Montere Blessearre giet de keamer út. Efkes letter komt er mei in sage werom. Sipma leit de houten skonk op in stoel, sa, dat der in fiks ein útstekt. Sipma hâldt der in mjitlint bylâns, Rútsjeshimd set de knibbel der op en Boarstelhier giet yn 'e hoksen sitten.

'Hjir?' freget Rútsjeshimd.

'Nee, hjir,' wiist Sipma.

De hiele ploech komt der omhinne stean. Rútsjeshimd set de sage op it hout. It swit brekt him út. Dan begjint er te saagjen.

Nier docht in taast yn syn bûse. Dêr fielt er de lila aster dy't Dynte wegere. De blom is alhiel fersutere. Mar se hat in bewiiske fan syn sympaty fanneden, just op dit stuit. Foarsichtich komt er oerein en lit de aster falle. De blom falt har foar de fuotten. Dynte is sa besteld mei it sjen nei it skonksaagjen, dat se it net bemerkt. Nier suchtet en dúkt wer achter de balustrade. Krekt op tiid, Mús draait him om.

Hy komt starich op Dynte ta, de hannen op 'e rêch, en sjocht har lyk yn 'e eagen. As er fuort by har is, bliuwt er ynienen stean. Hy sjocht de blom. Hy kriget dy op, draait de stâl yn syn fingers, eaget fernuvere om him hinne. Dan glimket er en leit de aster soarchsum op Dynte har linkerboarst. Hy draait en sjaggelt nei de oaren werom.

De skonk is hast midstroch. Boarstelhier hâldt de ein fêst en Rútsjeshimd saget súntsjes om neat te fersplinterjen. De hollen bûge har wat langer wat dijpper oer it kerwei. As dat dien is, sjitte dy hollen tagelyk omheech.

Sipma roppet de twa stikken nei him ta en besjocht de saachflak-

ken.

‘Neat,’ stint er.

De stilte is pynlik en djip.

‘Hat er op it goeie plak sage?’ doar Keulen op it lêst te freegjen.

‘Wis en wrachtich, ik bin der toch sels by!’ ropt Sipma lilk.

‘In minske kin him fersinne,’ merkt Nice foarsichtich op.

Mefrou Münster reaget alle omstanners oan ’e kant. Se skuort Rúts-jeshimd de sage út ’e hannen.

‘Soks moat mei sin dien wurde! Frouljuswurk. Hy hat him fersage.

Lit dit mar oan my oer. Wêr moat it wêze?’

Se sjocht Sipma fergjend oan. It soe my raar ûntkomme as dit net it plak is. 54,2 sentimeter fan ûnderen ôf. Mar jo kinne it fansels op in oar plak probearje,’ seit de man.

Mefrou Münster begjint te saagjen. Se docht it mei omtinken.

Boarstelhier heint it ôfsage stik op. Dan is Keulen oan bar, dan Nice, dêrnei Montere Blessearre en as se allegearre in kear sage ha, mei Sipma it sels as lêste man dwaan. Njoggen stikjes skonk lizze oer de flier. Se fine neat.

‘In ôffaller,’ seit Keulen. ‘De iennige dy’t wit wêr’t it is, kin ús neat mear fertelle. Dy sit dêr.’

En hy wiist op ’e fleisklompe neist Kiki en Platfoet.

‘In ramp,’ mient Nice.

‘Skyt ramp!’ raast Sipma. ‘Ik sil de taken delegeare. Wa’t him dêr net oan hâldt, brek ik de bonken!’

‘Welke taken?’ freget Keulen fatsoenlik.

Boppe sjocht Nier Stjonker om de hoeke fan it gerdyn ferskinen.

De hûn bliuwt stean, syn mankelike eagen fleurje hielendal op. Hy jankt fan blydskip. Nier kin wol jankje fan grimmitigens. Hy docht de finger op ’e lippen. Mar de hûn hâldt syn bek net. Hy springt op syn baas ta en slikket him om de earen. Nier knypt syn bek

ticht. De hûn janket troch.

‘Wat is dat?’ freget Sipma.

‘O, in hûn, dy rûn hjir niis ek al om,’ seit Rútsjeshimd.

‘Hy steurt my. Meitsje him kâld!’

‘Sa’t jo wolle.’

Rútsjeshimd lûkt in revolver út it foedraal en rint de trep op. Nier sjit mei Stjonker ûnder de earm op ’e earste de bêste doar ta. Hy komt yn ’e studearkeamer. Hy triuwt Stjonker yn it kastje fan it skriuwburo. De hûn sjocht him net begripend oan en janket troch. Nier giet achter de doar stean.

Rútsjeshimd stapt der yn. Hy hat al gau yn ’e gaten wêr’t it jankjen wei komt. Hy lûkt it kastdoarke iepen.

Op dat momint springt Nier ta. Rútsjeshimd sjit mei de kop nei foaren yn it middenpart fan it buro dat oars foar de fuotten bestimd is. Syn skouders komme klam tusken de sydstikken. Hy kin gjin kant út. Mar hy kin Nier noch wol in ôfgryslske skop jaan. Dy batst rêchlings tsjin de boekekast en bliuwt sleau sitten.

In fjirtichdelige ensyklopedy mei taheakke, tolve ynbûne jiergongen Sljucht en Rjucht, de sammele wurken fan Emile Zola, alve Simenon-omnibussen, acht Vondels yn prachtbân, de komplete sery Masterwurken fan de Literatuer, njoggen fotoboeken, trije wrâldatlassen, ien fan Wymbritseradiel, fyftjin neislachwurken, trettjin wurdboeken, in skipssjoernaal út 1737, seis histoarise romans, sechstjin bibliofile útjeften mei opdracht en hântekening, fiif-en-tweintich Fryske kikkerts, seis-en-fjirtich Nederlânse peperbeks en trij-en-tachtich Ingelse pocketbooks miterje neist en foar him del.

Se misse him allegearre. Nier docht de eagen wer iepen.

Ien ûnoazel boekje mist him net. In boekje dat er noait lêzen hat.

KEAMERPLANTEN EN HAR FERSOARGING. Krekt as er

tinkt ik ha alles hân, komt dat hiel iensum fan 'e boppeste planke fallen. Rjochtstannich op syn seare plasse. Dêr bliuwt it sels noch in setsje stean, tommelt dan ek oer de flier. Nier beswimet hast. As er oerein klaut, is it al te let. Mûs, Boarstelhier en Montere Blessearre ûntfermje har oer him. Se bringe him nei de sitkeamer ta. Jankend stoot Stjonker tusken har fuotten troch en ferdwynt om in hoeke.

'Sjoch ris oan, wa ha wy hjir,' ropt Sipma optein út. 'Dat makket de saak in soad ienfâldiger. Byn him ek oan de skandepaal!'

Se bine Nier oan in Dorise pylder neist Dynte harres.

'Noch wat te sizzen?' freget Sipma.

'Ik meitsje gjin wurden oan jim smoarch,' antwurdet Nier.

'Mûs, do hast wat goed te meitsjen. Dit is dyn kâns. Blunderje net wer. Sjit him dea!'

'Ja baas.'

Mûs set Nier in revolver tusken de eagen, docht alve stappen tebek en leit it wapen op itselde doel oan.

'Penalty,' seit Nier.

'Sjit op!' trunet Sipma oan.

Op dat momint fljocht de doar iepen. In plysje man hellet Mûs ûnderút, de kûgel fluitet yn it plafond. Fiif-en-tweintich plysjes stowe fan alle kanten de keamer yn en oermasterje yn in hânomdraai de hiele binde. In machtsoernimmen sûnder bloedferjitten. Alles is oer foardat in kik jûn wurde kin. Eliot sei al, de wrâld hâldt op, net mei in klap, mar mei in sucht. Nice klappertosket, Sipma sit der by as docht er in wintersliep en mefrou Mûnster kriget in kleur troch har transparante gewaad hinne.

In besnorde plysje man komt mei de hannen yn 'e side op Dynte en Nier ta. Hy skoot syn pet wat omheech en seit: 'Gemeenteplysjer Drachten. Ynspekteur Berty Bosk. Sis mar Berty.'

Jim namme?’

‘Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer,’ andert Nier.

‘Jo opjefte fan de tiid justermoarn yn De Pein strykte net. Wy ha in tip krigen. Kertier oer alven wiene jim dêr. Jim binne yn ’e begrafeniswein fuortriden. Fan ’e moarn is er út de Strobosser Trekfeart helle. Yn Ljouwert is in plysje fersûpt en syn motor stel len. Men leit ferbinings en lûkt konklúzjes. Ik tocht, ik sil mar mei grut materiaal nei Ald-Appelskea gean.’

‘Dêr ha jo hiel ferstannich oan dien,’ priizget Nier.

‘Mar by dat útfaachsel hearre wy net!’ merkt Dynte fûl op. Har eagen sjitte fjoer wylst se by de bindeleden lâns sjocht.

‘Dat leau ik graach,’ seit Berty kalm. ‘Fansels, wy moatte it earst útsykje. Heu, heu, gjin dolle boel der fan meitsje!’

Hy warskôget in pear plysjes dy’t Kiki los meitsje en dêrby wat al te lang mei har omfodzje.

‘Sa, ôffiere it swikje!’ kommandearret er.

De mannen dy’t it hûs trochsocht ha, komme mei Rûtsjeshimd de trep ôf. Hy en de oare bindeleden wurde fuortbrocht.

Dynte freget mei har leafste fanyljestim: ‘Inspekteur, ien ding is my noch net dudlik. Ik ha myn fermoeden. Mei ik besykje oft dat befêstige wurdt?’

‘Lit it tinken mar rêstich oan de plysje oer, juffrou Planteit.’

‘Tinken is hantearen fan oardeningsmiddels dêr’t in ûnoersichtlike mannichte fan oanskoulike gegevens troch beheind wurdt ta in oersichtlik protsje,’ dreunt Dynte op.

‘Hen?’ seit Berty ferbjistere.

‘Definysje fan tinken. haw ik út in psychologyboek. Mei ik no myn idee útprebeare?’

‘Mmm, ’t moat mar.’

‘Ynspekteur, wy binne ree,’ seit in plysjeman by de doar.

‘Ride jim foarút. Ik kom aanst. O ja, nim har en dat slachtwurk ek mei.’

Daliks sjitte seis plysjes op Kiki ta.

‘Ik sei dat slachtwurk ek!’ boldert Berty.

Fjouwer fan ’e seis tûge tsjin heuch en meuch de liken de keamer út.

‘Kiki moat hjir bliuwe!’ ropt Dynte. ‘Sy heart der by.’

‘Jo freegje noch al wat,’ suchtet Berty.

‘It wurdt noch slimmer,’ glimket Dynte. ‘Ien fan jim moat nei it postkantoar en helje in pakje út postbus nûmmer 1.’

‘Ja, hear ris even oan...’ protestearret Berty.

‘Hjir is it kaaike.’

Tsien minuten letter komt in plysjeman mei it pakje werom.

‘Is dit it?’

‘Seker. No in sage. Dêr leit ien.’

Berty skodhollet.

‘In gekkehûs. Niis is hjir ek al sage sa te sjen.’

Dynte makket it pakje los en bringt de houten skonk foar it ljocht.

Se leit it mjitlint der bylâns.

‘Hjir saagje. 54,2 sintimeter fan ûnderen ôf.’

‘Wy binne gjin stel idioaten,’ prottelt Berty.

‘Lit my it dan dwaan,’ seit Nier.

As er de skonk trochsage hat, sjogge se in filmroltsje sitten. Dynte wipt it der út.

‘De projektor, fluch!’

Nier mei in plysjeman nei boppen. Dy hat de keamer al fertsjustere, as er mei de projektor oansetten komt.

‘Wat is it: 16 millimeter, 8, super 8 of single 8?’ freget in oare plysjeman benijd.

‘Jout neat, dit is in unifersaal-projektor.’

‘Fijn film, kinne wy laitsje,’ seit in tredde plysjeman en hy jout him noflik yn in stoel del.

‘Ja, komme dy kepers,’ falt syn maat him by.

‘It is mar in stomme film,’ seit nûmer fiif.

Mar der falt neat te laitsjen. De film lit in longshot fan in tún sjen.

‘Us eigen tún!’ ropt Nier ferbaasd út.

‘Myn tún noch altyd,’ seit Dynte.

Dan folget in mediumshot fan beamkeguod, dan in close-up fan ûnkrûd. It byld wurd wyt, dat is alles. In minyfilm.

‘Kom mei, ik wyt wêr’t it is! Earst skeppen helje.’

Dynte nimt de foarstap. Berty keart har.

‘Dat giet sa mar net!’

‘Noch in pear minuten, ynspekteur, toe...’

Nier krijt trije skeppen út it hok en mei har seizen rinne se achter-inoar de doar út. Trijehûndert meter fierder, yn it wyldste part fan ’e tún, bliuwe se stean. Dynte reaget it ûnkrûd fansiden. Se wiist op in plestik pypke dat krekt boppe de grûn út stekt. ‘Hjir is’t. Grave!’

De skeppen fan Nier en de plysjes stjitte al gau op wat hurds. As se de modder fuortsmitten ha, sjogge se in deakiste. Nier lûkt it lid der ôf. Kiki byt op har neils en begjint te skokskouderjen.

Yn ’e kiste leit Jimmy Angler. Hy hat in donkere sinnebril op. Syn hannen lizze gear op syn bûk. Syn badstoffen trui is bebarge mei breakrommen en colaflekken.

Ynienen bringt er syn hân nei syn gesicht. Hy skoot syn bril wat op en knippert ferheftich mei de eagen.

‘Sorry,’ seit er, ‘ik slepte.’

‘Jimmy, libbest noch!’ skreaut Kiki. Se fljocht op him ta, falt sels yn ’e kiste.

Jimmy slacht syn earms om har hinne. ‘Kiki! Fijn dy werom te sjen.

Hoe is 't, goed?’

‘Dat mei ik wol oan dy freegje,’ laket Kiki troch har triennen hinne.

‘Kalm, kalm, jim lizze net op bêd!’ warskôget Berty.

Jimmy klimt út 'e kiste. Hy slacht de modder fan syn klean. ‘Ik ha net iens in shock,’ merkt er tefreden op.

‘En no as de bliksem mei!’ kommandearret Berty.

‘Earst in flaubyt,’ flaaiket Dynte.

‘As jim dan ek mar jim klean oanstrûpe.’

It jûnet al as de plysjeauto fuortride sil.

In skim komt oer it gers oandraven. Mei in beestachtige sprong sjit er troch it iepen rût. Hy bedarret yn Dynte har skoat. De hûn janket fan blydskip.

De auto stoot de oprydleane ôf.

‘Ik sil wol in livich rapport opstelle moatte,’ suchtet Berty.


Dynte jout Nier in apel. ‘Dizze is net lekker, yt do dy mar op.’ Sels set se har sterke tosken yn in oarenien.

Kiki en Jimmy sitte op 'e achterbank har earste rúzje út te fjochtsjen.

Stjonker leit syn snút oer Dynte har skouder. ‘Wêrom ha jim my sa faak allinne litten? Wat ha jim útheve?’ freget er ferwitend.

‘Neat,’ seit Nier.

‘Net folle,’ ferbettert Dynte. ‘Wy ha de tiid deade.’



'Komme dy kepers?' is a crime novel switching nimbly and playfully from adventure to satire and comedy. A beautiful young woman and her friend become involved in the malpractices between two international superpowers. This updated edition is still as full of surprises as the original one of almost fifty years ago.

